Fryslân sels oan it roer!

Utwurking fan de FNP-fisy
‘Takomst fan Fryslân’

Septimber 2018

YNHÂLDSOPJEFTE

Ynhâldsopjefte **1**
Gearfetting **3**
Samenvatting **5**
Summary **7**
1. Ynlieding **9**
1.1. Utwurking fisy en gefolgen foar Fryslân, wêrom 10
1.2. De ymplemintaasje fan de fisy 11
1.3. De gefolgen foar de FNP as partij 11
Tema's 12
2. It rjocht op selsbeskikking **13**
3. Steaten fan Fryslân: mear sizzenskip **16**
3.1. Soarch: 16
3.2. Belestings: 16
3.3. Gasbaten: 17
3.4. Sirkulêre ekonomy: 17
3.5. Fryske taal en kultuer: 18
3.6. Foech oer oare mêden 18
4. Ynternasjonale kontekst **20**
Budzjetten 23
5. Wêrom mear foech foar Fryslân? **24**
5.1. Better foar ekonomy, wurk en wurkgelegenheid 24
5.2. In bettere takomst foar jonge minsken 26
5.3. Mooglikheden om selsfoarsjennend te wurden mei enerzjy 29
5.4. In bettere sprieding fan foarsjenningen 32
5.5. Bestjoer tichter by de boarger - Sizzenskip oer saken dy't yn Fryslân spylje 34
5.5.1. Draachflak polityk-Den Haach yn Fryslân 34
5.5.2. Finansjele perspektyf foar Fryslân – minder ôfhinklik fan de Steat 37
5.5.3. Mienskiplike regelingen 38
5.5.4. Befoarderjen fan it Frysk folslein yn Fryske hannen 39
5.6. Wittenskiplik oantoande arguminten 41
6. Hokker taken oerdrage? **44**
6.1. Konkretisearring fan taken 46
6.2. Algemiene Saken 46
6.3. Ynlânske saken en Keninkrykssaken 47
6.4. Gemeentefûns, provinsjefûns en Wetterskip 47
6.5. Wenjen 47
6.6. Ekonomyske Saken 48
6.7. Finânsjes 49
6.8. Ynfrastruktuer en miljeu 51
6.9. Sosjale saken en wurkgelegenheid: 53

6.10. Feiligens en justysje 54
6.11. Folkssûnens, wolwêzen en sport 55
6.12. Definsje en Bûtenlânske saken.....56
7. Oerdracht fan taken 58
7.1. Wetterskip Fryslân 58
7.2. Kontakten mei 'Europa'.....59
8. Finansjeel.....61
8.1. Ynkomsten, belêstings en premys 62
9. Hoe fan A nei B.....64
9.1. Hoe mear foech krije:.....64
10. Konklúzjes.....67
Taheakke 1.....70
'Swartboek' oer de ferhâldings tusken it Ryk en Fryslân.....70
10.1. Gasbaten en skea as gefolch fan delfstofwinning 70
10.2. Heare-akkoart.....73
10.3. Ynkommensferskillen.....73
10.4. Wurkgelegenheid.....78
10.5. Braindrain 80
10.6. Financiële verhoudingenwet en gemeentefûns 82

Foto foarside: pixabay.com

GEARFETTING

Yn dit dokumint wurdt de fisy fan de FNP ('Nij perspektyf foar Fryslân'[1]), sa't dy yn de ledegearkomste fan 31 maaie 2013 fêststeld is, fierder útwurke. De fisy fan de FNP sels leit te'n grûnslach oan dizze útwurking, mar de ûnderbouwing is benammen basearre op wittenskiplik ûndersyk, útspraken fan saakkundigen en ûndersiken nei wat de befolking fan Fryslân sels wol. Yn de takomstfisy wurdt ûnder oare beskreaun dat Fryslân fiergeande sizzenskip hawwe moat op tal fan mêden (útsein Definsje en Utlânske saken), dat dêr de finansjele middels by hearre en dat wetjaand foech nedich is. Neffens de fisy kriget Fryslân in 'bysûnder plak yn it Keninkryk'. Dat is, om koart te wêzen, te ferlykjen mei de situaasje fan Wales yn it Feriene Keninkryk, Súd-Tirol yn Itaalje of Ostbelgiën yn België. Regio's mei dúdlik mear sizzenskip yn harren lidsteaten.

Mear sizzenskip makket dat jo sawat alles dat de befolking rekket sels bepale kinne en dêrtroch maatwurk foar Fryslân leverje kinne. De FNP wol dêrmei foar de ynwenners hjir yn Fryslân in takomst mei better perspektyf biede. Mear sizzenskip (wetjaand foech én finansjele ferantwurdlikheden) hat in soad foardielen: it smyt in hegere ekonomyske groei op, dat Fryslân jong talint behâlde kin (ûnder oare mei in eigen folweardige universiteit), dat de sprieding fan foarsjennings oer Fryslân op oarder is, dat Fryslân ferskate organisaasjes behâlde of werom krije kin (tink oan it kadaster, Keamer fan Keaphannel, rjochtbank, plysje ensfh.) of sels oprjochtsje kin en dat Fryslân sels beslute kin hoe't in duorsume enerzjy-takomst der út sjocht, oft hjir gas wûn wurdt, hoefolle én hoe't de skearegeling der út sjocht. De wittenskiplik oantoande foardielen fan mear sizzenskip foar de regio steane ek yn dizze notysje. Guon neidielen fan de ienheidssteat dy't foar Fryslân tige negatyf útpakt binne, lykas de (skea troch) gaswinning, de braindrain, ynkommensferskillen, ferskil yn wurkgelegenheid en it heare-akkoart, binne fermeld yn in saneamd 'swartboek' dat taheakke is.

De taken dy't Fryslân yn de fisy fan de FNP oerkrijt lizze op it mêd fan: ekonomy, lânbou, ûnderwiis, kultuer en wittenskippen, ynlânske saken, ynfrastruktuer en miljeu, finânsjes, sosjale saken en wurkgelegenheid, feiligens en justysje, folkssûnens, wolwêzen en sport. Dêr moatte ministearjes foar ynrjochte wurde. De FNP wiist der yn dizze útwurking op dat yn de helte fan de regio's yn de EU dy taken al oergongen binne fan de lidsteat nei de regio's of provinsjes. En dat ek yn it Keninkryk fan de Nederlannen al sprake is fan fan autonome lannen: Aruba, Curacao en Sint Maarten. Faak binne dat ek regio's dy't yn oerflak of ynwennertal (folle) lytser binne as Fryslân.

[1] *Nij perspektyf foar Fryslân, in bysûndere posysje foar Fryslân en it Keninkryk, Wurkgroep takomst fan Fryslân, FNP, 2013*

Mei de oerdracht fan taken krijt Fryslân ek einlings in rjochtfeardich part fan it jild dat nedich is foar ferskate krusiale ûnderwerpen foar de takomst. It is no sa dat neffens it Coelo[2] foar ekonomy, basisûnderwiis, wittenskip, kultuer, media en ynfrastruktuer der nei rato fierstente min jild nei Fryslân ta giet. It giet dan om bedraggen fan respektivelik €36 miljoen, €53 miljoen, €204 miljoen, €9 miljoen, €26 miljoen en €7 miljoen op jierbasis.

It is fierder sa dat de Steaten fan Fryslân al tal fan kearen oantrune hawwe op maatwurk foar Fryslân of dat hjir oare regels of in oare systematyk tapast wurdt. Tink oan gasbaten, sirkulêre ekonomy, de soarch, belestings en de Fryske taal en kultuer. Mar by de lobby dêrfoar komt Fryslân yn De Haach hieltyd wer foar de winige doar. Fryslân krijt, as it om de saken giet dêr't men sels oer giet, in soad foar elkoar mei de beheinde middels dy't de provinsje hat. Mar as Fryslân echt struktureel saken oars hawwe wol, jout it Ryk net thús.

De FNP toant yn dit dokumint, yn neifolging fan ferskate ûndersiken, oan dat de befolking fan Fryslân net tefreden is oer polityk-De Haach: It Nederlânsk regear wit neffens de Friezen net wat der libbet yn Fryslân. En Fryslân kriget yn de eagen fan de ynwenners fan Fryslân te min omtinken yn de Nederlânske polityk (Twadde Keamer). Dêrom is it nedich dat de polityk folle tichter by de boarger brocht wurdt. Der is in omslach nedich en dêr jout dizze útwurking fan de FNP-fisy in oanset ta. Fansels wol de FNP de befolking belûke by it proses om ta mear sizzenskip te kommen. Yn watfoar foarm dat moatte soe, stiet foar ús noch iepen. Dat kin yn de takomst yn oerlis mei de befolking sels, de Steaten en mei it Ryk neier útwurke wurde.

[2] *'Geldstromen tussen het Rijk en de provincie Fryslân', Jacob Veenstra en Maarten Allers, Rug-Coelo, 2018.*

SAMENVATTING

In dit document wordt de visie van de FNP ('Nieuw perspectief voor Fryslân'[3]), zoals vastgesteld tijdens de ledenvergadering van 31 mei 2013, verder uitgewerkt. De visie van de FNP zelf ligt ten grondslag aan deze uitwerking, maar voor de onderbouwing hebben we ons met name gebaseerd op wetenschappelijk onderzoek, uitspraken van deskundigen en onderzoek naar wat de bevolking van Fryslân zelf wil. In de toekomstvisie wordt onder andere beschreven dat Fryslân op veel gebieden (met uitzondering van defensie en buitenlandse zaken) vergaande zeggenschap zou moeten hebben, dat hier de financiële middelen bij horen en dat wetgevende bevoegdheden nodig zijn. Volgens de visie van de FNP krijgt Fryslân daarbij een ‘bijzondere plek in het Koninkrijk’. Dat is, kort gezegd, te vergelijken met de situatie van Wales in het Verenigd Koninkrijk, Zuid-Tirol in Italië of Ostbelgiën in België. Regio’s met aanzienlijk meer zeggenschap binnen hun respectievelijke lidstaten.

Meer zeggenschap betekent met name dat je zaken die de bevolking raken zelf kunt bepalen en hiermee maatwerk voor de inwoners van Fryslân kunt regelen. De FNP wil hiermee voor de inwoners in Fryslân zelf een toekomst met beter perspectief bieden. Meer zeggenschap (wetgevende bevoegdheden én financiële verantwoordelijkheden) heeft veel voordelen: het leidt tot een hogere economische groei, dat Fryslân jong talent kan behouden (onder andere via een eigen universiteit), dat de spreiding van voorzieningen voor Fryslân op orde is, dat Fryslân verschillende organisaties kan behouden of terug kan krijgen (denk aan het kadaster, Kamer van Koophandel, rechtbank, politie etc.) of zelf kan oprichten en dat Fryslân zelf kan bepalen hoe een duurzame energietoekomst eruit ziet, of hier gas wordt gewonnen, hoeveel en hoe de schaderegeling er uit ziet. De wetenschappelijk bewezen voordelen van meer zeggenschap voor de regio zijn ook opgenomen in deze notitie. En bepaalde nadelen van de éénheidsstaat die voor Fryslân extreem negatief hebben uitgepakt, zoals de (schade door) gaswinning, de braindrain, inkomensverschillen, verschil in werkgelegenheid en het heren-akkoord, zijn vermeld in een zogenaamd ‘zwartboek’ dat is toegevoegd als bijlage.

De taken die Fryslân in de visie van de FNP overneemt liggen op de volgende gebieden: economie, landbouw, onderwijs, cultuur en wetenschappen, binnenlandse zaken, infrastructuur en milieu, financiën, sociale zaken en werkgelegenheid, veiligheid en justitie, volksgezondheid, welzijn en sport. Hier worden ministeries voor ingericht. De FNP wijst er in deze uitwerking op dat al in de helft van de regio's in de EU deze taken door de lidstaten aan de regio's of provincies zijn doorgegeven. En dat ook in het Koninkrijk der Nederlanden al sprake is van autonome landen: Aruba, Curaçao en Sint Maarten. Vaak gaat het ook over regio's die qua oppervlak of bevolkingsaantal kleiner zijn dan Fryslân.

3 Nij perspektyf foar Fryslân, in bysûndere posysje foar Fryslân en it Keninkryk, Wurkgroep takomst fan Fryslân, FNP, 2013

Met de overdracht van taken krijgt Fryslân ook eindelijk een rechtvaardig gedeelte van het geld dat nodig is voor verschillende cruciale onderwerpen voor de toekomst. Het is nu zo dat volgens het Coelo[4] voor economie, basisonderwijs, wetenschap, cultuur, media en infrastructuur er naar rato veel te weinig geld naar Fryslân toe gaat. Het gaat dan om bedragen van respectievelijk €36 miljoen, €53 miljoen, €204 miljoen, €9 miljoen, €26 miljoen en €7 miljoen op jaarbasis.

Het is verder zo dat de Staten van Fryslân al herhaaldelijk hebben gepleit voor maatwerk voor Fryslân of dat hier andere regels of een andere systematiek wordt toegepast. Denk aan de gasbaten, circulaire economie, zorg, belastingen en de Friese taal en cultuur. Maar bij de lobby in Den Haag zijn de wensen van Fryslân steeds van de hand gewezen. Fryslân krijgt, als het zaken betreft waar men zelf over gaat, heel veel voor elkaar met de beperkte middelen die de provincie beschikbaar heeft. Maar als Fryslân echt structureel iets wil veranderen, geeft het Rijk niet thuis.

De FNP laat in dit document, op basis van verschillende onderzoeken, zien dat de bevolking van Fryslân niet tevreden is met politiek-Den Haag: de Nederlandse regering weet volgens de Friezen niet wat er speelt in Fryslân. En Fryslân krijgt in de ogen van de inwoners van Fryslân te weinig aandacht in de Nederlandse politiek (Tweede Kamer). Daarom is het noodzakelijk dat de politiek veel dichter bij de burger wordt gebracht. Er is een omslag nodig en deze uitwerking van de FNP-visie geeft hier een aanzet toe. Natuurlijk wil de FNP de bevolking betrekken bij het proces om tot meer zeggenschap te komen. In welke vorm dat zou moeten, staat voor ons nog open. Dit kan in de toekomst verder worden uitgewerkt in overleg met de bevolking zelf, de staten van Fryslân en met het Rijk.

4 Geldstromen tussen het Rijk en de provincie Fryslân, RUG/Coelo, 2018.

SUMMARY

In this document the vision of the FNP ('New Perspective for Fryslân'), as established during the Annual General Meeting of May 31, 2013, is further elaborated. The vision of the FNP itself is the basis, but for the substantiation we have based ourselves on scientific research, expert opinions and research into what the people of Fryslân want. The vision for the future describes, among other things, that Fryslân should have far-reaching control in many areas (with the exception of defence and foreign affairs), that this should include the financial resources necessary and that legislative powers are required. According to the vision of the FNP, the province of Fryslân is given a 'special position within the Kingdom'. In short, this is comparable to the situation of Wales in the United Kingdom, South Tyrol in Italy or Ostbelgiën in Belgium: regions with significantly more control within their respective Member States.

The advantages of more control are, in particular, that one can determine matters that affect the population and thus arrange customization for the Frisian residents. The FNP wants to offer a future with a better perspective to the inhabitants of Fryslân itself. More control (legislative powers and financial responsibilities) leads to higher economic growth, so that Fryslân can retain young talent (including by the establishment of its own university), so that the distribution of facilities for Fryslân is in order, and so that Fryslân can retain various organizations, re-establish them (think of the Land Registry, Chamber of Commerce, court, police, etc.), or newly create in Fryslân itself. Moreover, more control will allow Fryslân to determine what a sustainable energy future will look like, whether gas is extracted here and how much, and what the damage claims settlement looks like. The scientifically proven benefits of more control for the region are also included in this note. Certain disadvantages of the unified state that have turned out to be extremely negative for Fryslân, such as (damage caused by) gas extraction, the brain drain, income differences, difference in terms of employment, and the ‘heren akkoord’ (specific political agreement between northern Dutch provinces) are mentioned in a so-called 'black book' that has been added as an appendix.

The tasks that Fryslân takes over according to FNP's vision are as follows: economy, agriculture, education, culture and science, domestic affairs, infrastructure and the environment, finance, social affairs and employment, safety and justice, public health, welfare and sport. Ministries will be set up for this purpose. The FNP points out in this elaboration that already in half of the regions in the EU these tasks have been delegated from the member states to the regions or provinces. In addition, within the Kingdom of the Netherlands there are already autonomous countries: Aruba, Curaçao and Sint Maarten. Often, these regions are smaller in area or population than Fryslân.

With the transferal of tasks, Fryslân will finally receive a fair share of the funds that are needed for various crucial topics in the future. It is now the case that, according to the Coelo Institute for economics of the State University of Groningen, in the sectors of primary education, science, culture, media and infrastructure, far too few funds go to Fryslân. This involves amounts of € 36 million, € 53 million, € 204 million, € 9 million, € 26 million and € 7 million respectively on an annual basis.

Moreover, the Provincial Parliament of Fryslân has repeatedly called for customization for Fryslân or, alternatively, that other rules or a different system is applied here. Think of gas revenues, circular economy, healthcare, taxes and the Frisian language and culture. But Fryslân's wishes were always rejected in The Hague. If it has the ability to concern itself with its own affairs, Fryslân accomplishes very much with the limited resources that the province has available. But when Fryslân really wants to effectuate structural changes, the state is nowhere to be seen.

The FNP shows in this document that the population of Fryslân is not satisfied with the current politics of The Hague: according to the Frisians, the Dutch government does not understand what is going on in Fryslân. And Fryslân receives too little attention within Dutch politics (State Parliament) in the eyes of the residents of Fryslân. That is why it is necessary for politics to be brought much closer to the citizen. A change is needed and this elaboration of the FNP vision gives an impetus here. Of course, the FNP wants to involve the population in the process to gain more control. In what form that should be is still open to us. This can be further elaborated in the future in consultation with the population itself, the Provincial Parliament of Fryslân, and the State.

1. YNLIEDING

Yn dit dokumint wurdt de fisy fan de FNP (‘Nij perspektyf foar Fryslân), sa’t dy yn de ledegearkomste fan 31 maaie 2013 fêststeld is, fierder útwurke. Direkte oanlieding foar it opstellen fan de FNP-fisy wie doetiids dat it eardere kabinet fan PvdA en VVD (2013-2017) yn it earstoan Fryslân as bestjoerlike ienheid opheffe woe en ûnderbringe yn in noardlik lânsdiel. Dêrneist woe men ta op hiele grutte skoallen fan mear as 100 bern, wat de deastek wêze soe fan in soad skoallen op it plattelân fan Fryslân. Mar leafst 120 doarpen yn Fryslân soenen gjin basisskoalle mear hawwe[5]. De kontekst dêr’t de healwize plannen fan 2013 yn plakfûnen wienen dy fan besunigingsplannen as gefolch fan de ekonomyske en finansjele (banke-)krisis dêr’t de wrâld doe yn ferkearde.

No binne de boppesteande plannen foar Fryslân troch in soad ferset yn de kym smoard, mar net falt út te sluten dat nije Haachske plannen by in nije krisis dyselde kant útgean. Sa draacht D66, ien fan de regearingspartijen, noch altyd út dat hja foar lânsdielfoarming binne. Yn harren ferkiezingsprogram foar de Twadde Keamerferkiezings hawwe se dy rjochting keazen en se binne der net op weromkommen. Foar Fryslân hat D66 ek gjin útsûnderingsposysje makke. Yn de filmdokumintêre ‘De Achtste Dag’ sizze sawol de gouverneur fan de Britske sintrale bank Mervyn King, de âld-presidint fan De Nederlandsche Bank Nout Wellink as de eardere presidint fan de ECB, Jean-Claude Trichet, dat de hjoeddeistige finansjele sektor noch ûnfoarspelder is as yn 2007/2008[6]. ‘Ien fan de grutste redenen fan de krisis wienen de hege skulden. No binne se noch heger as yn 2008. De risiko’s op in grutte krisis binne miskien noch wol grutter as foar 2008[7]’. Yn in artikel[8] yn it fakblêd Executive Finance wurde de ekstreem hege skulden befêstige. Der kin, om koart te kriemen, sa wer in nije krisis útbrekke wêrby’t Fryslân foar waar en wyn leit om’t fierwei alle macht yn Nederlân yn polityk-De Haach konsintrearre is.

Dêrom is it tiid foar in selsbewuste, ynnovative regio dy’t sels it stjoer yn hannen nimt. It jier 2018 lient him goed om oer de takomst fan Fryslân – fris – nei te tinken. De FNP is wis dat wat mear sizzenskip Fryslân hat om ús mienskip, ekonomy en polityk systeem te foarmjen, wat súksesfoller ús regio wêze sil. En wat mear wy foar ús ynwenners betsjutte kinne! Besluten oer Fryslân sels soenen dêrom ek yn Fryslân nommen wurde moatte. Sa kin yn de fisy fan de FNP maatwurk levere wurde foar ús mienskip.

---

[5] *Friesch Dagblad, ‘Kleine school rest straks fusie of sluiting’, 16/2/2013.*
[6] *Kosters & Yen, ‘De achtste dag’ (Documentaire), 2018*
[7] *http://www.docmakers.nl/nl/index.php/films/de-achtste-dag*
[8] *https://executivefinance.nl/2018/03/nout-wellink-en-hans-hoogervorst-schulden-weer-naar-gevaarlijk-hoog-niveau/?vakmedianet-approve-cookies=1&_ga=2.184831530.26615463.1533902547-1958729998.1533902547*

Mei sizzenskip giet it neffens de FNP-fisy om fjouwer punten:

1. it foech om sels de wetten/regels te stellen
2. de noarmen foar de útfiering sels te bepalen (wat goed is foar de Rânestêd is net perfoarst goed foar de regio)
3. it foech oer de finânsjes (útjeften én ynkomsten)
4. sels de útfiering te dwaan.

No wurdt meastentiids allinnich de útfiering desintralisearre nei gemeenten/provinsjes ('útfieringsloket fan De Haach') mar bliuwe de ministearjes fia de oare punten oan de toutsjes lûken. Desintralisaasje as ferkapte Haachske besuniging ynstee fan om dat te dwaan dat goed is foar ús mienskip hjirre. Mar it feit dat de desintralisaasje úteinlik altyd mei minder jild ta koe en dat de taken dochs oergongen binne nei gemeenten en provinsjes, bewiist dat taken better én goedkeaper by gemeenten en provinsjes lizze kinne.

By in Fryslân dat mear sizzenskip hat op wetjaand en fiskaal mêd, tinkt de FNP wol oan in ynklusive mienskip dy't minsken dy't Fries wêze wolle, wolkom hjit. 'Ynklusyf' betsjut hjir dat elkenien meidwaan kin. De FNP wol de parlemintêre demokrasy yntakt hâlde en ferbetterje.

Yn in taljochting op de fisy is al steld dat noch in útwurking komme moat op dielfragen, lykas (1) wat de útwurking fan de fisy no krekt betsjutte sil foar Fryslân en (2) hoe't de politike ymplemintaasje fan de fisy foarm jûn wurde moat. En fansels (3) wat de gefolgen binne foar de (ynterne) partij-organisaasje fan de FNP.

1.1. Utwurking fisy en gefolgen foar Fryslân, wêrom

Yn dit dokumint wurdt beskreaun watfoar taken no by Ryk, provinsje en gemeenten lizze en wat dêryn feroarje moat. Mar dat net allinnich, foar in antwurd op de fraach fan it grutte publyk nei de foardielen fan mear sizzenskip sil ek yn kaart brocht wurde wat no krekt de foardielen binne dat Fryslân selsbestjoer krijt. Dêr heart ek by dat besjoen wurdt wat no de budzjetten fan de Ministearjes binne en wat dêrfan oerdroegen wurde kin en watfoar ymplikaasjes dat hat.

Fierder is ek in wittenskiplik ûndersyk útfierd nei de finansjele streamen tusken Ryk en Fryslân as it oer belestings en de útjeften giet[9]. Ommers, yn de fisy fan de FNP wurdt ek praat oer in Finansjeel statút tusken Ryk en provinsje.

Dat alles hat soargje foar in dúdlik byld fan de foardielen fan selsbestjoer foar Fryslân lykas yn de FNP-fisy ferwurde: op it mêd fan wurkgelegenheid, ûnderwiis, kultuer, ekonomy ensfh.

[9] *'Geldstromen tussen het Rijk en de provincie Fryslân', Jacob Veenstra en Maarten Allers, Rug-Coelo, 2018.*

1.2. De ymplemintaasje fan de fisy

Dit ûnderdiel falt op te splitsen yn twa fragen: 1. watfoar foarm moat de bysûndere status foar Fryslân krekt krije? En 2. Hoe moat Fryslân komme ta de winske situaasje?

Oangeande de foarm sil sawol sjoen wurde nei de situaasje yn it Keninkryk (nei dy gebieten dy't al mear foech krigen hawwe, bygelyks de Antilliaanske eilannen Aruba en Kurasao) as nei oare regio's yn Europa. Bygelyks de Dútske dielsteaten, de saneamde 'Mienskippen' yn België (tink oan de Dútske mienskip Ostbelgien) en oare regio's. Yn de fisy fan de FNP is al wol opnommen dat it wetjaand foech wêze moat, dus mei de mooglikheid sels wetten fêst te stellen. De wurkgroep hat him ynformearje litten hoe't dat yn it Keninkryk foarmjûn wurdt troch kontakt mei fertsjintwurdigings fan de Antilliaanske eilannen yn Nederlân, troch kontakt mei de dielsteat Sleeswyk-Holstein yn Dútslân en troch dossierûndersyk.

Hoe't Fryslân komme kin ta de winske situaasje binne ferskate mooglikheden tinkber. Yn Haadstik 9 'Hoe fan A nei B' wurdt dat fierder útwurke.

1.3. De gefolgen foar de FNP as partij

Der is earder al steld dat de struktuer fan de partij sels net feroare hoecht te wurden fanwegen de fisy en it wurk dat dêr efterwei komt. De struktuer mei in haadbestjoer, ôfdielings, fraksjes op gemeentlik en Frysk nivo, wethâlders, boargemaster, oansluting by de OSF en in senator yn de Earste Keamer, de oansluting by de Europarlemintspartij EFA en in tal wurkgroepen en kommisjes foldocht op himsels prima. It komt der no op oan dat dizze útwurking 'ferarbeide' wurde moat yn it politike hânwurk, yn de ynterne diskusjes en dat de ferskate organen der nei wurkje. It stribjen fan de FNP nei selsbestjoer foar Fryslân binnen it Keninkryk is trouwens net nij[10]: al yn it earste bulletin fan de FNP fan 12 jannewaris 1962, dêr't in manifest ôfprinte stiet oer it pleit fan de FNP, stiet dat sa ferwurde. Earder al, op 20 oktober 1943, is der in brief nei keninginne Wilhelmina ta stjoerd dêr't yn fersocht waard om nei de befrijing Fryslân binnen it Nederlânske steatsbestel selsbestjoer te ferlienen. Dat brief is der kommen nei't Wilhelmina foar de BBC in taspraak holden hat dêr't hja yn ûnthiet dat de Nederlânske koloanjes nei de oarloch mear frijheid en selsbestjoer hawwe soenen. It brief nei Wilhelmina wie in inisjatyf fan heechlearaar en Fries-om-utens Bearend Joukes Fridsma út Amearika. It opmerklike is dat it neist de fiif Fryske selskippen yn de Feriene Steaten, tal fan yndividuele Friezen, Nederlanners en Amearikanen, ek ûnderskreaun is troch de republikeinske en sosjalistyske tsjinkandidaten foar it presidintskip, Wendell Willkie en Norman Thomas![11]

Hoe't de FNP besykje kin om de (útwurking fan) fisy realiteit wurde te litten, hat de wurkgroep in aparte, ynterne FNP-notysje foar opsteld.

---

[10] *Tusken Fryske dream en Nederlânske macht, jubileumboek 'Fjirtich jier Fryske Nasjonale Partij', Kerst Huisman, side 14.*

[11] *Tusken Fryske dream en Nederlânske macht, jubileumboek 'Fjirtich jier Fryske Nasjonale Partij', Kerst Huisman, siden 27/28.*

Tema's

De tema's dy't yn dit dokumint benammen oan de oarder komme, wurde ek dield troch de befolking yn Fryslân. Sa kin der ûnder oare sjoen wurde nei wat der yn de 'Eurobarometer' stiet. De lêste ferzje is fan septimber 2015[12]. Dêr kaam ûnder oare yn nei foaren dat 45% fan de Friezen har soargen makke oer wurkleazens, 42% makke har soargen oer de sûnenssoarch, 31% oer minsken en organisaasjes dy't de regio ferlitte, 23% oer de ekonomyske situaasje, 20% fan de minsken yn Fryslân har soargen makken oer it ûnderwiis en 11% makke har doe soargen oer it miljeu.

In represintatyf Panel Fryslân fan it Frysk sosjaal planburo fûn ûndersteande tema's healweis 2017 de wichtichste[13] (se mochten per persoan 2 tema's oanjaan): wurkgelegenheid, krimp, gaswinning, Fryske taal en kultuer en behâld fan it Fryske lânskip.



Wichtichste tema's Fryslân, FSP, 2017

Tankwurden

De Wurkgroep útwurking FNP-fisy wol elkenien dy't op watfoar wize dan ek holpen hat it oan tastân kommen fan dit dokumint tige tanksizze.

Ut namme fan de wurkgroep, Sybren Posthumus (foarsitter)

[12] *'Public opinion in the EU regions', European Commission, 2015*
[13] *Panel Fryslân over vertrouwen in politiek en samenleving, Panel Fryslân, 2017*

2. IT RJOCHT OP SELSBESKIKKING

Yn de Steatkunde betsjut selsbeskikkingsrjocht dat folken fan oer de hiele wrâld sels bepale kinne ûnder watfoar gesach se falle wolle. De wichtichste oanset ta it opnimmen fan it rjocht op selsbeskikking yn it hânfêst fan de Feriene Naasjes (FN) wie it Atlantic Charter[14], dat op 14 augustus 1941 as konklúzje fan de Konferinsje fan Placentia Bay oanfurde waard tusken Churchill en Roosevelt, alhoewol't de Feriene Steaten op dat stuit noch net belutsen wie by de Twadde Wrâldkriich. Dy prinsipeferklearring omfieme in dúdlike ferwizing nei it rjocht op selsbeskikking: 'They respect the right of all peoples to choose the form of Government under which they will live; and they wish to see sovereign rights and self-government restored to those who have been forcibly deprived of them'.

Fuortendaliks nei de Twadde wrâldkriich waard dat politike prinsipe al gau nei in juridysk prinsipe omsetten. Yn it Charter fan de United Nations fan 26 juny 1945[15], dat troch Nederlân ûnderskreaun is[16], wurde twa kêsten opnommen:

- Art. 1(2): 'The purposes of the United Nations are: To develop friendly relations among nations based on respect for the principle of equal rights and self-determination of peoples and to take other appropriate measures to strengthen universal peace.'

- Art. 55: ['With a view to the creation of conditions of stability and well-being which are necessary for peaceful and friendly relations among nations based on respect for the principle of equal rights and self-determination of peoples, the United Nations shall promote: ...]

Sûnder útdruklik selsbeskikking te fermeldzjen hingje ek haadstik XI en XII dy't harren taspitse op non self-governing territories (NSGT) en it ynternasjonale trustskipsstelsel, nau gear mei de foargeande artikels:

- Art. 73: 'Members of the United Nations which have or assume responsibilities for the administration of territories whose peoples have not yet attained a full measure of self government recognize the principle that the interests of the inhabitants of these territories are paramount, and accept as a sacred trust the obligation to promote to the utmost, within the system of international peace and security established by the present Charter, the well-being of the inhabitants of these territories: (b) to develop selfgovernment, to take due account of the political aspirations of the peoples, and to assist them in the progressive development of their free political institutions, according to the particular circumstances of each territory and its peoples and their varying stages of advancement.'

- Art. 76: '…their progressive development towards self-government or independence as may be appropriate to the particular circumstances of each territory and its peoples and the freely expressed wishes of the peoples concerned…'

[14] *Declaration of Principles, 14 augustus 1941, https://www.nato.int/cps/en/natolive/official_texts_16912.htm*
[15] *http://www.un.org/en/charter-united-nations/*
[16] *https://www.permanentrepresentations.nl/permanent-representations/pr-un-vienna/un*

De fraach is no yn hoefier't dy ferskate kêsten no ek ferplichtsjend wienen foar de oansletten lidsteaten. Yn mearderheid wie de opfetting dat de algemiene bepalings oer selsbeskikking (kêsten 1(2) en 55) gjin juridyske ferplichtings opleveren foar de lidsteaten, wylst dat foar de kêsten 73 en 76 wol deeglik it gefal[17] wie.

Yn 1960 waard, benammen fanwegen dekolonisaasje-gedachten, resolúsje 1514 (XV) yn de Feriene Naasjes oannommen[18]. Dêr waard yn in algemien rjocht op selsbeskikking foar de folken foarsjoen: 'All peoples have the right to self-determination; by virtue of that right they freely determine their political status and freely pursue their economic, social and cultural development.'

Foar in soad auteurs betsjutte Resolúsje 1514 (XV) de definitive trochbraak fan selsbeskikking as in of te twingen rjocht[19]. Oaren oardielje dat dat pas barde by de twa minskerjochteferdraggen fan 1966[20]. Essinsjeel by de beoardieling fan de Resolúsje is paragraaf 2 dêr't it algemien rjocht op selsbeskikking foar alle 'folken' oanhelle wurdt.

Yn it earste kêst fan beide ferdraggen fan de Feriene Naasjes fan 19 desimber 1966 (oer Boargerrjochten en politike rjochten en oer Ekonomyske, Sosjale en Kulturele rjochten) is it rjocht op selsbeskikking fan folken opnommen, mei deselde tekst: Alle folken hawwe it selsbeskikkingsrjocht. Op grûn fan dat rjocht bepale sy yn alle frijheid harren politike status en stribje sy frij harren ekonomyske, sosjale en kulturele ûntjouwing nei'. Yn in demokratyske rjochtssteat kinne folken of befolkingsgroepen in hege mjitte fan selsbeskikking krije. Dêrby giet it dan om saken lykas de eigen identiteit, libbenswize, taal en kultuer. Boppedat kinne folken lykas de Friezen, Tibetanen of Koerden oanspraak meitsje op meisizzenskip yn politike en ekonomyske kwestjes. Eksperts neame dat it rjocht op ynterne selsbeskikking fan in folk. Bysûnder is ek dat foar it earst melding makke waard fan it ekonomyske aspekt fan selsbeskikking, nammentlik de mooglikheid om as folk sels oer natuerlike rykdommen te beskikken[21]. Beide ferdraggen binne yn 1976 yn wurking gongen. Mei klam wolle wy der dêrby op wize dat de Friezen as in 'folk' betitele wurde kinne, neffens it Ramtferdrach foar de beskerming fan Nasjonale minderheden[22]. Yn Dútslân binne de Friezen ek in beskerme nasjonale minderheid.

It is fierder sa dat it rjocht op selsbeskikking foar regio's sûnder steat troch it konsultearjen fan de befolking dêroer net hindere of ferbean wurdt neffens ynternasjonale wetten. Yn in

---

[17] *D. Thürer, T. Burri, "Self-Determination", yn X, Max Planck Encyclopedia of Public International Law, Oxford, Oxford University Press, 2012, 115.*

[18] *Resolúsje Algemiene gearkomste 1514 (XV), 14 desimber 1960, Par 2, sup. n. 16 at 67.*

[19] *M. Zubeida, "The Principle of Self-Determination in International Law", International Lawyer 1971, 481 & E. Suy, "De VN-praktijk op het stuk van het zelbeschikkingsrecht der volkeren", yn J. Van Bellingen, N. SybesmaKnol (eds.), Naar een nieuwe interpretatie van het recht op zelfbeschikking?, Brussel, VUB Press, 1995, 265*

[20] *P. Kooijmans, Zelfbeschikkingsrecht: Naar een nieuwe interpretatie?, yn J. Van Bellingen, N. Sybesma-Knol (eds.), Naar een nieuwe interpretatie van het recht op zelfbeschikking?, Brussel, VUB Press, 1995, 158.*

[21] *R. Coulter, "The Law of Self-determination and the United Nations Declaration on the Rights of Indigenous Peoples", UCLA Journal of International Law and Foreign Affairs, 2010, 12.*

[22] *Kamerstuk 26 389 nr 8, Brief van de minister voor vreemdelingenzaken en integratie, 2003*

advys[23] oangeande selsbeskikking sizze fjouwer ynternasjonale eksperts it sa: ‘From an international law perspective, it appears clearly that there is no international legal prohibition barring a sub-state entity from deciding its political destiny by assessing the will of its people. Both case law and state practice support this conclusion. The practice occurs both with and without the consent of the national state’.

It is tsjintwurdich sa dat it begryp selsbeskikking yn it ynternasjonale rjocht evoluearre is fan in louter polityk prinsipe nei in algemien oanfurde juridysk prinsipe. It rjocht op selsbeskikking is in minskerjocht dat oan elk folk takomt[24]. It ynterne rjocht op selsbeskikking hâldt it rjocht yn om erkend te wurden en as folk guon besluten nimme te kinnen oer jo libbensomstannichheden (‘baas op eigen hiem’). Dat dan yn de besteande steatstrukturen, wat dan ek betsjut dat de útoefening fan it rjocht ôfhinget fan de reewilligens fan' e steat. It ynterne rjocht op selsbestimming is de ideale katalisator foar in flugge ferbettering fan 'e situaasje yn de regio. De lange skiednis fan grutte weromhâldendheid fan steaten tsjin selsbeskikking fanwege de eangst foar in ôfskieding fan bepaalde regio's kin fia ynterne selsbestimming in ein oan komme. In winsk foar selsbeskikking is net automatysk in claim foar ôfskieding en dêrtroch sille steaten folle mear dwaan om konsesjes te meitsjen en ta in feitlike ferbettering fan 'e situaasje te kommen. Ynternasjonale stipe foar de selsbeskikking fan in regio is ek in wichtich elemint.

Wy tinke dat dat tsjintwurdich ek yn it Keninkryk fan de Nederlannen it gefal is. Suriname en de Antillen hawwe yn grutte mjitte sels harren eigen wei kieze kinnen. Dat hat ek ferskillend útpakt. Suriname is in selsstannige steat wurden, Kurasao, Aruba en Sint Maarten binne lannen wurden yn it Keninkryk en Bonaire, Sint Eustatius en Saba binne Nederlânske gemeenten wurden. Yn sawat alle gefallen hat der sprake west fan in demokratysk proses yn oerlis mei oare gebieten fan it Keninkryk, dêr’t de ynwenners fia folksrieplachtingen en de ferskillende lokale/regionale parleminten yn Suriname en de Antillen mei-besluten hawwe oer harren eigen takomst.

Konklúzje is dat de Friezen net allinnich troch Nederlân as folk erkend binne, mar dat Nederlân mei it ûndertekenjen fan ferskillende ferdraggen ek it rjocht fan de Friezen op selsbeskikking erkend hat en dat de Friezen dêrmei yn alle frijheid harren politike status en harren ekonomyske, sosjale en kulturele ûntjouwing neistribje kinne. Oan ferskate oare gebieten yn it Keninkryk hawwe wy sjen kinnen dat dat rjocht yn de praktyk ek op in demokratyske wize útoefene wurde kin.

[23] https://www.unige.ch/gsi/files/9115/0461/7417/EXECUTIVE_SUMMARY_Catalogne.pdf
[24] https://lib.ugent.be/fulltxt/RUG01/002/163/099/RUG01-002163099_2014_0001_AC.pdf

3. STEATEN FAN FRYSLÂN: MEAR SIZZENSKIP

It stribjen fan de FNP om mear sizzenskip foar Fryslân stiet perfoarst net op himsels. Dat idee libbet Steatebreed, ek al wolle oare partijen har der net altyd eksplisyt op foarstean litte of binne se der net sa konsistint mei dwaande. Yn de Steaten is mear as ienkear by grutte mearderheid de winsk útsprutsen dat Fryslân op beskate mêden mear foech hawwe moat, ôfwike moatte kin fan de regels of wetten fan Nederlân of ôfwike kin fan belêstingregels en mear ynkomsten hawwe moat ut de ierdgaswinning. In pear foarbylden:

3.1. Soarch:

Yn it Koalysje-akkoart[25] fan CDA, VVD, SP en de FNP oer 2015-2019 is opnommen (resultaat 19) dat 'Fryslân mear te sizzen krijt oer de sprieding fan soarchfoarsjennings'. 'De ferantwurdlikens foar de sprieding fan soarchfoarsjennings leit no by it Ryk. Wy sille der as provinsje op oanstean dat wy mear sizzenskip krije oer de sprieding fan soarchfoarsjennings foar ús ynwenners. Wy stribje nei in spriedingsplan foar soarchfoarsjennings yn Fryslân, op te stellen yn 'e mande mei soarchfersekerders en it Ryk'.

It Ryk sels jout ek oan[26] dat de regio yn it foarste plak oan set is om problemen mei soarchfoarsjennings, lykas húsdokterposten, op te lossen. Dat hat minister Bruins fan Medyske Soarch en Sport antwurde op keamerfragen. Lykwols, alhoewol't de provinsje lobbye hat foar mear foech oer de sprieding fan soarchfoarsjennings yn algemiene sin, hat bliken dien dat it krijen fan mear foech net sa kânsryk is troch de opstelling fan it Ryk[27]. Krektlyn hat boppedat bliken dien dat it Ryk him net ynspanne sil om de saneamde intensive care en spoed easkjende help (SEH) yn streeksikehuzen oerein te hâlden[28]. Dêrtroch hingje de nije kwaliteitseasken as in finansjele molestien om de nekke fan dy sikehuzen. 'Van een uitzonderingspositie voor de regionale ziekenhuizen wil Bruins op voorhand niets weten'. Regels dy't wurkje foar de grutte- en akademyske sikehuzen, kinne de nekslach betsjutte foar de lytsere sikehuzen. Op termyn mooglik ek yn Fryslân. Mar it Ryk hat net de fleksibiliteit om dêr mei om te gean.

3.2. Belestings:

De Steaten fan Fryslân wolle de mooglikheid neigean om te kommen ta belestingfrije sônes[29] yn Fryslân. Dat hawwe se yn de Steaten fan 24 febrewaris 2016 besletten mei in grutte mearderheid (foar: FNP, CDA, PvdA, SP, VVD, 50plus, FPP, PvdD en GrienLinks). De kommende tiid moat it Kolleezje fan Deputearre Steaten no mei it Ryk yn 'e slach om it foarinoar te krijen dat de belestingfrije gebieten yn Fryslân realisearre wurde. It idee is om de

[25] *Mei elkenien, foar elkenien – Koalysjeakkoart 2015-2019, provinsje Fryslân, 2015*
[26] *Regio moat sels wurk foar húsdokters oantreklik meitsje, Omrop Fryslân, 25-01-2018*
[27] *'Tuskenbalâns Koalysje-akkoart 2015-2019', Provinsje Fryslân, side 32. En: 'Inventarisatie spreiding en bereikbaarheid zorgvoorzieningen', provinsje Fryslân, side 49.*
[28] *Minister verlaagt de lat niet voor streekziekenhuis, Zorgvisie, 30-05-2018*
[29] *Steaten: belestingfrije sônes yn Fryslân, ItNijs.frl, 26-02-2016*

‘krimpgebieten in ympuls te jaan troch ûndernimmers yn ‘e earste trije jier in frijstelling fan belesting te jaan.

De útwurking fan dizze moasje is hast klear (2e fearnsjier 2018).

3.3. Gasbaten:

Op 25 jannewaris 2012 hawwe de Steaten fan Fryslân mei 30 stimmen foar (fraksjes PvdA, Friese Koers, FNP, ChristenUnie, PVV en CDA) in moasje[30] oannommen om yn oerlis te gean mei it Ryk om in part fan de gasbaten nei Fryslân te heljen foar saken dy’t foar de Fryske mienskip duorsum en op lange termyn it ferskil meitsje kinne. Begjin 2014 is dat yn de media nochris wiidweidich oan de oarder kommen[31].

Op dit stuit is it sa dat kear op kear, by oanfragen foar nije gasboarrings of –winning, der troch Fryslân op oantrune wurdt dat der ‘baten’ fan de mynbou-aktiviteiten weromfloeie nei it gaswinningsgebiet. Dy lobby wurdt dus hieltyd, al jierren, op ‘e nij fierd. Der is ek noch in manifest[32] opsteld troch de Fryske gemeenten en de provinsje oer de sâlt- en gaswinning, ferdieling fan lusten en lêsten en omkearing fan de bewiislêst. Lykwols, de breed oannommen moasje yn de Fryske Steaten hat neat opsmiten, Fryslân komt foar de winige doar yn De Haach. Dat hat krektlyn opnij bliken dien doe’t de minister in brief[33] oer it lytse-fjildebelied nei de Twadde Keamer ta stjoerd hat. Dat brief giet opnij net yn op de winsken út Fryslân: omkearing fan de bewiislêst en in ridlik part fan de opbringsten út gaswinning/ mynbou-aktiviteiten foar de regio. Der feroaret neat foar Fryslân, sa skriuwe DS fan Fryslân yn in brief[34].

3.4. Sirkulêre ekonomy:

Omrin fiert mei de provinsje Fryslân in lobby[35] om yn De Haach te pleitsjen foar oare of minder regels yn Fryslân op it mêd fan sirkulêre ekonomy. Dat omdat Fryslân no tsjin regeljouwing oanrint dy’t it opnij brûken fan grûnstoffen yn it paad sit.

Op dit stuit is de provinsje Fryslân noch dwaande om nei te gean tsjin hokker spesifike situaasjes (ûnder oare knypjende regeljouwing) Fryslân oanrint by de transysje nei in sirkulêre ekonomy. Op grûn fan sokke konkrete foarbylden kin Fryslân dan yn De Haach en Brussel pleitsje foar oare regels[36].

---

[30] *Lobby foar gasbaten trochsette, It Nijs.frl, 15-6-2013*
[31] *Friesland wil ook compensatie, NOS, 17-01-2014*
[32] *Manifest van Friese overheden over gas- en zoutwinning, Vereniging Friese Gemeenten & Provinsje Fryslân, 2016*
[33] *Gaswinning uit kleine velden in afbouwfase, Rijksoverheid 30-05-2018*
[34] *Brieven minister EZK kleine Veldenbeleid en Schadeprotocol, Deputearre Steaten fan Fryslân, 12-06-2018*
[35] *Omrin-directeur Vernooij in Kamer: maak van Friesland circulaire proeftuin, Leeuwarder Courant, 14-07-2017*
[36] *Beantwurding skriftlike fragen oer Skiermûntseach en eigen regeljouwing Fryslân sirkulêre ekonomy, Deputearre Steaten fan Fryslân, 28-02-2018*

3.5. Fryske taal en kultuer:

Al yn 2006 hawwe de Steaten fan Fryslân hast unanym besletten dat Fryslân kulturele autonomy hawwe moat. Op 13 desimber yn dat jier is in inisjatyf-útstel[37] fan CDA, PvdA, FNP, ChristenUnie/SGP, GrienLinks, GBF, D66, SP en OFS oannommen dat as ien fan de beslútpunten hat: 'Foech op it mêd fan de Fryske taal en kultuer moat by de provinsje Fryslân komme te lizzen. Yn dizze regearperioade (2007-2010) sil bestudearre wurde wat de meast optimale wetlike ynstruminten binne om dat foech stal te jaan'.

Nei oanlieding dêrfan is, as útfloeisel fan de kommisje-Lodders, oer de kearntaken fan de provinsjes, it Bestjoerlik akkoart 2008-2011 Ryk-Provinsjes sletten, dêr't de Fryske taal apart neamd wurdt. Dêrnei hat de Minister fan BZK (26 maaie 2009) de stjoergroep-Hoekstra ynsteld, dy't as taak hawwe soe: "*een nadere uitwerking te geven aan de afspraak inzake de Friese taal en daartoe:*

a. Concrete voorstellen te doen om rijkstaken en –bevoegdheden op het terrein van de Friese taal zoveel mogelijk naar de provincie Fryslân te decentraliseren waarbij de samenhang tussen beleidsruimte en finciële verantwoordelijkheid nadrukkelijk punt van aandacht zal zijn;

b. Concrete voorstellen te doen voor de operationalisering van een samenhangende decentralisatie en coördinatie van taken en bevoegdheden die verband houden met de Friese taal".

Al frij gau is konstatearre dat de opdracht 'te veelomvattend' wêze soe[38]. Kwa wetlike ynstruminten foar it Frysk is úteinlik nei 2006 feitlik allinnich it foech oer de kearndoelen en de ûntheffingen foar it Frysk yn it (primêr) ûnderwiis desintralisearre. De rest fan de opdracht fan de Stjoergroep-Hoekstra is (noch) net útfierd, net bestudearre. Wat de reaksjes fan it Ryk oangiet; út de stikken kinne jo opmeitsje dat BZK wol meiwurkje woe mar dat OCW altyd sa lang mooglik tsjinaksele hat op it mêd fan dat ûnderwiis.

3.6. Foech oer oare mêden

Ek op oare mêden, lykas it ûnderwiis, soe Fryslân fan it Ryk folle mear foech hawwe moatte. Dat sei Kommissaris fan de Kening Brok by de ûntbleating fan in kopy fan it Frijheidsprivileezje fan de Friezen op 28 septimber 2017[39]. Dan giet it neffens Brok om foech 'op it mêd fan ûnderwiisynspeksje, mar ek fan lânbou, natuer, lânskip, klimaat'. Fierder wol Fryslân mei Seelân eksperimintearje mei in ferleging fan de leeftyd fan it kiesrjocht nei 16

[37] *Ynisjatyfutstel Brief Fryske taal en kultuer nei ynformateur, CDA, PvdA, FNP,SP, OFS, D66, GBF, CU/SGP, Grienlinks, 13-12-2006*
[38] *Fries in het onderwijs: meer ruimte, regie en rekenschap voor de provincie Fryslân, Stuurgroep decentralisatie Friese taal van RIjk naar de provincie Fryslân, 2010, Side 4*
[39] *Brok: 'Jou Fryslân mear foech', Leeuwarder Courant, 29-12-2017*

jier, sa waard begjin april dúdlik[40]. Mar ek mei dit inisjatyf kaam Fryslân yn De Haach foar in tichte doar[41], ek al wie it earst bedoeld as eksperimint.

Ut it foargeande wurdt dúdlik dat maatwurk foar Fryslân nedich is en dat de Steaten fan Fryslân dêr ek al tal fan kearen op oantrune hawwe. Boppeneamde inisjativen, moasjes of útspraken binne letter ek net ynlutsen of weromroppen. It is in proses fan in hiele lange asem om saken yn De Haach foar elkoar te krijen. Faak stuitsje de winsken út Fryslân op in muorre fan ûnkunde of ûnbegryp. Wy sjogge no, weromsjend en alles op in rychje settend, dat der yn it Haachske systeem altyd wol wer ergens in elemint sit dat it ferlet út Fryslân wei dwersbongelet of trainearret. Is it net it regear of de Twadde Keamer, dan binne it wol de Ministearjes. In sprekkend foarbyld dêrfan is de takomst fan de bertesoarch yn Dokkum (Sionsberg). Yn de Steaten fan Fryslân waard yn maaie 2012 by grutte mearderheid foar it behâld fan dy ferloskundige soarch stimd, mar in wike dêrnei yn de Twadde Keamer waard in moasje dêroer fersmiten.

Om werklik oansluting te krijen by it ferlet en de winsken yn Fryslân, is mear sizzenskip nedich. De Steaten fan Fryslân hawwe dat, as folksfertsjintwurdiging fan Fryslân, al geregeld útsprutsen en it is no tiid foar bûter by de fisk.

[40] *Friesland en Zeeland willen experimenteren met verlaging kiesrecht naar 16 jaar, Leeuwarder Courant, 17-04-2018*

[41] *Geen stemrecht voor 16- en 17-jarigen bij verkiezingen in Friesland en Zeeland, NRC.nl, 06-06-2018*

4. YNTERNASJONALE KONTEKST



De helte fan alle regio's (74 fan de 148) yn de EU hat al wetjaand foech. Hja meitsje de helte fan de befolking út fan de EU. Merk op dat yn alle 3 lidsteaten om ús hinne (België, Dútslân en it Feriene Keninkryk) der sprake is fan regio's mei wetjaand foech. Op mar 50 minuten riden fan Fryslân hawwe de ynwenners fan de Dútske Bundesländer fia in eigen parlemint folle mear sizzenskip.

De trije Antilliaanske lannen Aruba (1986), Sint Maarten en Kurasao (2010) hawwe ek wetjaand foech krigen, hawwe eigen parleminten, regearingen en ministearjes[42]. Der is sprake fan 'asymmetryske desintralisaasje' of ferdieling fan foech yn it Keninkryk. De provinsjes yn Nederlân hawwe wol beskate taken krigen, mar hawwe lang safolle foech net as de trije eilannen Aruba, Kurasao of Sint Maarten.

Figuer 1 Nederlân en de 3 oare lannen, boarne: https://nl.wikipedia.org/wiki/Koninkrijk_der_Nederlanden

Itselde sjogge wy by ferskate oare lidsteaten yn Europa: yn it Feriene Keninkryk hawwe Noard-Ierlân, Skotlân en Wales wól de mooglikheid om wetten fêst te stellen, mar Cornwall of Yorkshire net. In moai foarbyld binne ek de Aland eilannen foar de kust fan Finlân. Dy Sweedsktalige eilannen dy't offisjeel ûnder Finlân falle hawwe mar 28.000 ynwenners mar fiergeand wetjaand foech en in eigen parlemint en regearing. Dat funksjonearret oer it generaal hiel goed. Dêr docht boppedat út bliken dat it tal ynwenners of de grutte fan in lân of regio op himsels neat seit oer it funksjonearjen. Sa binne der 3 lidsteaten yn Europa dy't wat ynwennertal oangiet lytser binne as Fryslân: Iislân (315.000 ynwenners), Lúksemboarch (515.000) en Malta (411.000). Ta fergelyk: Fryslân hat 647.000 ynwenners en is mei 5700km2 twa kear sa grut as Lúksemboarch (2586 km2) en Malta (316 km2) byelkoar.

[42] *Bygelyks Kurasao: http://www.gobiernu.cw/nl/ministeries/*

Yn Brussel binne mar leafst hast 260 regio's[43] út de hiele EU dy't dêr in eigen fertsjintwurdiging hawwe. Dêr binne ek folle lytsere regio's by as Fryslân, lykas it Bureau de représentation à Bruxelles[44] fan de Aosta fallei (Italië) mei 128.000 ynwenners en de *Vertretung*[45] fan Ostbelgien (sûnt 2005) mei 95.000 ynwenners. Der is hast gjin regio mear dy't net in foarm fan fertsjintwurdiging hat yn Brussel. Ek regio's sûnder wetjaand foech hawwe dus faak in fertsjintwurdiging yn Brussel. Ien fan wichtichste pleitbesoargsters fan in 'independent representation' is Carolyn Rowe, dy't wiidweidich ûndersyk (Regional Representations in the EU: Between Diplomacy and Interest Mediation)[46] dien hat nei de lobby yn Brussel. It soe dus hiel goed wêze om as Fryslân mei in eigen kantoar oanwêzich te wêzen yn Brussel.

De Aosta fallei en Ostbelgien jouwe oan dat it der dêrby net allinnich om giet om harren eigen regio te posysjonearjen, mar ek om better subsydzjes fan 'Europa' te krijen, kontakten mei oare regio's/lidsteaten te hâlden/befoarderjen en it stypjen fan bedriuwen ut de regio's sels. Der binne sels regio's yn Europa dy't yn oare lidsteaten fertsjintwurdigingen hawwe, lykas Beieren yn Tsjechië[47]. Op de webside fan dy fertsjintwurdiging fan Beieren wurde de doelen dêrfan sa omskreaun: *'Die Repräsentanz Bayerns in Prag will die Beziehungen Bayerns zur tschechischen Regierung, Zivilgesellschaft und Wirtschaft weiter intensivieren – über gemeinsame Projekte und Veranstaltungen und als Schaufenster Bayerns in Tschechien. Sie ist vor Ort die erste Anlaufstelle für verschiedene Institutionen und natürlich die Bürgerinnen und Bürger aus Tschechien und Bayern. Als solche will sie Kooperationen anbahnen und fachliche Kontakte unterstützen, unter anderem in Politik, Wirtschaft, Wissenschaft, Bildung, Kultur und Umwelt. Die Repräsentanz will zudem die tschechische Öffentlichkeit über Bayern informieren: Durch Konferenzen, Diskussionsforen und kulturelle Veranstaltungen. Zugleich soll sie eine Plattform des gegenseitigen Austauschs für bayerische und tschechische Bürger, Unternehmen und Organisationen sein'.*

De aktiviteiten fan in lobbyburo kinne as folget ferdield wurde:

1. Monitoaring en kennis- en ynformaasje-útwikseling tusken Brussel←→Fryslân. It sammeljen fan ynformaasje, ynterpretaasje en de analyze dêrfan. Dat spilet benammen yn it begjinstadium fan beliedsfoarming by de Europeeske kommisje. Dat jout de mooglikheid om yn in ier stadium noch wizigings te bepleitsjen dy't yn it belang binne fan de regio's; yn ús gefal Fryslân.
2. Lobbye en netwurkje foar de Fryske belangen op it gebiet fan belied en subsydzjes. It opbouwen fan netwurken wurdt sjoen as in wichtige taak. It giet dêrby net allinnich om gearwurking om in mienskiplik stânpunt yn te nimmen mar ek it gearwurkjen tusken regio's ûnderling. Doel fan in eigen kantoar yn Brussel is foar alles de belangen fan de

[43] *Der wurde ferskillende begripen foar regio's hantearre. Soms is it ien konstitúsjonele regio, soms binne it mear provinsjes/regio's dy't meielkoar in fertsjintwurdiging hawwe (tink oan SNN of it HNP, Huis van de Nederlandse provincies) en soms binne it ek stedsregio's dy't yn Brussel in wurkadres hawwe.*
[44] http://www.regione.vda.it/amministrazione/struttura/infomappa_f.asp?codmap=278
[45] http://www.ostbelgienlive.be/desktopdefault.aspx/tabid-1989/3283_read-30045/
[46] *Regional Representations in the EU: Between Diplomacy and Interest Mediation, Rowe, 2011*
[47] http://www.bayern.de/staatsregierung/bayern-in-prag/ueber-die-repraesentanz-in-prag/

eigen regio te behertigjen. It omfettet sawol de lobby funksje as ek in program om in eigen profyl fan Fryslân del te setten en dus de sichtberheid fan Fryslân. Dat betsjut dat Fryslân him sjen litte moat by foarums, dielnimme oan debatten en beliedsseminars. Dêrtroch wurdt it kantoar (de lobbyist, fertsjintwurdiger) en dus Fryslân bekend en wurdt in dialooch mei de Kommisje makliker.

3. Kommunikaasje en PR, troch eveneminten. Utwikseling. Wurkbesites, promoasje, media en parse-aktiviteiten. Fryslan en Brussel tichterby elkoar bringe en de reputaasje fan Fryslan yn Europa en de wrâld fersterkje en útdrage. De regio toane op it Brusselske toaniel is hiel wichtich wertroch regio's har delsette kinne yn de Brusselske netwurken. Dat wurdt dien troch resepsjes, tentoanstellingen of oare kulturele eveneminten om jo regio sjen te litten yn in selskip dat yn takomstige ûnderhannelings fan betsjutting wêze kin.
4. Fryslan House mei Frisian Business Point (FBP)- In eigen gebou dêr't Fryslân har lobby-aktiviteiten yn ûnderbringt. Gemeenten lykas Ljouwert, Hearrenfean, SW Fryslân en Smellingerlân (F4) kinne dêr harren Brusselske lobby-aktiviteiten ek ûnderbringe. Dêr't ek permaninte kulturele en tydlike eksposysjes te sjen binne, sealen foar gearkomsten, sels in Frysk kafee mei iten en drinken út Fryslân, dêr't bedriuwen in plak hiere kinne of de wettersport en de eilannen harren fan de bêste kant sjen litte kinne. FBP: ûnderdiel fan it Brusselske Lobbykantoar, beminske mei 1 FTE lykas by ambassades, belêste om de Fryske ekonomy te befoarderjen. Bedriuwen nei Fryslan helje, infocenter, stypje fan de eksport, toerisme, ynvestearrings, aksint op MKB, access to funding, oanslute op oare netwurken.

Omdat it EU belied grutte ynfloed en konsekwinsjes hat foar Fryslân, sawol wat de beliedsfoarming oangiet as de útfiering fan EU regeljouwing en belied moat Fryslân sels yn Brussel fertsjintwurdige wêze. It is op dit stuit sa dat de lobby foar in grut part oer twa skiven ferrint: sawol fia it HNP (Huis der Nederlandse provincies) as fia SNN. Dat is net de meast effisjinte wurkwize en de kans is grut dat by prioriteitebepaling foar Fryslân wichtige saken tusken wâl en skip reitsje. Boppedat is de proseduere omslachtich wertroch net op koarte termyn reagearre wurde kin, wat faak wol needsaaklik is. Dêrom is in direkte ferbining mei eigen lobbyisten fan grut belang op in doelmjittige en direkte wize. Neidiel is ek dat SNN gjin konstitúsjonele regio is mei in direkte demokratyske fertsjintwurdiging. In konstitúsjonele regio hat wat de belangebehertiging oangiet in dúdlik foardiel boppe oare aktoaren omdat der in direkt dúdlik mandaat fan de regio is.

Budzjetten

Hjirûnder stiet in oersjoch[48] fan de omfang fan de jierlikse begruttingsgrutte fan ferskate regio's en lannen.

Regio/lân	Tal ynwenners	Jierlikse begrutting yn €	Bedrach/ ynwenner
Aruba	114.000	€ 690.000.000	€ 6050,-
Kurasao	151.000	€1.264.000.000	€ 8371,-
Sleeswyk-Holstein	2.831.000	€ 11.300.000.000	€ 3.991,-
Ostbelgien	76.000	€ 300.000.000	€ 3.947,-
Wales	3.150.000	€ 15.000.000.000	€ 4.762
Súd-Tirol	503.000	€ 5.636.000.000	€ 11.205,-
Malta (2017)	431.886	€ 4.480.853.000	€ 10.375,-
Estlân (2018)[49]	1.310.000	€ 10.615.985.000	€ 8.103,-
Fryslân	647.000	€ 489.000.000	€ 756,-

Yn trochsnee giet it by boppeneamde earste 6 regio's om € 6388,- de ynwenner. As dat getal as útgongspunt nommen wurde soe, dan soe Fryslân mei 647.000 ynwenners in jierlikse begrutting krije fan € 4,1 miljard. Foar alle dúdlikens: it giet no om in bedrach fan € 489 miljoen. Dat soe dus delkomme op in bedrach dat hast 9 kear sa grut wurdt. Ta fergelyk binne ek de jierlikse begruttingsbedraggen fan twa lidsteaten fermeld. Dy binne de persoan te ferlykjen mei Kurasao en Súd-Tirol. Kurasao jout oan[50] dat men himsels fierhinne rêde kin mei de eigen belestingynkomsten. Dêr wurde de budzjetten dan op basearre.

Yn in apart haadstik gean wy yn op de finânsjes.

[48] *Boarnen: wikipedia, websiden fan de ferskate regio's + lannen.*
[49] *https://www.stat.ee/53721*
[50] *Ynterview mei frou Phillips, Gevolmachtigd Minister fan Curacao yn Nederlân, 12 maart 2018*

5. WÊROM MEAR FOECH FOAR FRYSLÂN?

Yn dit haadstik sette wy op in rychje hokker arguminten der binne om mear sizzenskip foar Fryslân te wollen. Dêrby hawwe wy ús basearre op wittenskiplike ûndersiken, sifers fan bygelyks it Centraal Planbureau en oare ynstânsjes, útspraken fan saakkundige persoanen en oare feiten. De neikommende arguminten komme oan de oarder:

- Better foar ekonomy, wurk en wurkgelegenheid
- In bettere takomst foar jonge minsken
- Mooglikheden om selsfoarsjennend te wurden mei enerzjy
- In bettere sprieding fan foarsjenningen
- Bestjoer tichter by de boarger en sizzenskip oer saken dy't yn Fryslân spylje
- Wittenskiplik oantoande redenen.

5.1. Better foar ekonomy, wurk en wurkgelegenheid

Al sûnt de Twadde wrâldkriich hat it sa west dat de wurkleazens yn Fryslân heger lein hat as it trochsnee fan Nederlân.

Mei mear foech krije jo in hegere groei fan it Bruto Nasjonaal produkt en dêrmei in legere wurkleazens. Ut wittenskiplik ûndersyk[51] fan de RUG yn 2007 fan 192 West-Europeeske regio's oer in perioade fan 25 jier docht bliken:

- Regio's yn federalisearre steaten (bygelyks Dútslân, Eastenryk, België) hawwe in signifikant hegere ekonomyske groei as regio's yn ienheidssteaten (lykas yn Nederlân);

- De gemiddelde groei (BNP) yn autonome regio's is 0,5% heger per jier.

Dat soe betsjutte dat oer in lange termyn fan bygelyks 30 jier, as de ekonomy fan Fryslân 0,5% hurder groeie soe as dat it west hat, it BNP yn dy perioade mei 16% tanommen wie. It BNP fan Fryslân hie dan yn 2015 net € 18,2 miljard west, mar € 21,1 miljard. De susterpartij fan de FNP yn Sleeswyk-Holstein (Dútslân), de SSW, jout ek oan dat it eigen foech om de ekonomy te stimulearjen perfoarst foardielich útpakt. Sleeswyk-Holstein hat in eigen ekonomysk belied, kin sels ekonomyske subsydzjes ferdiele (ek Europeeske) en hat mei de Investitionsbank SH in eigen ynstitút om de ekonomy oan te swengeljen.

In pear konkrete foarbylden dat desintralisaasje fan taken nei Fryslân ta in soad wurk opsmiten hat, binne bygelyks dy fan it oergean fan it iepenbier ferfier en natoerbehear nei de provinsjes ta. Arriva Nederlân hat syn haadkantoar (mei 200 wurknimmers) net yn de Rânestêd, mar yn Hearrenfean. Yn Fryslân, dêr't Arriva de trochbraak yn Nederlân meimakke. In oar resint foarbyld datoangeande is dat Arriva it ûnderhâld oan syn 69 treinstellen, dy't ride yn Fryslân en Grinslân, krektlyn gund hat oan Stadler. Dêr is mar leafst € 200 miljoen mei anneks. It ûnderhâld wurdt dien by it stasjon yn Ljouwert en soarget foar

[51] *Crucq, P., & Hemminga, H-J. (2007). Decentralization and Economic Growth per capita in Europe*

60 nije banen. Dêrneist is it kantoar fan Staatsbosbeheer wer yn Ljouwert kaam[52], neidat it jierren yn de stêd Grins húsfêste wie.

Statistysk is oantoand (Wet fan Okun) dat in hegere ekonomyske groei soarget foar minder wurkleazens (sjoch ek in kaartsje[53] hjirûnder). Dy wet is in empyrysk waarnommen relaasje. No is foar elk lân en elke regio de relaasje justjes oars, mar yn syn algemienens wurdt steld dat foar elke 2,5% taname fan it BNP boppe de trend de wurkleazens mei 1% omleech giet. De wurkleazens yn Fryslân hie dan grif signifikant leger west as de 5,7% dy't der begjin 2017 wie.



Ut in ûndersyk fan de Rabobank nei de 'Brede wolfeartsyndikator' docht bliken dat alle Fryske regio's it minder goed dogge op it mêd fan materiéle wolfeart: 'Op het gebied van materiële welvaart scoren alle regio's in Friesland juist lager dan het Nederlandse gemiddelde'. Dan giet it benammen om it ynkommen[54].

[52] http://www.lc.nl/friesland/Staatsbosbeheer-opent-nieuw-kantoor-in-Leeuwarden-22440890.html
[53] *Okun zeih et al: Werkloosheid daalt pas bij structureel meer dan 2% economische groei, de WerkMarkt, 08-04-2016*
[54] *Brede Welvaartsindicator 2017, Brede welvaart in Nederland: Nationaal en regionaal, Badir e.o. Universiteit Utrecht & Rabobank, 2017*

5.2. In bettere takomst foar jonge minsken

Mear as ea is de FNP fan miening dat Fryslân ferlet hat fan in eigen universiteit. Dat sil dan, mei alle respekt foar de Campus-Fryslân fan de RUG, net in 'filiaal' wêze fan in oare universiteit, mar in eigen Fryske klassike universiteit mei in breed skala oan opliedings dêr't men ôfstudearje, promovearje én wittenskiplik ûndersyk dwaan kin. Yn syn rede by de Fedde Schurerlêzing 2017 (25-11-2017, Tresoar, Ljouwert) hat prof. Dr. Willem Frijhoff fan de Erasmus Universiteit Rotterdam dúdlik oanjûn dat 'een welvarende en goed functionerende regio thans niet meer zonder universiteit kan'. Der binne neffens him tal fan arguminten foar de fêstiging fan in universiteit. Yn it foarste plak komme dêr fansels ynhâldlike, yntellektuele arguminten foar yn oanmerking. Mar ek it politike argumint fan de ferdieling fan ûnderwiisoanbod yn in lân en it oanbod oan kulturele tsjinsten yn in bepaald plak. Dêrneist binne der ekonomyske arguminten (wurkgelegenheid, kennisûntwikkeling) mar ek net te ferjitten arguminten fan symboalyske aard (statussymboal fan in stêd). Neffens him is it wachtsjen op in echte universiteit yn Fryslân en foar Fryslân.

De lobbyist fan Wetsus en de Watercampus yn Ljouwert, Pieter de Jong, hat op 13 septimber 2017 yn it Platform Europa fan de Steaten fan Fryslân by in presintaasje sein dat Fryslân mei in eigen universiteit in folle hegere skoarre hawwe soe op de Europeeske 'Regional Innovation Scoreboard'. Fan alle regio's yn Nederlân bungelt Fryslân no ûnderoan (sjoch kaartsje op de folgjende side[55]). Yn de jierrekken 2017[56] fan de provinsje Fryslân stiet ek dat Fryslân wat R&D (Reseach&Development) útjeften as persintaazje fan it BBP, troch private bedriuwen, ta de provinsjes heart mei de leechste yntinsiteit R&D. It oandiel fan Fryslân yn it tal Nederlânske oktroaien leit hiel leech mei 0,8%. Hiel aktueel is in oersjoch fan de regionale ynnovaasje-yndeks yn Nederlân fan ING[57], dêr't Fryslân fan it 8e plak weromfallen is nei it 9e plak yn Nederlân wat provinsjes oangiet. Yn de Regional Competitive Index[58] fan de Europeeske Uny, dy't de skoares fan de regio's op tal fan mêden yn kaart bringt, sit Fryslân wat heger ûnderwiis en ynnovaasje oangiet dúdlik oan de ûnderkant. Yn trije jier tiid, tusken 2013 en 2016, is Fryslân op dy RCI ek weromfallen fan plak 56 nei 83. De leechste skoare fan Nederlân. Hegere 'rankings' (skoares) op dy beide yndeksen betsjut ek dat jo it ekonomysk better dogge. Jo sjogge no dat Fryslân faak efter rint by de ekonomyske ûntjouwings, yn tsjinstelling ta oare wat 'perifere' regio's yn Europa lykas Cheshire[59] yn it noardwesten fan Ingelân (700.000 ynwenners), Sjaelland[60] (Denemarken, 835.000 ynwenners) mar seker ek yn ferling mei oare provinsjes yn Nederlân. Alhoewol't Cheshire justjes mear ynwenners as Fryslân hat, hat it wol trije universiteiten. Itselde jildt foar Sjaelland mei in 'university hospital', in 'university college' en de universiteit fan Roskilde.

---

[55] *Boarne: http://ec.europa.eu/growth/industry/innovation/facts-figures/regional_en*
[56] *Monitoringsrapportage- Wurkje mei Frylân jan. 2018, Provinsje Fryslân, 2018, side 327*
[57] *Zuid-Hollandse economie behoort tot de meest innovatieve, provincie Zuid Holland, 16-05-2018*
[58] *http://ec.europa.eu/regional_policy/en/information/maps/regional_competitiveness/#3*
[59] *https://en.wikipedia.org/wiki/Cheshire*
[60] *https://en.wikipedia.org/wiki/Region_Zealand*

Boarne: Europeeske Kommisje

In gefolch fan it feit dat der amper wittenskiplik ûnderwiis yn Fryslân is, is dat alle jierren tusken de 1500 en 2200 talintearre jonge minsken Fryslân ferlitte[61][62]. En de measten komme, bûten famyljebesites of fakânsjes, nea wer werom! Dat wylst de measte jonge minsken wol graach yn Fryslân bliuwe wolle of letter werom komme wolle[63][64]. En it op dit stuit sa is dat in soad jonge minsken mei talint krekt nedich binne, der binne op de arbeidsmerk grutte tekoarten oan húsdokters, medysk spesjalisten, ICT'ers ensfh. Fan de 10-14% fan de minsken dy't yn 1995 in WO-oplieding folgje koenen, wennet yn 2016 noch mar minder as 6% yn Fryslân én hat dat WO-nivo folge. It is bekend dat jonge Friezen minder ambisjeus binne as oare ynwenners fan Nederlân en dêr kin dat grutte ferskil foar in lyts part troch ferklearre wurde. Mar fierwei de grutste oarsaak is it feit dat tûzenen talintfolle minsken alle jierren Fryslân ferlitte. Yn it saneamde 'skandeboek' yn taheakke 1 gean wy dêr fierder op yn.

[61] *Blijven of vertrekken? Verhuisbewegingen en -motieven van hoger opgeleide Friese Jongeren, Fries Sociaal Planbureau, 2018, side 5*
[62] *Friesch Dagblad, 7 septimber 2017*
[63] *Kiezen voor carrière of vertrouwdheid, Fries Sociaal Planbureau, 20-02-2018*
[64] *Blijven of vertrekken? Verhuisbewegingen en -motieven van hoger opgeleide Friese Jongeren, Fries Sociaal Planbureau, 2018*

Dat jout oan dat it hiel hurd nedich is dat der in brede, folsleine, klassike universiteit yn Fryslân komme moat. As Fryslân sels oer it (heger) ûnderwiis giet, kinne de Steaten ek sels in eigen universiteit yn it libben roppe. Dat giet dus folle fierder as it 'University College' as filiaal fan de RUG yn Grins, dêr't mar sa'n 1.000 minsken studearje kinne. Fryslân is wat ynwennertal ek net te lyts foar in eigen universiteit. Sa hawwe Korsika (300.000), de Algarve yn Portugal (451.000) en yn it Keninkryk ek Kurasao[65] (160.000 ynwenners) eigen universiteiten.

In gefolch fan it net hawwen fan in universiteit betsjut ek dat der, ferlike mei oare parten fan Nederlân, yn Fryslân troch it Ryk hielendal net ynvestearre wurdt yn wittenskiplik ûnderwiis (neffens berekkenings fan it Coelo € 0,00 de persoan). Yn Fryslân hawwe wy as Wittenskiplik ynstitút eins allinnich mar de Fryske Akademy, ûnderdiel fan it KNAW. Dy krijt € 1,4 miljoen op jierbasis. Fierder is der noch Wetsus, dat by elkoar opteld sawat € 2 miljoen op jierbasis krijt[66], foar in part ek fia it MinEZ (belied topsektoaren).

It is net allinnich sa dat der gjin universiteiten yn Fryslân binne, ek binne der gjin fêstigings fan de NWO (Nederlandse Organisatie voor Wetenschappelijk Onderzoek)[67]. Op de folgjende side is in kaart[68] werjûn wêr't de ferskate ynstituten fan it NWO fêstige binne. By it NWO giet alle jierren sawat € 768 miljoen subsydzje fan it Ryk om. It bedrach dêrfan foar Fryslân is dus nihil.

[65] https://en.wikipedia.org/wiki/University_of_Cura%C3%A7ao
[66] *Beantwoording van vragen over de financiering van kennisinstituut Wetsus na 2016, Ministerie van Economische Zaken, 23-03-2016*
[67] https://www.nwo.nl/over-nwo/organisatie
[68] *Boarne:* https://www.nwo.nl/binaries/content/gallery/nwo/algemeen/over-nwo/infographic-2018_nl.jpg

Yn in artikel yn it *Friesch Dagblad* fan 3 july 2012 stiet beskreaun dat dr. Hester de Boer (Ryksuniversiteit fan Grins) oantoand hat dat it talint fan Fryske learlingen better benut wurde kin mei in eigen universiteit yn Fryslân. Bern út Fryslân folgje in minder hege oplieding as dat se oankinne, om't yn Fryslân gjin universiteit is.

5.3. Mooglikheden om selsfoarsjennend te wurden mei enerzjy

Neffens de eigen 'Friese Energiestrategie' foar Fryslân kin Fryslân yn 2050 nei 100 prosint duorsume enerzjy ta[69]. Ek op de 'Sustainable energy conference' (SEC) op 27 en 28 oktober 2017 hat bliken dien dat Fryslân yn 2050 folslein selsfoarsjennend wurde kin op it mêd fan enerzjy[70][71]. Dat hat de Universiteit Twente berekkene. Der wurdt troch de ûndersikers ferwachte dat it enerzjyferbrûk tsjin dy tiid justjes minder is (58PJ) ferlike mei de 62,2PJ yn 2016. It giet dan sawol om de fraach nei elektrisiteit, nei waarmte, nei motorbrânstoffen (foar

[69] http://frieseenergiestrategie.nl/
[70] *Scenario Fryslân, Energy balans Fryslân 2015, presintaasje TU Twente, Conferentie Duurzame Energie voor Europese Regio's, 27-10-2017*
[71] *FNP optein oer mooglikheid selsfoarsjenning enerzjy yn 2050, FNP, 29-10-2017*

it ferkear) as oar ferbrûk. Hjirûnder in tal diagrammen mei it enerzjyferbrûk yn Fryslân yn 2016 dy't op de SEC-konferinsje presintearre binne. Dúdlik wurdt dat gebouwen de measte enerzjy ferbrûke (26,8PJ), dêrnei transport en mobiliteit (20,2PJ), yndustry en enerzjy (9,9PJ) en as leste lânbou, boskbou en fiskerij (2,7PJ).



Ut ûndersteand diagram wurdt dúdlik wat de ferskate enerzjy-boarnen foar Fryslân yn 2050 wêze kinne op grûn fan de wittenskiplike kennis fan no. De wichtichste binne sinne-enerzjy (36%), wynenerzjy (35%), geotermy (24%) en biomassa (5%).



Geotermy kin foar Fryslân in hiele grutte rol spylje, dat komt om't de waarmte hjir relatyf ticht ûnder de grûn sit (sjoch bygeande kaart fan Nederlân[72]). Alle Fryske stêden mei mear as 10.000 ynwenners én grutferbrûkers fan waarmte kinne yn de takomst mei in rindabele businesscase foarsjoen wurde fan waarmte ut geotermy. It is dan wol fan belang dat de waarmtewinning net yn it paad sitten wurdt troch (takomstige) opslach fan radio-aktyf ôffal of dat de grûn yn beweging is troch foarse ierdgaswinning.



Selsfoarsjennend mei enerzjy betsjut oan de iene kant dat jo net ôfhinklik binne fan de enerzjyleverânsjes fan oaren, bydrage oan in leefberder wrâld en tagelyk dat de measte opbringsten ek yn Fryslân sels bliuwe. It is no sa dat per ynwenner fan Fryslân neffens it Coelo (2018) € 513 betelle wurdt oan belesting op motorbrânstoffen (diesel, super ensfh.). Fierder betelje Friezen yn trochsnee € 302 oan enerzjybelesting. Dat betsjut, útgeande fan 647.000 ynwenners (2016), dat de ynwenners fan Fryslân alle jierren meielkoar € 527 miljoen oan belestings op enerzjy betelje. By selsfoarsjennendheid op enerzjygebiet bliuwt in folle grutter part fan dat bedrach yn Fryslân. Boppedat draacht Fryslân dêrmei syn stientsje by oan it miljeu en docht it net in ûnnedige oanslach op it lânskip troch de winning fan fossile brânstoffen yn oare lannen. Yn de Nederlânske konstruksje sa't dy der no is, is de kans grut dat regio's lykas Fryslân opnij 'wingewest' wurde, mar dan mei duorsume enerzjy-opwekking. As dat op grutte skaal oplein wurdt, sil it lânskip fan Fryslân dêr slim ûnder te lijen hawwe (yndustrialisaasje fan it lânskip). Dêrom moat polityk-De Haach fierder tinke en bygelyks gebrûk meitsje fan 'statistical transfer'[73] om de problemen troch Europeeske gearwurking de holle te bieden. Lúksemboarch en Litouwen hawwe al in oerienkomst opsteld en wize it

[72] *Boarne: https://www.nemokennislink.nl/publicaties/energie-uit-de-bodem/*
[73] *https://ec.europa.eu/energy/en/topics/renewable-energy/renewable-energy-directive/cooperation-mechanisms*

paad[74]. As jo soks mei súkses dogge, is it net nedich dat it lânskip fan Fryslân fernield wurdt omreden fan te min mooglikheden foar streamopwekking yn de Rânestêd.

5.4. In bettere sprieding fan foarsjenningen

Fryslân hat sels amper stjoer op de oanwêzigens fan foarsjennings. As it no giet om húsdokterposten, dokterswachten[75], om sikehuzen, de sprieding fan ambulanses, jildautomaten, brievebussen of it fuortbestean fan skoallen: de Steaten fan Fryslân of gemeenterieden hawwe der gjin of amper ynfloed op. Oan de iene kant komt dat troch de merkwurking (dy't op himsels ek wer legitimearre is troch it Nederlânsk regear en de Twadde keamer), oan de oare kant ek om't wetjouwing en budzjetten it foech binne fan polityk-De Haach.

De lêste jierren hawwe wy sjoen dat de bertesoarch út Dokkum (Sionsberg) ferdwûn is, wylst sawol de gemeenten as de provinsje Fryslân dat net woenen. De Twadde Keamer woe dêr gjin stokje foar stekke, nettsjinsteande driuwende oproppen út Fryslân wei. Troch it opsizzen fan it soarchkontrakt mei De Friesland binne ferskate poli's ferdwûn of draaie op heale krêft. Mar, de kwestje mei Sionsberg stiet net op himsels. Yn syn algemienens driigje lytse sikehuzen de dupe te wurden fan hieltyd strangere kwaliteitseasken, dy't neffens de direkteur fan it Wilhelmina sikehûs yn Assen hielendal net nedich binne[76]. Dat kin ek grutte konsekwinsjes hawwe foar de sikehuzen fan bygelyks It Hearrenfean en Snits. Der is ek in grut tekoart oan húsdokters[77] (benammen yn Ljouwert) en medysk spesjalisten yn Fryslân[78]. En dat hat ek wer te krijen mei in tekoart oan heechweardich wurk yn Fryslân. Pasjinten binne de dupe.

Yn de takomst sille hieltyd mear saken fia ynternet, digitaal, dien wurde. Dêr is in goede en flugge breedbânferbining foar nedich. Lykwols, op in grut part fan it Fryske plattelân is dat noch net of noch net optimaal (resp. wite en grize gebieten) oanwêzich. En dat betsjut wer dat it foar bedriuwen minder oantreklik is om dêr te bliuwen of har dêr te fêstigjen. Finansjele stipe foar de oanlis fan breedbân ynternet út Europa of fan it Ryk sels soe dan tige wolkom wêze, lykas dat bygelyks yn Ierlân[79] wol it gefal is. Lykwols, troch beslútfoarming fan it Ryk (minister Kamp yn it regear fan PvdA-VVD) by de twadde pylder fan it Europeesk lânboubelied (plattelânsbelied) misse Fryslân en oare provinsjes no jild fan de EU foar breedbân ynternet. Dat sei Europarlemintariër Van Nistelrooij op 1 juny 2016 yn it Platfoarm Europa fan de Fryske Steaten. Opnij in foarbyld dat it Ryk net goed foar de Fryske belangen opkomt. Yn Dútslân komt de federale oerheid wól op foar de 'plattelânsgebieten'. Dêr hat de

[74] https://ec.europa.eu/info/news/agreement-statistical-transfers-renewable-energy-amounts-between-lithuania-and-luxembourg-2017-oct-26_en
[75] https://www.dokterswacht.nl/dokterswacht-nieuwsbericht-outsite/uitkomst-pilot-huisartsenpost-koudum
[76] *Bestuurder Wilhelmina Ziekenhuis bekritiseert aanval op kleine ziekenhuizen, Dagblad van het Noorden, 22-05-2018*
[77] *Huisartsen zien geen oplossing voor tekort in Leeuwarden, Leeuwarder Courant, 03-10-2017*
[78] *'Friese GGZ niet in trek bij jonge afgestudeerden', Friesch Dagblad, 11/8/2017*
[79] *€500m in European funding for National Broadband Plan, the Irish Times, 13-04-2018*

Bund leafst € 4 miljard beskikber steld foar fluch ynternet yn de ûnrindabele gebieten. Nederlân hat amper jild beskikber steld, neffens it rapport fan de rekkenkeamer NRK[80].

Gebou fan it UWV yn Ljouwert, foto: FNP

Brievebussen fan PostNL ferdwine[81] de kommende tiid ut tsientallen doarpen en wiken yn Fryslân wertroch minsken kilometers ride moatte om harren kaart of briefke fuort te bringen. Dat betsjut ekstra ferfier, miljeufersmoarging en ekstra kosten foar de minsken dêr't it om giet. Der binne ek tal fan Rykstsjinsten ut Fryslân ferdwûn, of driigje de kommende jierren noch te ferdwinen. Tink oan it Kadaster ut Ljouwert nei Grins ta (2009)[82], de Sociale Verzekeringsbank nei Grins, de eigen haadfêstiging fan de Keamer fan Keaphannel (2008)[83], de plysje fan Fryslân, dy't yn 2013 gearfoege is mei Grinslân en Drinte[84] en it 'Noardlik haadkantoar' krige yn Grins mei in folslein Grinzer top, it ferhúzjen fan it Iepenbier Ministearje[85] nei de stêd Grins[86], it UWV dat yn 2020 nei Grins ta giet[87] ensfh. Mei it fuortgean fan de direksje en it hannelsregister fan de Keamer fan Keaphannel nei Grins ta, hat dêr ek in konsintraasje plakfûn fan wurkjouwersorganisaasjes lykas VNO-NCW, MKB Noord ensfh. Mei it fuortgean fan foarsjennings, bedriuwen en organisaasjes gean de banen fansels ek fuort en is der minder perspektyf yn de regio.

Gebou fan de KvK yn Ljouwert, foto: FNP

[80] *Internet, en een beetje snel graag! De aanleg van breedbandinternet in de provincie Fryslân; Jong, de, Groot, de & Everaarts, Noordelijke Rekenkamer 2018*
[81] *https://www.google.com/maps/d/viewer?mid=1ByuUmSfyevL2qjh8ETKfxZnrxIUteoSD&ll=53.12646145122496%2C5.888668049999978&z=9*
[82] *Laatste week voor Kadaster Leeuwarden, Leeuwarder Courant, 16-03-2009*
[83] *Groningen wordt hoofdkantoor Noordelijke Kamer van Koophandel, stichting ZZP Nederland, 16-02-2007*
[84] *https://nl.wikipedia.org/wiki/Politie_Frysl%C3%A2n*
[85] *https://www.om.nl/organisatie/landingspagina/noord-nederland/contactgegevens/*
[86] *'Noordelijke politie krijgt compleet Groninger karakter', Friesch Dagblad, 15-12-2012*
[87] *UWV-kantoor nog niet naar Groningen, Leeuwarder Courant, 14-01-2017*

Mei sizzenskip yn hannen fan de Steaten fan Fryslân, eigen wetjaand foech en it oernimmen fan de taken fan de ferskate Ministearjes as it om saken yn Fryslân giet, kin Fryslân wer sels bepale wêr't al as net foarsjennings komme en soargje foar in goede sprieding en beskikberens. Soks is yn in soad regio's yn Europa al it gefal. Yn Sleeswyk-Holstein bygelyks giet de dielsteat sels oer it iepenhâlden of sluten fan finzenissen, yn Sweden giet net de steat mar de regio's oer de sûnenssoarch en de measte regio's dy't yn Europa wetjaand foech krigen hawwe regelje sels de sprieding (beskikber én berikber) fan it ûnderwiis.

5.5. Bestjoer tichter by de boarger - Sizzenskip oer saken dy't yn Fryslân spylje

Yn dizze paragraaf gean wy yn op it tichterby bringen fan it bestjoer by de boarger. En om de sizzenskip oer saken dy't yn Fryslân spylje ek safolle mooglik yn Fryslân sels del te lizzen. Wy gean dêrby yn op de neikommende ûnderdielen:

1. Draachflak polityk-De Haach yn Fryslân
2. Finansjele perspektyf foar Fryslân - minder ôfhinklik fan de Steat
3. Mienskiplike regelingen
4. Befoarderjen fan it Frysk folslein yn Fryske hannen

5.5.1. Draachflak polityk-Den Haach yn Fryslân

Neffens in resint ûndersyk[88] fan it Frysk sosjaal planburo (maaie 2017) jouwe de Friezen sels oan dat:

- It Nederlânsk regear net wit wat der libbet yn Fryslân.
- En dat Fryslân te min omtinken kriget yn de Nederlânske polityk (Twadde Keamer)

Yn it rapport wurdt ûnder oare steld (sitaat yn it Nederlânsk):

'Den Haag te weinig aandacht voor Fryslân

De relatie tussen Fryslân en Den Haag wordt minder rooskleurig ervaren. Ruim de helft vindt dat Fryslân te weinig aandacht krijgt in de landelijke politiek. Krap de helft is het ook oneens met de stelling dat de Nederlandse regering weet wat er in de provincie Fryslân leeft'.

De gemeentlike én de provinsjale polityk wurde better wurdearre as de lanlike en Europeeske polityk[89]: 'Ze (de Friezen) waarderen het lokale bestuur beter dan landelijk en Europees. Het gemeentebestuur krijgt gemiddeld een rapportcijfer 6,3, de provinciale politiek een 6,2, de Haagse politiek een 5,6, en de Europese politiek een 4,9'. Fierder fynt dúdlik mear as de helte fan de Fryske panelleden dat der mear Fryske Twadde Keamerleden wêze moatte. Dêr binne de ferskate groepen yn it panel it ek it meast oer iens.

[88] *Met Fryslân gaat het goed, met Nederland gaat minder, Fries Sociaal Planbureau, 04-05-2017*
[89] *Panel Fryslân over vertrouwen in politiek en samenleving, Panel Fryslân, 2017*



Boarne: Panel Fryslân, maart 2017

Opfallend yn it rapport is fierder dat de measte minsken fine dat it de goede kant út giet mei Fryslân, mar dat mar leafst de helte fan de Friezen (50%) fynt dat it de ferkearde kant út giet mei Nederlân: 'Met Fryslân gaat het goed, met Nederland gaat het minder. Wat opvalt is dat voor alle leeftijdsgroepen geldt dat een grotere groep vindt dat het met Fryslân de goede kant op gaat (er is geen waarde onder de nul op de horizontale as). Ruim de helft (52%) van alle panelleden vindt dat het meer de goede kant opgaat met Fryslân en 34% vindt dat het de verkeerde kant op gaat met Fryslân. Het nettopercentage is dus positief met 18%. Wanneer we naar de hele groep panelleden kijken is dit percentage negatief voor Nederland. Van alle panelleden zegt iets minder dan de helft (45%) dat het de goede kant op gaat en de helft (50%) dat het de verkeerde kant op gaat, waarbij het netto-percentage uitkomt op -5%. Maar dit verschilt voor de verschillende leeftijdsgroepen'.

As wy sjogge nei it prosintuele draachflak fan de ferskate regearingen yn Fryslân dan falt op dat fan 1946 ôf leafst yn 22 jier in regear oan de macht west dat net op in mearheid fan de Fryske befolking rekkenje koe. It grutste part dêrfan leit yn de perioade nei 1977. Fan dat jier ôf hat mar 23 jier in kabinet it lân regeart dat op foldwaande stipe fan de befolking fan Fryslân rekkenje koe. Yn mar leafst 17 jier fan dy perioade wie dat net it gefal. It giet om de kabinetten Biesheuvel-2, Van Agt-1, van Agt-3, Lubbers-1, Lubbers-2, Balkenende-2, Balkenende-3 en Rutte-1.

In bykommend probleem dat hieltyd driuwender begjint te wurden, is dat Nederlân by de lêste kabinetsformaasje leafst 225 dagen sûnder regear sitten hat en dat dat fenomeen faker foarkomt. Sûnt 2003 hawwe der al 3 fan de 5 kabinetten west dêr't de formaasje langer duorre as 125 dagen. Meielkoar hawwe de lêste 5 kabinetten 622 dagen nedich hân om te

formearjen[90]. Dat binne hast 2 'ferlerne' jierren yn 15 jier. Tal fan saakkundigen jouwe oan dat der dan kânsen foar Nederlân en ek foar Fryslân mist wurde. Of dat problemen har krekt opsteapelje. Bygelyks de ôfhanneling fan skea troch de gaswinning yn Grinslân. Rutte hat tajûn dat dat slim fertrage waard troch de lange kabinetsformaasje[91]. Yn Fryslân is it meastentiids sa dat de ferkiezings begjin maart binne en dat it nije Kolleezje al yn maaie ynstallearre wurdt.



As sjoen wurdt nei it tal leden fan it Parlemint (de Twadde Keamer) yn De Haach dat yn Fryslân wennet, dan hellet dat faak net iens de 4% (6 Keamerleden) dy't jilde soe foar in represintatyf oantal. Ommers, sawat 4% fan de befolking fan Nederlân wennet yn Fryslân. Dat betsjut ek – oars renedearre – dat de besluten dy't de wichtichste en meast fiergeande konsekwinsjes hawwe foar Fryslân makke wurde troch in parlemint dat foar mear as 95% net út Fryslân sels komt. Yn de regearperioade dy't no geande is, fan 2017-2021, komme mar 3 fan de 150 keamerleden ut Fryslân. De Partij voor de Dieren is sels noch better yn de Twadde Keamer fertsjintwurdige as de Friezen[92]. Dat betsjut dus dat de wichtichste besluten foar Fryslân (wetten&regels, ynvestearrings, ensfh.) nommen wurde troch 98% fan de Keamerleden dy't bûten Fryslân wennet. Dêrmei wurdt dus ûnderstreke dat minsken yn Fryslân fine dat der te min Keamerleden út Fryslân komme. It hoecht gjin neiere útlis dat as Keamerleden net of (folle) fierder fan Fryslân of wenje, dat se dan ek minder goed op de hichte binne fan de situaasje en dêrom ek minder goed ynspylje kinne op winsken en ferlet dat hjir libbet.

Neist it feit dat der amper Twadde Keamerleden ut Fryslân komme, binne de Keamerleden dy't dêr al sitte ek noch lid fan fraksjes dy't foar de algemiene belangen fan hiel Nederlân opkomme wol. Dêrmei belichaamje se de Nederlânske ienheidssteat en komme de Fryske belangen, as it nypt en wedernypt, op it twadde plak. De fraksjedissipline giet sawat altyd foar de yndividuele kar fan politisy.

Konklúzje is dat men yn polityk-De Haach te min wit wat yn Fryslân spilet, dat der te min omtinken is foar Fryslân yn de Nederlânske polityk, dat der te min Fryske keamerleden binne, dat der faak kabinetten binne dy't net op in mearderheid fan de Fryske kiezers rekkenje kinne. En dat tagelyk lokaal en provinsjaal bestjoer fan Fryslân hegere rapportsifers krije as de Haachske en Brusselske bestjoerders. Men kin gerêst stelle dat de Twadde Keamer en it regear fan Nederlân te min legitimiteit en draachflak hawwe yn Fryslân. En dat

[90] *https://www.parlement.com/id/vhnnmt7mnnzb/duur_kabinetsformaties_sinds_1946 en Friesch Dagblad, 26/8/2017, 'Bijna langste formatie ooit'.*
[91] *Rutte: trage afhandeling schade aardbeving 'komt door lange formatie', RTL Nieuws, 14-01-2018*
[92] *Vijf zetels in de Tweede Kamer voor de Partij voor de Dieren!, webside Partij voor de dieren, 17-03-2017*

it dêrom better is dat de wichtichste besluten foar Fryslân tichter by de boarger, op gemeentlik of op regionaal (Frysk) nivo nommen wurde.

In bykommend, mar net minder belangryk argumint, is dat minsken gelokkich wurde fan sizzenskip oer it eigen libben, bygelyks troch ynfloed te hawwen op de lokale oerheid. Dat hat de Britske ekonoom Lord Peter Richard Layard nei jierrenlang ûndersyk útfûn[93]. Jo hawwe as boarger yn in gemeente of provinsje mear ynfloed op de folksfertsjintwurdigers dêr as op de Twadde Keamerleden. Dêr binne ommers mar 150 fan en mei jo iene stim op miljoenen minsken is jo ynfloed folle lytser.

5.5.2. Finansjele perspektyf foar Fryslân – minder ôfhinklik fan de Steat

De kommende jierren rinne de strukturele baten fan Fryslân op fan € 290 miljoen yn 2018 nei € 349 miljoen yn 2027. De strukturele lêsten rinne lykwols ek sterk op, fan € 278 miljoen nei € 343 miljoen yn 2027. Dy bliuwe, sa't it him no oansjocht, dêrtroch de hiele perioade leger as de strukturele baten. Dat betsjut dat der op himsels jild oerbliuwt, dat nei de Algemiene reserve (VAR) ta giet. De lêste ûntjouwings troch de *Meicirculaire*[94] fan it Ryk wize der op dat it begruttingssaldo fan de provinsje Fryslân ein 2027 noch mar € 2,3 miljoen is. In hiele smelle marzje. Oant no ta hie Fryslân altyd in rynske reserveposysje, mar dat wurdt hurd minder. De eardere NUON-reserve is foar in grut part brûkt foar it programma 'Wurkje foar/mei Fryslân'. Dêrneist hat in balânsferkoarting plakfûn foar de oanlis fan grutte wegen, wat ynhâldt dat der yn ien kear fiks ôfskreaun is. Dat betsjut dat it ynsetber diel fan de VAR nei de saneamde Kadernota[95] dy't yn 2018 ferskynt, noch mar € 112 miljoen is, wylst der wol grutte mooglike kleems lizze. Tink oan it tekoart op de natuer-opjefte, it Ynterbestjoerlik programma tusken Ryk en oare oerheden en de oanpak fan ûnbefeilige spoarwegen yn Fryslân. Dêrom wurdt no al neitocht oer fierdere besunigings op it amtlik apparaat of op de útjeften. Mar dat betsjut bygelyks dat it busferfier op it plattelân útklaaid wurde kin, dat der minder útjûn wurde moat oan promoasje foar it toerisme of dat der op kulturele foarsjennings besunige wurde moat. As der neat feroaret driget in kealslach.

Ut de grafyk fan it Coelo op de folgjende side docht bliken dat fan alle belestings dy't yn Nederlân opbrocht wurde, fierhinne it grutste part (hast 95%) nei it Ryk ta giet. Wylst tal fan taken dy't ticht by de boarger útfierd wurde moatte troch gemeenten en provinsje, binne de belestingmooglikheden foar dy oerheidsorganen tige beheind. De VNG en it IPO, as belangebehertigers fan gemeenten en provinsjes, hawwe dêr al tal fan kearen op wiisd en lobbyd foar in rommere belestingmooglikheid foar de desintrale oerheden. In foarbyld soe bygelyks wêze kinne dat de opbringsten fan ferkearskontrôles net yn de steatskas ferdwine, mar brûkt wurde om de feiligens op de diken yn Fryslân sels te ferbetterjen[96]. Veilig Verkeer Nederland (VVN) hat him der ek foar útsprutsen dat it jild dat helle wurdt út de oanpak fan ferkearsûnfeilich gedrach stutsen wurdt yn gedrachskampanjes (*Friesch Dagblad*, 21 july 2017). As wy sjogge nei it bûtenlân dan gean yn Flaanderen alle opbringsten fan ekstra

[93] *Friesch Dagblad, 17 maart 2018, side 4.*
[94] *Meicirculaire 2018 provinciefonds, Ministerie van BZK, 21 maaie 2018.*
[95] *Voltooien, verbinden en vooruit kijken, kadernota 2019, Provinsje Fryslân, 2018*
[96] *FNP wol opbringsten ferkearskontrôles brûke foar ferbeterjen feiligens, it Nijs.frl, 16-07-2017*

kontrôles streekrjocht ek nei in eigen, regionaal ferkearsfeiligensfûns, it '*Vlaams Verkeersveiligheidsfonds*'. Nei analogy dêrfan kin der ek in Frysk ferkearsfeiligensfûns foarme wurde. By it Ryk moat der dêrom foar pleite wurde om de ynkomsten fan kontrôles op ferkearsoertredings by provinsjale diken sels hâlde te kinnen (lykas gemeenten yn it ferline sels ek de ynkomsten hâlde mochten).

Figuur 2 Belasting- en premieopbrengst naar overheidslaag, 2016[a]



a Op begrotingsbasis. Bronnen: Miljoenennota 2015 (Rijk) en CBS.

5.5.3. Mienskiplike regelingen

Der binne in stikmennich mienskiplike regelingen tusken it Ryk en Fryslân. Neffens de útgongpunten fan de FNP-fisy sille yn de takomstige situaasje de taken en it foech dat it Ryk no noch hat yn sokke regelingen, folslein troch Fryslân oernommen wurde. Tink bygelyks oan Tresoar, dat in Mienskiplike Regeling is tusken Ryk, Fryslân en de stifting FLMD. Wat de Regionale Histoaryske Sintra oangiet (dêr't Tresoar ien fan is), is no al in ûntwikkeling[97] te merkbiten dat it Ryk him weromlûke wol út behear, ûnderhâld en eigendom fan de gebouwen.

Omdat Fryslân in hiele oare status krijt as de oare provinsjes, moat ek besjoen wurde oft Fryslân noch wol diel útmeitsje moat fan it IPO (InterProvinciaalOverleg), it Huis van de Nederlandse provincies, SNN, de NRK (Noardlike Rekkenkeamer), de BNG (Bank voor de Nederlandse Gemeenten) en de NWB (Nederlandse Waterschaps Bank). Sa kin yn alle gefallen besjoen wurde oft de jilden net better ynsetten wurde kinne en oft der mooglik ek jild besparre wurde kin: it IPO kostet € 485.000, it HNP € 19.500 op jierbasis, SNN kostet sawat € 533.000 op jierbasis en de NRK € 266.000. Meielkoar € 1,3 miljoen op jierbasis. Yn de BNG en NWB hat de provinsje Fryslân in oandielebelang.

Fryslân docht neffens de FNP fisy sels saken mei Brussel as it giet om Europeeske subsydzjes. Dat betsjut dus ek eigen lobbyisten en in eigen management-autoriteit. It betsjut dat Fryslân dan guon taken fan SNN, as it om Fryslân giet, oernimt. Fryslân is dêr oars

[97] *Vaststelling begroting Ministerie van Onderwijs, Cultuur en Wetenschappen, 34775 VIII 136, 25-05-2018*

perfoarst net te lyts foar: der binne ek regio's dy't yn ynwennertal lytser binne as Fryslân dy't sels de eigen subsydzje-saken regelje mei Brussel, lykas Bremen[98][99], Ostbelgien[100] mei 76.000 ynwenners en it uterste noarden fan Sweden (Upper Norrland[101]). By it SNN wurkje op dit stuit sa'n 75 meiwurkers. Utgeande fan 1/3 part dêrfan, soe in eigen útfieringsorganisaasje (management-autoriteit) foar Fryslân 25 meiwurkers krije kinne, ynklusyf lobbyisten. Dat Fryslân it sels dwaan sil is net nij: oant 2007 die Fryslân sels ek saken mei Brussel as it om Europeeske subsydzjes gong, bygelyks de EFRO-jilden.

Dat Fryslân sels mear saken opkriget yn de foarm fan in stik selsbestjoer, betsjut perfoarst net dat der minder oparbeide/gearwurke wurde sil mei oare regio's. Krekt net! Ommers, Fryslân sil yn dy situaasje sels mear de leie yn hannen hawwe yn de kontakten mei oaren, en fia eigen fertsjintwurdigers yn De Haach, Brussel, mei eigen lobby, sakereizen ensfh. Mei wetjaand foech kin Fryslân him ek oanslute by it Europeesk netwurk fan leafst 75 regio's mei dat foech (legislative assemblies), Calrenet[102] (earder Regleg[103]). Sa sil Fryslân krekt mear kontakten krije bûten Fryslân sels. Yn dat pleit stiet de FNP trouwens net allinnich, want by de fiering fan it hûndertjierrich bestean fan de VFG (Feriening fan Fryske Gemeenten) hawwe sawol de Ljouwerter boargemaster Ferd Crone as kommissaris fan de Kening Arno Brok derfoar pleite dat Fryske politisy en amtners harren faker yn De Haach en Brussel sjen litte[104].

5.5.4. Befoarderjen fan it Frysk folslein yn Fryske hannen

Yn desimber 2016 is it fyfde rapport[105] fan de Ried fan Europa ferskynd oer it neilibjen fan de ôfspraken yn it Hânfêst foar Regionale en Taalminderheden. Nettsjinsteande dat it foar de fyfde kear wie dat in rapport ferskynde, binne benammen op it mêd fan ûnderwiis en media in soad saken noch net op oarder. Ferskate saken dy't yn eardere rapporten oan de oarder kamen, lykas in dialooch mei de Fryske minderheid, is neat fan op de hispel kommen. De praktyk op in soad skoallen dat mar 30 oant 45 minuten omtinken is foar it Frysk is neffens de Ried fan Europa yn striid mei de ferplichtings dy't Nederlân oangien is yn it ramt fan it Hânfêst. Dêr stiet nammentlik dat in 'substantiëel part fan it ûnderwiis' yn de minderheidstaal jûn wurdt.By de rjochtbanken is it Frysk sels efterút buorke, omdat hieltyd mear rjochtssaken buten Fryslân ôfhannele wurde en minsken dan minder oanstriid fiele harren memmetaal te brûken.

Yn Europa sjogge wy benammen dat yn regio's mei wetjaand foech, lykas Kataloanje (fan 60% yn 1975 oant 73% yn 2013), Baskelân (fan 528.000 yn 1991 nei 714.000 yn 2011 (28,4%)) en Wales (fan 19% yn 2001 nei 24% yn 2014) it tal sprekkers fan de regionale- of minderheidstaal tanommen is. Merk dêrby op dat yn de Baskyske en Katalaanske gebieten

[98] https://www.efre-bremen.de/program/erdf_2014_2020-20019
[99] http://ec.europa.eu/regional_policy/en/atlas/programmes/2014-2020/germany/2014de16rfop005
[100] http://www.ostbelgieneuropa.be/desktopdefault.aspx/tabid-4245/
[101] http://ec.europa.eu/regional_policy/en/atlas/programmes/2014-2020/sweden/2014se16rfop008
[102] https://www.calrenet.eu/
[103] https://nl.wikipedia.org/wiki/REGLEG
[104] *Friesch Dagblad, 12 septimber 2017, side 3.*
[105] *Tige kritysk rapport Ried fan Europa oer Neilibjen Hânfêst Minderheden troch lidsteat Nederlân, EBLT, 2016*

yn Frankryk, dy't gjin of amper foech oer de regionale taal hawwe, it oantal sprekkers weromrûn is. Op de mini-konferinsje '*Cultural and Linguistic Variety of Countries and European Regions'* op 26 jannewaris 2018 waard troch sprekkers út Malta, Wales, Baskelân en de Faeroer eilannen ek oanjûn dat hja allegear gjin problemen mear hawwe mei it taalbelied fan harren eigen regionale taal, om't se alle fjouwer it foech (krigen) hawwe om dy regionale talen te befoarderjen. Op de Faroer eilannen, mei mar 50.000 ynwenners, hawwe se bygelyks in 'full spectrum' fan media yn de eigen taal. Dat wylst it trije generaasjes lyn noch folslein útband wie út skoallen, de oerheid ensfh. Yn it Keninkryk sels sjogge wy ek sa'n ûntjouwing. Op Aruba hat men it folsleine foech oer it ûnderwiis krigen. Yn 2003 waard it *Papiamento* ien fan de offisjele talen fan Aruba. Oant dy tiid waard al it ûnderwiis yn it Nederlânsk jûn. Sûnt it Papiamentsk ynfierd is as ûnderwiistaal, is it trochsnee learresultaat folle better wurden[106].

[106] *De droom van een bijbelvertaling voor Aruba, Friesch Dagblad, 18-05-2018*

5.6. Wittenskiplik oantoande arguminten

Ynlieding

Yn it wittenskiplik ûndersyk dat de RUG (Ryks Universiteit fan Grins) foar de FNP skreaun hat ('Regional autonomy in Frisia and Options for Regional development, feb. 2015[107]) steane in njoggental redenen wêrom't in gruttere mjitte fan sizzenskip goed is foar regio's lykas Fryslân. By sawat alle njoggen redenen wurdt ferwiisd nei wittenskiplike boarnen dêr't dat oantoand is. Hjirûnder folget in koarte werjefte.

Wittenskiplik oantoande arguminten:

De FNP is der al lange tiid fan oertsjûge dat mear sizzenskip goed is foar Fryslân. Dat wurdt hjirûnder ek ûnderboud troch in stikmennich wittenskiplike stúdzjes.

1. In hege graad fan selsbestjoer is nuttich foar sawol de steat as de regio. Dan giet it oer doelmjittigens én doeltreffendheid. It heljen fan doelen én tagelyk net tefolle jild brûke. Dat wurdt dien troch in optimalisaasje fan budzjettêre kontrôle en regels en regulearingen dy't passe by de regio (geografy en lokale omstannichheden). In goed foarbyld is it Feriene Keninkryk, dêr't sprake is fan asymmetryske desintralisaasje. Ferskillende regio's hawwe ferskate foarmen fan autonomy, dy't ôfhinget fan de fraach fan de ferskate regio's sels. It giet dan benammen om Skotlân, Wales en Noard-Ierlân.
2. Der is in positive korrelaasje tusken in hegere mjitte fan regionaal selsbestjoer en ekonomyske prestaasjes (Armstrong,en Read, 1995). Autonome regio's yn West-Europa prestearje neffens wittenskiplik ûndersyk better yn termen fan ekonomyske ûntwikkeling (BNP) en legere wurkleazenspersintaazjes as oare regio's. Neffens Crucq en Hemminga (2007[108]) prestearje autonome regio's in heal prosint better yn termen fan ekonomyske groei yn ferliking mei alle oare regio's, dy't yn trochsnee 1,7% op jierbasis groeie. En regio's yn federale steaten lykas Dútslân en België hawwe in gruttere ekonomyske groei as desintrale ienheidssteaten as Nederlân en dat ferskil is signifikant. Dêrneist sil it meitsjen fan regels en wetten troch de regio's der foar soargje dat better tocht wurdt om start-ups, ûndernimmers en lokale winsken. Ynnovaasje en eksperiminten sille mear kans krije. In hiel goed foarbyld fan in hegere ekonomyske groei kinne wy fine yn Súd-Tirol. Dêr hat it regiobestjoer in autonome status krigen, is sprake fan desintralisaasjes fan belestings en wetjaand foech. No kin Súd Tirol folle better sels besjen hoe't it jild it bêste bestege wurde kin en hoe't it bêste belesting heven wurde kin. Tsjintwurdich hat Súd-Tirol ien fan de leechste wurkleazenssifers fan de hiele EU, hawwe se in universiteit en in bloeiende ekonomy.
3. Desintralisaasje fan benammen fiskale aspekten dy't yn hannen steld wurde fan regionale regearingen, jout positive gefolgen: dy kinne better rekken hâlde mei wat de boargers echt wolle omdat se better ynformearre binne (Oates, 1972). Baskelân is in regio yn Europa dêr't dat hiel goed wurket. De regio krijt dêrby de

[107] https://www.vindboek.nl/boek/9789036779968/Regional+autonomy+in+Frisia+and+options+for+regional+development/

[108] *Crucq, P., & Hemminga, H-J. (2007). Decentralization and Economic Growth per capita in Europe.*

belestingopbringsten en Baskelân betellet alle jierren in bydrage foar de algemiene saken dy't op steatsnivo dien wurde moatte. Yn de ferskate regio's fan Spanje is ek oantoand dat de desintralisaasje nei de regio's ta fan foech ek echt mear ekonomyske groei opsmiten hat.

4. Regionale autonomy sil publike ferantwurding ferbetterje, politike ynstabiliteit ferminderje en de polityk stimulearje doelen te heljen (Faguet, 2011). De Aland eilannen[109], in autonoom distrikt foar de kust fan Finlân, binne dêr in foarbyld fan. Nei jierrenlange strideraasje is it gebiet begjin 20e iuw autonoom wurden, hat in eigen regear en parlemint en kin sels wetten útfeardigje.
5. Beslútfoarming ticht by de minsken yn de regio sil de budzjetten goed ôfstimme op wat nedich én winske is (Ebel en Yilmaz, 2002). It Skotske regear hat yn it Feriene Keninkryk troch 'devolution' de mooglikheid krigen om mear belutsen te wurden by de regionale ekonomy. Sa is de relaasje mei yndustriële sektoaren, sawol op lokaal as op sintraal nivo, folle heger op de politike aginda kommen;
6. In stimulâns troch it ferbetterjen fan it heger/wittenskiplik ûnderwiis. Sa kin in eigen Fryske universiteit stifte wurde; It BNP fan de regio (Fryslân yn dit gefal) sil dan mei 0,26% op jierbasis groeie as ferlykbere universiteiten as útgongspunt nommen wurde. Steinacker (2005) hat dat berekkene oan de hân fan de Claremont Graduate University (CGU yn de USA), mei sa'n 2000 studinten en 230 meiwurkers. In moai foarbyld is ek Korsika. Dat hat op in befolking fan sawat 300.000 ynwenners, yn tsjinstelling ta Fryslân (647.000) ál in eigen universiteit[110] mei 4900 studinten. Yn de 'meagere' jierren tusken 2008 en 2011 wie der op Korsika in ekonomyske groei (BNP) fan 1,4%, wylst hiel Frankryk mei 4,0% efterútbuorke.
7. Bird (1994) hat útfûn dat desintralisaasje fan beslutfoarming oer ynfrastruktuer grutte foardielen hat foar de lokale ekonomy. In goed foarbyld dêrfan is Jerez de la Frontera yn Spanje, dat troch in weromrinnende wynproduksje ekonomysk yn de problemen kommen wie. Mei eigen plannen om it fleanfjild, it spoar en wegen te ferbetterjen is de regio wer út de problemen kommen. Sa rûn de wurkleazens tebek, kamen der mear toeristen en bloeide it MKB wer op.
8. 'Mikrosteaten' en autonome regio's hawwe in grutte sosjale fleksibiliteit en in soad netwurken, wat der foar soarget dat se har better oanpasse kinne oan feroarings. Faak is der ek in gruttere iepenens. Mikrosteaten as Monaco, Liechtenstein, Andorra, San Marino mar ek gruttere regio's lykas de Faeroer eilannen en Malta hawwe superieure ekonomyske prestaasjes. It komt faak troch in kombinaasje fan in sterke toerismesektor, natuerlike helpboarnen en/of in sterk ûntwikkele finansjele sektor.
   In aktueel foarbyld[111] is dat relatyf lytse steaten yn Europa lykas Lúksemboarch, Litouwen, Letlân en Finlân harren begrutting op oarder hawwe wylst hiele grutte steaten as Spanje, Frankryk en Itaalje dat net hawwe.
9. Yn ferskate regio's mei selsbestjoer binne de regionale oerheden der yn slagge de eigen taal ta de offisjele taal te meitsjen (yn oanfolling op de steatstaal). De regio's wienen ek by steat om eigen radio- en TV-kanalen op te rjochtsjen, yn de taal fan de

[109] http://www.formin.finland.fi/public/default.aspx?nodeid=49889&culture=en-US&contentlan=2
[110] https://nl.wikipedia.org/wiki/Universiteit_van_Corsica
[111] *Zes eurolanden hebben hun begroting op orde, Friesch Dagblad, 23/11/2017*

regio. In pear foarbylden binne Kataloanje, Baskelân en Wales. In oar posityf foarbyld is Ostbelgien, de Dútsktalige mienskip yn België. Mei 75.000 ynwenners hawwe se in eigen parlemint mei wetjaand foech. Se hawwe der ûnder oare foar soarge dat in eigen rjochtbank foar de regio yn stân bleaun is en dat Dútsktalige sprekkers yn hiel België har eigen taal prate kinne as se foar de rjochter komme.

6. HOKKER TAKEN OERDRAGE?

Yn de fisy fan de FNP stiet beskreaun dat it by de oerdracht fan taken fan it Ryk nei Fryslân giet om it hiele spektrum, útsein definsje en bûtenlânske saken. Konkreet giet it dan om:

- Algemiene saken
- Ynlânske saken, relaasjes yn it Keninkryk
- Ekonomyske saken
- Finânsjes
- Ynfrastruktuer en miljeu
- Underwiis, kultuer en wittenskippen
- Sosjale saken en wurkgelegenheid
- Feiligens en justysje
- Folkssûnens, wolwêzen en sport

Yn in tabel meitsje wy no in oersjoch mei inkelde foarbylden út oare West-Europeeske regio's en de lannen Aruba, Kurasao en Sint Maarten yn hoefier't dy deselde taken/foech oerkrigen hawwe[112]. It falt op dat de titels of de ynrjochting somtiden wat oars binne, mar dat de taakfjilden fierhinne oerienkomme. Bygelyks yn Wales is in Ministearje foar 'Environment and rural affairs'. By dit oersjoch moat opmurken wurde dat it sa is dat Ostbelgien by in folgjende Belgyske steatsherfoarming der nei stribbet om út Walloanje te stappen en dan in fjirde dielsteat te foarmjen, neist Flaanderen, Brussel en Walloanje. Yn Eupen, de haadstêd fan Ostbelgien (77.000 ynwenners) is trouwens in folslein Dútsktalige rjochtspraak! Dat hat, neist erkenning fan de taal fan de minsken yn dy regio, boppedat soarge foar in grut wurkgelegenheidseffekt. Sûnt 1987 (mei de komst fan de rjochtbank yn Eupen) is it tal advokaten yn Eupen tanommen fan likernôch 10 oant 50 no.

[112] *Websites: Aruba: http://www.overheid.aw/bestuur-organisatie/regering_3391/, Kurasao: https://www.gobiernu.cw/nl/, Sleeswyk-Holstein: http://www.schleswig-holstein.de/DE/Landesregierung/landesregierung_node.html, Ostbelgien: https://de.wikipedia.org/wiki/Deutschsprachige_Gemeinschaft, Súd-Tirol: http://www.provinz.bz.it/de/default.asp, Wales: http://gov.wales/about/cabinet/?lang=en*

Taken	Aruba	Kurasao	Sleeswyk-Holstein	Ostbelgien	Wales	Súd Tirol
Algemiene saken	✓	✓	✓	✓	✓	✓
Ynlânske saken, relaasjes yn it Keninkryk	✓ [113]	✓ [114]	✓	✓ Mei België, Dútslân +EU[115]	✓	✓
Ekonomyske saken	✓	✓	✓	✓	✓	✓
Finânsjes	✓	✓	✓	✓ Gemeenten[116]	✓	✓
Ynfrastruktuer en miljeu	✓	✓	✓		✓	✓
Underwiis, kultuer en wittenskippen	✓	✓	✓	✓	✓	✓
Sosjale saken en wurkgelegenheid	✓	✓	✓	✓	✓	✓
Feiligens en justysje	✓	✓	✓			✓
Folkssûnens, wolwêzen en sport	✓	✓	✓	✓	✓	✓

[113] *Sawol Aruba as Karasao hawwe fertsjinwurdigings (mei fysike 'ambassades' as gebou) yn Den Haach. https://www.arubahuis.nl/*
[114] *Idem. http://www.kgmc.nl/nl/*
[115] *Gebouwen cq fertsjintwurdigings yn resp. Brussel en Berlyn*
[116] *Ostbelgien giet net oer alle finânsjes, mar al oer de finânsjes fan de gemeenten.*

Nei bestudearring fan it oersjoch kin konkludearre wurde dat it stribjen fan de FNP om sels baas te wezen oer de measte taken dy't yn Fryslân ta de saak dogge, yn in soad regio's om ús hinne, mar ek yn it Keninkryk sels by de lannen yn de Antillen, al realisearre binne.

6.1. Konkretisearring fan taken

As nei boppeneamd oersjoch sjoen wurdt, krije jo in algemiene yndruk hokker taken dien wurde yn de ferskate regio's dy't bestudearre binne. Mar wêr prate jo dan konkreet oer? Wat sil úteinlik fan De Haach, fan it Ryk, nei Fryslân ta oerdroegen wurde? Dat omfiemet *alle saken* dy't no noch yn De Haach dellein binne, by de ferskate Ministearjes op de mêden dy't neamd binne. Der moat ek by sein wurde dat ferskate taakfjilden lykas Iepenbier ferfier, regionale ekonomy, miljeuhanthavening (FUMO) en natoer no al nei de provinsjes desintralisearre binne (of wurde) mar dat de middels (bygelyks regionale ekonomy) en it wetlike foech noch net altyd meikommen binne. Hjirûnder beskriuwe wy per taakfjild wat oer giet fan it Ryk en wat dat konkreet ynhâldt/ynhâlde kin. Dêrby wurdt faak ferwiisd nei de websites fan de Ryksoerheid om't in folslein útputtend oersjoch te fier gean soe. It soe te fier gean om per taakûnderdiel de finânsjes no yn kaart te bringen. Dat dogge wy dêrom yn grutte halen, oan de hân fan it ûndersyk fan Coelo nei de útjeften fan Ryk en Fryslân (2018[117]). Coelo hat fierder oan de hân fan gegevens fan it Ryk útfûn dat mar 2,46% fan de ryksamtners yn Fryslân oan it wurk is, wylst hjir 3,78% fan de befolking fan Nederlân wennet. De FNP giet der fan út dat yn Fryslân folle doelmjittiger as by it Ryk wurke wurde kin118 en dat Fryslân mei dy ekstra Ryksamtners ta kin neffens dat persintaazje. Neffens in benchmark fan Buro Berenschot út 2017 is Fryslân as it om de 'overhead' oangiet (dan giet it om juridyske saken, ynkeap, fasilitêre saken) yndied doelmjittiger as oare oerheidsorganisaasjes. Fryslân wurket as it giet om de bedriuwsfiering in stik doelmjittiger as oare oerheidsorganisaasjes. Fryslân hat 30,6% overhead, de 100.000+gemeenten yn Nederlân yn trochsnee 32,1% en in referinsjegroep fan alle oerheidsorganisaasjes (VVB, vensters voor bedrijfsvoering119) sit op 38,7%.

6.2. Algemiene Saken

Algemiene saken giet by it Ryk foar in hiel grut part oer de begrutting fan it Keningshûs, it regear yn De Haach. Earste en Twadde Keamer. Dy posten binne foar Fryslân net oan de oarder, dêrom kin dat jild útsparre wurde. Fansels binne der wol budzjetten foar de deputearren, Kommissaris, Steaten en amtlike organisaasje. Dy binne foar in grut part ûnderbrocht by de budzjetten fan de ferskate ynhâldlike ûnderwerpen en wurde no ek al opnommen yn de eigen begrutting fan de provinsje Fryslân. By it Ryk giet it Ministearje fan Algemiene Saken ek oer de Ryksfoarljochtingstsjinst en de Tsjinst Publyk en Kommunikaasje. Dêr hat de provinsje no ek al in eigen ôfdieling Kommunikaasje foar. It Ryk

---

[117] *'Geldstromen tussen het Rijk en de provincie Fryslân', Jacob Veenstra en Maarten Allers, Rug-Coelo, 2018.*

[118] *Neffens benchmark tusken ferskate oerheden. Utspraak direkteur provinsje Fryslân frou Bouius-Riemersma, Auditkommisje Steaten fan Fryslân, 6-6-2018.*

[119] https://www.venstersvoorbedrijfsvoering.nl/wat-is-vensters-voor-bedrijfsvoering/deelnemers/#!/

hat fierder in Wittenskiplike Rie foar it Regearbelied. Fryslân kin dêrta in berop dwaan op de eigen rekkenkeamer of op eksterne advysburo's dy't dat wurk útfiere.

It budzjet foar Algemiene Saken kin foar Fryslân beheind bliuwe: it bedrach dat no ek al yn de begrutting opnommen is (€ 36,4 miljoen) fergrutte mei ientredde part om't der folle mear taken binne dy't dien wurde moatte.

6.3. Ynlânske saken en Keninkrykssaken

Ynlânske saken is tsjintwurdich in frij lyts ministearje wurden, dat benammen giet oer de AIVD en it sintraal apparaat. Ynlânske saken stiet foar demokrasy, goed bestjoer en in effisjinte Rykstsjinst. Yn Fryslân kin sa'n tsjinst op folle lytsere skaal wurkje, om't de bestjoerlike skaal hiel oersichtlik is. In aparte ynljochtinge- en feilichheidstsjinst liket ús foar Fryslân net nedich. Dy kin ûnderbrocht wurde by de reguliere plysje- en justysje-organen. De plysje-Fryslân kin oansletten wurde op Europol en ynformaasje mei oare tsjinsten útwikselje om kriminaliteit en strafbere feiten dy't oer de grinzen giet tsjin te gean. Dat dogge de Dútske Bundesländer no bygelyks ek al[120].

Lykas Aruba en Curacao mei harren eigen fertsjintwurdigings yn De Haach soe Fryslân dêr foar de ôfhanneling fan Keninkrykssaken ek in permaninte fertsjintwurdiging hawwe kinne. Sa'n fysike 'ambassade' kin tagelyk tsjinje as in ûntfangstromte en as útfalsbasis foar it Fryske bedriuwslibben yn de Rânestêd. In pear jier lyn hat der as proef al in wike lang in Fryske ambassade west yn De Haach en dat wie in grut súkses[121].

Keninkryksrelaasjes gean wat finânsjes oangiet neffens Coelo (2018) benammen oer de skuldsanearing fan Curacao en Sint Maarten om de finânsjes dêr te behearskjen. Dat is foar Fryslân net oan de oarder.

6.4. Gemeentefûns, provinsjefûns en Wetterskip

De bedraggen foar gemeentefûns, provinsjefûns en it Wetterskip kinne by in oerdracht ynearsten gelyk bliuwe. It jild dat dêrmei anneks is, wurdt brûkt foar de besteande taken. Wol ferrint de bekostiging dan net mear fia it Ryk, mar streekrjocht fia Fryslân sels. Letter, nei de oerdracht, kinne de Steaten fan Fryslân, nei oerlis en rieplachtsjen fan de oare oerheden, besjen oft der in ferskowing fan taken plakfine moat.

Fansels sil op koarte termyn wol kritysk besjoen wurde moatte oft de finansieringsstream foar de ferskate oerheden wol foldwaande is. Tink dêrby benammen oan it taakfjild fan it sosjale domein by de gemeenten. Der binne sterke sinjalen dat it jild dat dêrfoar ornearre is, net foldwaande is. By provinsje en wetterskip binne de feangreide, de wâlskanten en it natoerbehear de komme jierren grutte 'útdagings' dy't goed trochrekkene wurde moatte.

6.5. Wenjen

[120] *Deutsche Polizeibehörden erhalten Direktzugriff auf Europol-Dateien, Netzpolitiek.org, 16-03-2017*
[121] *Ambassade goed foar Fryslân, Omrop Fryslân, 20-09-2013*

De begrutting fan wenjen by it Ministearje fan Wenjen en Rykstsjinst omfiemet benammen (90%) ynkommensoerdrachten yn de foarm fan hiertaslach. It giet neffens Coelo wat Fryslân oangiet om 238 euro de ynwenner (242 euro foar Nederlân yn trochsnee). Dat is 154 miljoen op jierbasis. Dat bedrach giet yn de opset fan de oerdracht fan taken folslein oer nei Fryslân.

Foar it oare giet it om it behear fan oerheidsgebouwen, wenningmerk en wentebou. Tink ek oan hierkommisjes, wenkonsuminte-organisaasjes ensfh.

6.6. Ekonomyske Saken

Foar Fryslân, mei in wurkleazens dy't al desennialang boppe it Nederlânske trochsnee leit, is it stimulearjen fan de ekonomy fan it grutste belang. Lykwols, wy sjogge dat it Ryk (folle) minder yn Fryslân ynvestearret as yn oare regio's/provinsjes fan Nederlân. It giet hjir om it bedriuwebelied, grien ûnderwiis en subsydzjes yn it ramt fan in duorsume enerzjyfoarsjenning. Fan dy lêste post giet yn trochsnee 128 euro nei elke ynwenner fan Nederlân, mar dy fan Fryslân ûntfange mar 75 euro de persoan neffens it Coelo (2018). Dat is dus perfoarst net in ridlike ferdieling.

Fan de jilden foar it Ministearje fan EZ wurdt ek it mearjierreprogramma foar de nasjonaal koördinator Grinslân betelle (39 miljoen). Dat strykt dus net yn Fryslân del.

Mei in eigen begrutting op jierbasis fan 197 miljoen euro foar Ekonomyske saken (no € 33 miljoen), as Fryslân nei rato útkeard krije soe, kin Fryslân folle mear dwaan om de ekonomy en dêrmei de wurkgelegenheid oan te fiterjen. Dêrfan kin dan op jierbasis 83 miljoen nei duorsume enerzjy gean. No giet dêr neffens de eigen begrutting fan de provinsje Fryslân € 4 miljoen hinne. Mei 83 miljoen op jierbasis kin Fryslân folle hurder nei selsfoarsjennendheid ta op enerzjymêd.

Fan dy 197 miljoen giet ek sawat € 35 miljoen nei Nordwin, it griene ûnderwiis-ynstitút fan Fryslân (dat is wat no finânsjes oangiet noch yndield by Ekonomyske saken mar giet skielk oer nei Underwiis, kultuer en wittenskippen[122]).

Mei it folle gruttere budzjet foar ekonomy foar Fryslân kin it ûndersyksynstitút Wetsus yn Ljouwert foar de langere termyn bekostige wurde. No is dêr hieltyd gedoch[123][124] oer. Yn syn algemienens kin in 'boost' jûn wurde oan ynnovaasje yn Fryslân. No is it sa dat Fryslân wol in tal hiele nijsgjirrige bedriuwen en klusters hat dy't dêr mei dwaande binne, mar dêr as regio net mei foaroprint. Dêrtroch is by de Regional Competitive Index (RCI) de leechste *ranking* fan Nederlân helle en is Fryslân ten opsichte fan de eardere RCI yn 2013 inkelde tsientallen plakken nei ûnderen ta gongen.

[122] *Groen onderwijs volledig naar ministerie van OCW, MBO today, 30-10-2017*
[123] *Beantwoording van vragen over de financiering van kennisinstituur Wetsus na 2016, Ministerie van Economische zaken, 23-03-2016*
[124] *'WaterCampus mist aandacht Den Haag', Friesch Dagblad, 12/5/2018*

Gebou fan Wetsus. Foto: FNP.

Doel fan it ekstra jild foar ekonomy en ekstra sizzenskip dêroer is benammen om it MKB te helpen. Mei it weinimmen fan oerstallige regels, it fasilitearjen fan bedriuwen en in goede oansluting tusken ûnderwiis en arbeidsmerk.

It Ministearje fan Ekonomyske saken en klimaat giet ek oer de gaswinning. In protte regio's mei wetjaand foech, yn Europa en dêrbûten, kinne selsstannich beslute om op te hâlden mei (skealje-)gaswinning[125]. Frij tichtby hat bygelyks de Dútske dielsteat Sleeswyk-Holstein besletten[126] dat der net boarre wurde mei nei skealjegas. As Fryslân sels it foech krijt, kinne de Steaten sels bepale oft der boarre wurdt nei gas, oalje of sâlt yn de grûn, hoe't it komt mei de skea, de fergoeding dêrfan en mei omkearing fan de bewiislêst. Dat wurdt dan net mear yn De Haach besletten.

6.7. Finânsjes

Finânsjes wurket foar goede finansjele rânebetingsten om de oerheid goed wurkje te litten. Dan giet it om it oanlûken fan jild, in goed behear dêrfan (treasury) en in ferstannich útjeftepatroan. Ynformaasje/weromkeppeling fia in geregelde plenning en control-syklus nei deputearren, Steateleden en de amtlike organisaasje is fan it grutste belang.

Fryslân kin yn de takomst, as it oan de FNP leit, sels besluten nimme oer de hichte fan de direkte en yndirekte belestings en de preemjes. Tink oan de aktuele diskusje oer de BTW op iten en drinken en ek oan wurknimmerspremys en de hypteekrinte-ôftrek. Sa kin Fryslân sels

[125] https://www.schaliegasvrij.nl/schaliegas-buiten-nederland/
[126] https://www.bndestem.nl/overig/duits-verzet-tegen-boren-naar-schaliegas~ac2f5cce/

beslute om de belestings op arbeid goedkeaper te meitsjen, sadat de wurkgelegenheid stimulearre wurdt. Of de BTW-ferheging op iten en drinken werom te draaien fan 9 nei 6%.

Fryslân krijt yn de takomst yn de fisy fan de FNP in eigen belestingtsjinst. Dy hellet de belestings en premys yn en bydragen foar de soarchfersekerings. De oerheid wurket foar de minsken en dat is dan ek, folle mear as no, it útgongpunt foar in Fryske belestingtsjinst. Dat betsjut ienfâldige formulieren/ynternetapplikaasjes en in helptsjinst dy't de minsken op alle wizen, tillefoanysk, fysyk en digitaal, bystiet as se der efkes net útkomme. Dat moat ek foarkomme dat minsken wol rjocht hawwe op bepaalde taslaggen (hiertaslach, soarchtaslach of berne-opfang), mar it net krije. Fansels moat der sprake wêze fan in earlik en rjochtfeardich systeem: yllegale ûntdûking fan belesting wurdt tsjingien troch goed te kontrolearjen oft minsken har oan de regels hâlde. Troch in eigen tsjinst wurdt ek in geweldich stik wurk kreëarre: as útgongen wurdt fan 3,78% fan de 30.000 meiwurkers dy't no foar hiel Nederlân wurkje, kinne der yn Fryslân sawat 1100 minsken oan it wurk. De lêste jierren is it belestingkantoar yn Ljouwert behoarlik útklaaid, der wurkje noch mar in pear hûndert minsken[127].

Alde gebou fan de belestingtsjinst yn Ljouwert. Foto: FNP.

Omdat Fryslân oan alle einen en kanten oan Nederlân fêstsit is in aparte dûane net oan de oarder.

Fryslân kin by in mear selsstannige status noch altyd in berop dwaan op Europeeske fûnsen, lykas Erasmus, Horizon2020 en Interreg. Lykas dat no ek fan tapassing is. Troch in eigen management-autoriteit wurde der streekrjocht ôfspraken makke mei de EU.

[127] *Veel banen weg bij belastingdienst Leeuwarden, Leeuwarder Courant, 20-02-2012*

De provinsje Fryslân hat in pear hûndert miljoen euro as kaptaal mar is lykas oare oerheden ferplichte dat tsjin 0% rinte by it Ryk del te setten ('Schatkistbankieren'). Dêrtroch is de provinsje miljoenen misrûn. Datselde jildt foar de mienskiplike regelingen en guon ferbûne partijen dêr't de provinsje in finansjeel belang yn hat. As de provinsje sels syn eigen jild frijlik beheare kin en sels syn eigen wetten meitsje kin, kin it Skatkistebankieren opheft wurde.

De útjeften foar dizze post besteane hast folslein út kosten foar de belêstingtsjinst en foar it BTW-kompinsaasjefûns.

6.8. Ynfrastruktuer en miljeu

It grutste part fan de útjeften foar ynfrastruktuer en miljeu giet nei it saneamde 'Infrastruktuurfonds', in aparte post op de Ryksbegrutting.

De kosten fan it ynfrastruktuerfûns hingje fansels gear mei de lingte fan de rykswegen, spoarwegen en haadfarwegen. Neffens Coelo (2018) is Fryslân ferantwurdlik foar 3,54% fan de útjeften fan it Ynfrastruktuerfûns, dat is 283 euro de ynwenner. Meielkoar € 183 miljoen wurdt sa alle jierren ynvestearre yn Fryslân. Merk op dat de measte kosten op dit stuit al troch de gemeenten en de provinsje sels makke wurde, as it giet oer gemeentlike en provinsjale diken en strjitten sels. It giet hjir eins allinnich om oanfoljende saken, lykas de autosnelwegen (A32, A6, A7 en A31), it spoar yn Fryslân (Starum/Harns/Grins/Swolle-Ljouwert) en it Prinses Margrietkanaal.

It Ryk ynvestearret mear yn de rest fan Nederlân, as it om ynfrastruktuer giet: €294 yn trochsnee de ynwenner. It ferskil is € 7 miljoen yn it neidiel fan Fryslân op jierbasis. De winsken fan Fryslân foar in akwadukt ûnder de Skarsterrien en in nije brêge by Koarnwertersân binne yn de eagen fan de FNP dan ek folslein rjochtfeardige.

De BDU-útkearing oan de beide ferfiersregio's yn de Rânestêd (Amsterdam en Rotterdam-Den Haag) is alle jierren sawat € 900 miljoen[128]. Dêrneist binne der fansels apparaatskosten fan it Ministearje. In part dêrfan nimt Fryslân yn de takomstige situaasje oer.

Underwiis, kultuer en wittenskippen

De FNP wol alle foech oer ûnderwiis, kultuer en wittenskippen dat no noch yn De Haach leit, nei Fryslân oerbringe. Der binne tal fan foarbylden dat Fryslân no oan de iene kant finansjeel ûnderbedield wurdt en dat oan de oare kant tal fan Nederlânske regelingen en wetten no negatyf útpakke foar Fryslân. Op dit stuit is it sa dat yn ús buorlannen (België en Dútslân) dizze taken net op federaal (steats-)nivo lizze, mar by de dielsteaten (of *Länder*). As jo nei Dútslân sjogge, dan is Beieren ien fan de meast súksesfolle regio's yn Europa mei it oantal oktroaien en patinten[129]. In oanwizing dat dat systeem goed wurket.

---

[128] *Audit BOV-kosten lokaalspoor vervoerregio's, Beheer-, Onderhouds- en Vervangingskosten in Amsterdam, Rotterdam en Den Haag, Mott Mac Donald / Metropoolregio Rotterdam-Den Haag, 2017, side 47*

[129] *https://www.invest-in-bavaria.com/en/blog/post/germany-is-european-patent-champion-one-third-of-german-patents-originate-in-bavaria.html*

As it oer it heger- en wittenskiplik ûnderwiis giet, dan hawwe regear en Twadde Keamer besletten om it saneamde 'lienstelsel' te yntrodusearjen. Dat betsjut rûchwei dat studinten it hiele bedrach fan harren stúdzje liene moatte as it om de kosten fan wenjen, iten, kolleezjejild en boeken giet. Yntusken is bekend wurden dat dizze jonge minsken no faak mei in grutte skuld sitte fan € 21.000-€ 24.000[130]. As de Steaten fan Fryslân beslute soenen oer de stúdzjefinansiering, soenen se in rjochtfeardiger regeling opstelle kinne.

Wittenskiplik ûnderwiis jout it Ryk mear as €4,4 miljard út. Mar yn Fryslân strykt alhiel neat del (Coelo, 2018), om't Fryslân gjin universiteit hat. Dat wol de FNP sa gau mooglik feroarje mei in eigen folweardige universiteit.

As it giet oer de omroppen, dan kriget Omrop Fryslân op jierbasis € 13,2 miljoen fan it Ryk[131]. It Ryk jout sels oan de media € 1019,5 miljoen út[132]. It jild foar de lokale omroppen rint al fia de gemeenten, dêr is dus gjin streekrjochte relaasje en bydrage mear fan fia it Ryk. Men mei oannimme dat sawat it hiele bedrach fan it Ryk, útsein dan de € 13,2 miljoen foar Omrop Fryslân, net yn Fryslân bestege wurdt. By in rjochtfeardige ferdieling soe 3,78% fan €1019,5 miljoen delstrike yn Fryslân. Dat is € 38,5 miljoen. Mei dat bedrach kin Omrop Fryslân him einlings ûntjaan ta in Omrop dy't in echte folsleine én alsidige programmearring fersoargje kin. Sa't it ek de bedoeling is, neffens wat de Nederlânske steat yn ynternasjonale hânfêsten en ferdraggen ôfpraat hat. De hiele dei, mei ek mear berne- en jeugdprogramma's, ynternasjonaal nijs, films, eveneminten ensfh.

In heikel ûnderwerp binne altyd de bedraggen dy't troch de 'Raad voor Cultuur' ornearre wurde foar de ferskate keunstynstellings. Alle kearen wer docht bliken dat Fryslân yn ferhâlding ta syn ynwennertal (3,78% fan de Nederlânske befolking) fierstente min jild kriget.

Op de webside fan de Raad voor Cultuur[133] is nei te gean hoe't it sit mei it jild dat nei Fryslân ta giet. Nei Tryater (Poadiumkeunsten) giet alle jierren € 1,6 miljoen, Oerol (festivals) € 500.000, it Princessehof (musea) € 1,355 miljoen.

Nei it NNO (Noard Nederlânsk Orkest) yn de kategory Symfony-orkesten giet € 6,09 miljoen, in bedrach dat eins ferdield wurde moat mei Drinte en Grinslân. NB: it NNO is fêstige yn de stêd Grins.

Foar de sektoaren Jeugdtheater, Produksjehuzen, Dûns, Opera, Byldzjende Keunst, Film, Letteren, Kreative yndustry en Boppesektorale ynstellings is hielendal gjin jild foar Fryslân beskikber.

Dêrmei komt in bedrach fan € 5,49 miljoen op jierbasis nei Fryslân ta. It folsleine bedrach oan jierlikse subsydzjes is lykwols € 220,5 miljoen. Coelo[134] hat berekkene dat yn totaal 2,61% fan de kultuerútjeften fan it Ryk nei Fryslân ta giet. Dat komt del op in bedrach fan € 31 de ynwenner, wylst dat lanlik € 45 is. Mei it ferskil fan € 14 euro de persoan is der dus in

[130] *Gebukt onder een studieschuld, NRC.nl, 21-04-2017*
[131] *Jaarrekening 2016, Webside Omrop Fryslân, 2017*
[132] *https://www.ocwincijfers.nl/cultuur-media/media/financien-media*
[133] *Culturele Basisinfrastructuur 2017-2020, Raad voor Cultuur, 2017*
[134] *Geldstromen tussen het Rijk en de provincie Fryslân, Coelo, 2018.*

ferskil fan € 9,1 miljoen. Foar dat jild kin Fryslân wer in eigen Frysk orkest hawwe en kin ek fiks yn de oare sektoaren ynvestearre wurde (tink oan Jeugdtheater ‘n Meeuw, in Frysk filmplatfoarm, Jeugddansopleiding Fryslân (JDOF), Fria byldzjende keunst, ensfh).

Foar hiel Nederlân giet € 2264 euro de persoan nei ûnderwiis, kultuer en wittenskippen. Foar Fryslân is dat no mar € 1962 euro. Mei it ferskil, € 302 de ynwenner, dat is € 195 miljoen, kin Fryslân in folweardige universiteit begjinne, de Fryske Akademy útbouwe ta in robúst universitêr ûndersyksynstitút, in alsidige en folsleine programmearring by Omrop Fryslân mooglik meitsje, de keunst- en kultuersektor in fikse stipe jaan ensfh.

6.9. Sosjale saken en wurkgelegenheid:

Op it Ministearje fan SZW stiet in oersjoch fan de saken dy’t no by it Ryk dien wurde[135].

In pear foarbylden as it giet om de ‘oerheveling’ fan taken fan SZW nei Fryslân. De útfiering fan bygelyks bystânsútkearingen en earmoedbestriding is no al by gemeenten ‘dellein’, lykwols de gemeenten binne no faak útfieringsloketten fan it Ryk. Der kin, as de kniper op de skine komt, hiel dreech ôfwykt wurde fan de regels dy’t it Ryk steld. By gemeenten bestiet dat ferlet lykwols al. Der binne yn Fryslân bygelyks al mear as 2.200 húshâldens dy’t al in berop dwaan moatte op de itensbanken (‘voedselbanken’), faak omdat se al jierren yn in útkearingssituaasje sitte en om’t dy útkearing op lange termyn te min is. Ferskate FNP-ôfdielings en ek gemeenten wolle dêrom eksperiminten mei in basisynkommen, mei belestingfrije sônes yn Fryslân en yn it ferline ek mei Prohef, in oare wize fan belesting heffe. Mar dat wurdt troch it Ryk ûnmooglik makke. De Steaten fan Fryslân sille dêrom de mooglikheid hawwe moatte om maatwurk foar Fryslân te leverjen en eigen wetten te hawwen op dit mêd. In nijsgjirrich inisjatyf yn dizzen is dat op dit stuit yn de gemeente Waadhoeke in proef begjint mei in saneamde ‘regelfrije sône’[136]. Dy proef rint foarút op de nije Omjouwingswet, dy’t yn 2021 yngiet. Dat it droegen wurdt troch de streek, docht bliken út it feit dat de Commerciële Club Noordwest Fryslân it inisjatyf nommen hat. Provinsje, wetterskip en de gemeente sels binne yntusken oanheakke.

De minsken dy’t in WW-útkearing hawwe (as hja harren wurk ferlern hawwe), binne oanwiisd op it UWV. Oant no ta siet it UWV ek mei in kantoar yn Ljouwert, mar yn 2020 wurdt alles sintralisearre yn Grins. In ferlies fan 200 banen yn Ljouwert. Dat betsjut dus dat klanten út Fryslân oanwiisd binne op in kantoar bûten de eigen regio. Mei de WW as taak kinne de Steaten yn Fryslân sels beslute wêr’t it útfieringskantoar komme sil . Wat de WW sels oangiet, der is no fan ferskate kanten krityk op de hichte en/of doer fan dy útkearing. Mei it foech yn Fryske hannen kinne de Steaten maatwurk foar Fryslân leverje.

As it oer diskriminaasjemaatregels giet dan is no sprake fan in dizinige situaasje. Gemeenten yn Fryslân hawwe faak net de grutte en dêrtroch net it jild om it anty-diskriminaasjeburo Tûmba yn Ljouwert te finansieren. Ut in ûndersyk hat ek bliken dien dat it it meast effektyf én

[135] https://www.rijksoverheid.nl/ministeries/ministerie-van-sociale-zaken-en-werkgelegenheid/onderwerpen

[136] *Landelijke belangstelling voor regelvrije zone in Waadhoeke, Friesch Dagblad, 24 maart 2018, side 21*

effisjint is dat der ien antydiskriminaasjeburo is per provinsje. Wat de jildstreamen oangiet is it dan ek it meast logysk om dan ien finansier te hawwen, nammentlik de provinsje Fryslân.

Ien fan de grutste útjefteposten fan it Ryk, wat ek falt ûnder de sosjale sekerheid, is de AOW en ANW. Yn 2017 is dat bedrach € 37,5 miljard (Begrutting Ryk). Op grûn fan it oandiel 65-plussers op it totaal tal 65-plussers fan Nederlân (4,17%) soe Fryslân dêr € 1,56 miljard op jierbasis foar hawwe moatte (neffens Coelo oer 2016 € 1,58 miljard). As it oer pinsjoenen giet (oanfoljend op de AOW), dan hawwe minsken dat sels allegear yndividueel opboud (op grûn fan wurkferline, tal jierren en ynkommensnivo). By in oergong nei in oare mear federalistyske struktuer bliuwe dy ôfspraken/oanspraken gewoan yntakt.

As it giet oer it tal minsken mei in arbeidsûngeskiktheidsfersekering dan is dat yn juny 2017 yn Fryslân 24.670 persoanen. Yn hiel Nederlân is dat dan 760.680 (boarne: CBS). Relatearre nei it bedrach oan arbeidsûngeskiktheidsútkearingen fan € 9,8 miljard yn 2018 komt Fryslân € 315 miljoen ta (3,2%). Neffens Coelo oer 2016 € 276 miljoen (2,8%). Der binne yn Fryslân dus nei rato minder minsken arbeids-ûngeskikt as yn de rest fan Nederlân.

In oare grutte útjeftepost binne útkearings foar wurkleazens (ynklusyf de bystân). Foar hiel Nederlân giet it om € 12,3 miljard (2018). It tal bystânsútkearingen wie yn oktober 2017 18.060 yn Fryslân en yn hiel Nederlân 434.640. Yn Fryslân binne dus 4,2% fan it totaal tal minsken mei in bystânsútkearing (kosten € 283 miljoen yn 2018; 293 miljoen yn 2017 neffens it Coelo).

It tal ww-útkearings yn hiel Nederlân wie febrewaris 2018 330.000 en yn Fryslân 14140 (4,3% fan it totaal fan Nederlân, yn 2016 noch 4,45% neffens Coelo). Yn 2018 binne de kosten foar hiel Nederlân fan de WW-útkearings € 4,5 miljard. Dat betsjut dat, korrizjearre yn ferbân mei ynkommens (gemiddeld ynkommen yn Fryslân €23.466 en yn Nederlân €25.600, boarne: CBS[137]) in bedrach fan € 178 miljoen oan ww-útkearings delstrykt yn Fryslân. Yn 2016 wie dat neffens Coelo noch 199 miljoen.

6.10. Feiligens en justysje

Yn de fisy fan de FNP moat Fryslân ek (wer) syn eigen plysjeregio en justysjele organen hawwe. Dêr binne in hiel soad redenen foar oan te fieren.

In pear jier lyn is de plysje Noard-Nederlân foarme. De top fan de plysje en in soad sintrale tsjinsten binne yn de stêd Grins fêstige. Foar in soad parsebyienkomsten moatte sjoernalisten fan de Fryske media no ek opdrave nei Grins ta, ek foar saken dy't har folslein yn Fryslân ôfspylje. Op dit stuit is it sa dat foar de beliedsfoarming de Fryske boargemasters net mear mei 20 boargemasters om tafel sitte, mar mei 62 boargemasters út de hiele regio fan Fryslân, Grinslân en Drinte (hoesa effisjinter!). It giet dan om it Regionaal Bestuurlijk Politie Overleg Noord-Nederland[138].

[137] http://statline.cbs.nl/Statweb/publication/?DM=SLNL&PA=80366NED&D1=3-4&D2=0,5-16&D3=l&HDR=T,G2&STB=G1&VW=T
[138] *Regionaal beleidsplan Veiligheid 2015-2018 Noord- Nederland, 2014*

Yn de takomst sil, wat de FNP oangiet, troch de Steaten útmakke wurde moatte wêr't krekt it foech oer de plysje komt, op gemeentlik en/of Frysk nivo.

It is op dit stuit sa dat in soad rjochtssaken dy't te krijen hawwe mei kwestjes yn Fryslân sels, bûten Fryslân plakfine (faak yn de stêd Grins). It giet dan yn alle gefallen om bestjoerssaken, mar faak ek om oare domeinen dêr't beskate spesjalismen foar nedich binne. Tal fan rjochters, abbekaten en oare saakkundigen hawwe by de diskusje oer it behâld fan rjochtbanken yn de regio oanfierd dat it wichtich is dat de (fysike) ôfstân tusken it wenplak fan fertochten en slachtoffers en it plak fan sitting net te grut wêze moat. Fierder is it foar de wurkgelegenheid yn de regio fan grut belang dat net alles konsintrearre wurdt yn beskate stêden. Foar Fryslân is it brûken fan de eigen taal by rjochtsittingen ek fan belang. Fryslân kin der mei foech oer de rjochtbanken en it gerjochtshôf foar soargje dat dy ynstellings ek yn de takomst yn Ljouwert bliuwe. Datselde jildt fansels foar it Iepenbier Ministearje en tal fan oare tsjinsten dy't anneks binne mei de strafkeatling, lykas slachtofferhelp, rjochtsbystân ensfh.

Fierder moat fermeld wurde dat der groeiende ûnfrede is oer de trochrintiden by de rjochtbank Noard-Nederlân[139] en oer de kommunikaasje dêrmei. As de Steaten fan Fryslân soargje kinne foar foldwaande personiel by de rjochtbank en gerjochtshôf yn Ljouwert, kinne de wachttiden ferminderje en de kommunikaasje ferbettere wurde.

Sa út en troch laait de diskusje wer op oer it behâld fan finzenissen yn de regio. Benammen om de wurkgelegenheid mar ek om delinkwinten ticht by de famylje te hâlden. Mei sizzenskip oer feiligens en justysje kinne de Steaten fan Fryslân sels beslute oer de takomst fan finzenis 'De Marwei' yn Ljouwert ynstee fan polityk-De Haach.

Neffens Coelo (2018) wurdt sawat 3,5% fan it folsleine bedrach oan feiligens en justysje yn Fryslân útjûn. Yn Fryslân is fansels minder kriminaliteit, mar net fergetten wurde moat dat de measte tsjinsten sintraal yn de Rânestêd húsfêste binne (ministearjes, plysjetop ensfh.).

6.11. Folkssûnens, wolwêzen en sport

Dit Ministearje hat as doelen it stimulearjen fan sûn gedrach, it stypjen fan minsken dy't net goed meikomme kinne yn de maatskippij en it befoarderjen fan in ferantwurde wize fan sporten. Dat binne allegear saken dy't ticht by de befolking lizze en dêrom is de FNP ek fan betinken dat dy saken ek ticht by de minsken organisearre wurde moatte. Dat is yn de lannen om ús hinne ek al sa regele, mei it foech yn de regio's of dielsteaten.

Yn Nederlân binne ferskate saken wol desintralisearre, tink oan de jeugdsoarch, mar troch ferskate wetten en regels (burokrasy) wurket dat net altyd like goed. Dêrom moat ek de sizzenskip om de regels sels en de noarmen oan te passen tichter by it nivo lizze dêr't ek de útfieringsbesluten nommen wurde.

Fierder is in grut punt fan omtinken de sizzenskip oer de sprieding fan soarchfoarsjennings. Tink oan de sizehuzen, de âldereinhuzen, dokterswacht, ambulânses, húsdokters ensfh. It

[139] http://www.lc.nl/friesland/Onvrede-over-doorlooptijden-rechtbank-Noord-Nederland-22865172.html

komt yn Fryslân geregeld foar dat soarch yn in beskate regio of stêd net mear beskikber of berikber is. Tink oan de bertesoarch yn Noardeast Fryslân, nei't dat opholden is yn de 'Sionsberg'. Of it tekoart oan húsdokters yn Ljouwert. Of it ferdwinen fan de dokterspost út Koudum (Súdwest Fryslân). Dêr hat Fryslân no neat oer te sizzen, wylst it de ynwenners fan Fryslân wol rekket. Dêr wol de FNP feroaring yn oanbringe, troch de sizzenskip oer soarchfoarsjennings yn Fryslân by de Steaten del te lizzen. Hielendal nij is dat trouwens net, want oant sawat 10 jier lyn hie de provinsje noch de sizzenskip oer de ambulânses.

De Steaten fan Fryslân kinne eigenstannich beslute om in eigen sikefûns op te rjochtsjen, omdat jo yn de takomst dan ek oer it jild geane. Tink ek oan de sprieding fan soarchfoarsjennings. Dat betsjut ek it behâld fan in soad (heechweardige) banen yn Fryslân en in gruttere kâns op it behâld fan soarchfoarsjennings oer de provinsje.

Troch de bekostigingssystematyk hawwe kwetsbere minsken faak it idee dat se suver 'twongen' wurde om in beskate behanneling by in ynstelling te ûndergean, wylst se sels eins leaver wat oars wollen hienen. Mar dat wurdt dan net of amper fergoede. De Steaten fan Fryslân soenen der foar kieze kinne om in grutte karfrijheid te jaan oan minsken hokker behanneling se wolle om wer better te wurden.

As it oer sport giet, dan moat de provinsje sa no en dan grutte besluten nimme oer djoere topfoarsjennings, wylst it jild der kwalik is. Tink oan it foarbyld fan de bou fan Thialf (mei CTO as topsportfoarsjenning), dat €50 miljoen koste hat[140]. As dat jild mei oer giet nei Fryslân is it jild fuortendaliks te plak.

In hiel grut part fan de útjeften, as it oer dit ûnderdiel giet, is ornearre foar de soarchferskeringswet en de Wet langdurjende soarch. Foar dy beide hat Coelo (2018) berekkene dat respektivelik 3,82% (€2862 per ynwenner) en 4,46% (€1503 per ynwenner) nei de minsken yn Fryslân ta giet.

Fia dit Ministearje wurdt ek de soarchtaslach ferliend. Dy is 1,45% fan de ryksbegrutting, totaal € 5,3 miljard (Coelo, 2018). Foar Fryslân giet it om 346 euro de ynwenner.

6.12. Definsje en Bûtenlânske saken

It bûtenlânsk belied en de definsje is op Keninkryksnivo regele[141]. Dat is fêstlein yn it 'Statuut voor het Koninkrijk der Nederlanden'. Fryslân kin dêr gewoan op oanslute. Oeral dêr't no 'Aruba, Curaçao en Sint Maarten stiet kin Fryslân yn prinsipe taheakke wurde. It is trouwens ek al sa dat hieltyd mear belied op de beide mêden (definsje en útlânsk belied) op Europeesk nivo regele wurde. De jierlikse ôfdracht oan de EU ('Europese gearwurking') rint yn de hjoeddeistige situaasje fia de Ryksbegrutting. Der sil besjoen wurde moatte oft dat sa bliuwt, of dat Fryslân syn part streekrjocht mei 'Brussel' ôfrekkenet. De fleanbasis Ljouwert kin ynearsten, salang't dat nuttich en winsklik is, ek gewoan bestean bliuwe. De fleanbasis soarget foar in soad wurkgelegenheid.

[140] *PS: 50 miljoen foar nij Thialf, Omrop Fryslân, 05-12-2012*
[141] https://www.rijksoverheid.nl/onderwerpen/caribische-deel-van-het-koninkrijk/inhoud/verantwoordelijkheden-nederland-aruba-curacao-en-sint-maarten

Bûtenlânske hannel en ûntwikkelingsgearwurking wurde wol taakfjilden dy't Fryslân foar de eigen regio oernimme sil. Fryslân krijt yn de eagen fan de FNP ek yn de takomst, yn oansluting op wat no al dien wurdt, eigen hannelsmissys[142] en eksportregelingen[143]. Geregeld gean no al hannelsdelegaasjes nei bygelyks Sina[144] en Súd-Korea[145]. Dêr giet Fryslân mei faasje mei troch, om it bedriuwslibben yn Fryslân noch mear te stypjen. De bedraggen geane fiks omheech: fan € 2,5 miljoen op jierbasis no (op basis fan it oanfalsplan Ynternasjonaal ûndernimmen) nei € 20 miljoen op jierbasis yn de takomst. De 'Friese Exportclub'[146], de nij op te setten eigen Fryske keamer fan keaphannel en it WorldTradeCentre (WTC) yn Ljouwert wurde optimaal fasilitearre om it Fryske bedriuwslibben by te stean.

Dat alles om in stevige ympuls te jaan oan it stribjen fan Fryslân om it persintaazje MKB-bedriuwen dat eksportearret omheech te bringen nei mear as 10%.

Dêrneist kin Fryslân sels soargje foar ûntwikkelingsgearwurking, help foar de tredde wrâld en oare lannen dy't help nedich hawwe. Dat wurdt op dit stuit stuit ek al dien, tink oan de aksje 'Skjin wetter foar Mozambique'[147] dy't de lêste 7 jier holden is, aksjes foar Nepal[148], foar East-Europa of oan tal fan partikuliere ynsammelaksjes en inisjativen. Stribjen is om de ynternasjonale noarm fan 0,7% fan de begrutting te heljen (sawat 70 miljoen euro op jierbasis).

---

[142] https://www.fryslan.frl/subsidies/subsidies-regelingen_3217/item/handelsmissie-beursdeelname-2018-2019_463.html
[143] https://www.fryslan.frl/subsidies/subsidies-regelingen_3217/item/internationaal-ondernemen-fryslan-2016-2020_3079.html
[144] http://fryslan.gemeentedocumenten.nl/www.fryslan.frl/de-de/16303/friese-handelsmissie-naar-china/index.html
[145] *Friesland in zee met Zuid-Koreaanse stad Daegu op gebied van watertechnologie, H2O / KNW, 27-09-2017*
[146] https://www.exportclubnoord.nl/leden/aanmelden-friese-exportclub/
[147] *Project schoon water voor Mozambique afgesloten, Omrop Fryslân 25-04-2017*
[148] https://www.omropfryslan.nl/nepal

7. OERDRACHT FAN TAKEN

Dit dokumint konsintrearret him benammen op de relaasje tusken en de oerdracht fan foech tusken it Ryk en Fryslân. Op feroarings fan foech en taken fan gemeenten, it Wetterskip én mienskiplike regelingen yn Fryslân sels giet dit dokumint net op yn. Yn in takomstige situaasje wêrby't it foech oer gemeenten en wetterskip folslein yn Fryslân sels leit, is it net nedich om hjir wiidweidich winsklike feroarings te beskriuwen. Dat meitsje de Steaten en de oare bestjoersorganen yn Fryslân dan sels út. It mei wol dúdlik wêze dat Fryslân dan in eigen gemeentefûns hat dêr't de gemeenten jild út krije, dat rint net mear fia De Haach. Om't it Wetterskip fia it Deltaprogramma en de opheging fan seediken en seedunen wol in rol ferfollet foar it efterlân wurdt hjirûnder yngongen op it Wetterskip.

7.1. Wetterskip Fryslân

As it giet om de wetterfeiligens, wetterbehear ('foldwaande wetter') en wetterkwaliteit is it al sa dat Wetterskip Fryslân no suver alle taken yn Fryslân útfiert of beheart[149]. Allinnich foar de primêre wetterkearings op de eilannen Amelân, Skylge en Flylân is dat noch net folslein regele. Mar Wetterskip Fryslân is ree om, neffens de ôfspraken yn it Bestjoersakkoart Wetter, op termyn alle primêre wetterkearings op 'e Fryske Waadeilannen fan Rykswetterskip oer te nimmen. Dêrby moat fansels wol in goede fergoeding komme foar de ekstra kosten (de ûnderhannelings binne no geande). Dêrmei soenen alle wetter-relatearde saken útfierd én beheard wurde troch in Frysk wetterskip.

As it giet om Wetterfeiligens dan prate jo benammen oer de (see-)diken, dunen en kaaien dy't ús regio beskermje moatte tsjin oerstreamings of wetteroerlêst. Yn 2018 foldocht Fryslân (neffens plenning) oan it Heechwetterbeskermingsprogramma 2 (HWBP2). Oan dat HWBP betellet it Ryk trouwens ek mei (foar 50%). Foar 40% betelje de mienskiplike wetterskippen en foar 10% it oanbelangjende wetterskip yn dat gebiet. Fan de 3449 kilometer primêre kearing[150] yn Nederlân is 213 km yn Fryslân. Dat is de dyk by de Iselmar, de seediken by de Waadsee en de dunen fan de eilannen. Dat is 6,2%.

By de primêre wetterkearings is it sa dat it dan giet om de diken om de Iselmar, Waadsee en Noardsee hinne. It Ryk leit no de lanlike noarmen op hokker mjitte fan beskerming dy diken en dunen (primêre wetterkearings) biede moatte. Wetterskip Fryslân soarget der dêrnei foar dat de primêre wetterkearings oan dy noarm foldogge. Dy noarmen binne trouwens net gelyk en dat soarget dan ek geregeld foar diskusje. Gebieten dy't in hege ekonomyske wearde hawwe (lês: Rânestêd) hawwe in hegere beskerming en dêr betelje wy dan mei ús allen oan mei.

Foar de fêste wâl fan Fryslân jildt in oerstreamingskâns fan 1/3.000 jier en foar de waadeilannen 1/1000 jier. Ta fergelyk: foar de Rânestêd is dat ienris yn de 10.000 jier! De

---

[149] *Sjoch ek https://www.wetterskipfryslan.nl/waterbeheerplan-2016-2021/onze-plannen-voor-waterveiligheid*

[150] *https://waterveiligheidsportaal.nl/#/nss/nss/assessment*

FNP wol dat Fryslân sels syn eigen noarmen bepale kin wat de oerstreamingskâns oangiet. Mei folsleine sizzenskip oer wetterskipssaken kinne wy dat realisearje.

De Begrutting fan Wetterskip Fryslân is foar 2017 € 136 miljoen[151]. Dat bedrach soe yn de fisy fan de FNP, by it ûnderbringen fan belied en bestjoer, dus ek taheakke wurde oan de jierlikse begrutting fan de provinsje Fryslân.

7.2. Kontakten mei 'Europa'

Fryslân docht ek streekrjocht saken mei Brussel as it om de ôfhanneling fan Europeeske subsydzjes giet. Dat betsjut dat 'Fryslân in eigen management-autoriteit krijt. Fryslân krijt ek eigen lobbyisten yn De Haach en Brussel, om't de situaasje hjir oars is as yn Drinte, Grinslân en oare provinsjes. Om dat wurk goed dwaan te kinnen komme der fertsjintwurdigings fan Fryslân yn De Haach en Brussel. Net allinnich om de kontakten te ûnderhâlden en foar de lobby, mar ek om it Fryske bedriuwslibben te promoatsjen. Dat alles betsjut, allinnich al foar in eigen management-autoriteit al, tsientallen ekstra, heechweardige banen yn Ljouwert.

Dat Nederlân net goed foar de Fryske belangen yn Brussel opkomt die ek bliken op de gearkomste fan it Platform Europa fan de Steaten fan Fryslân fan 14 febrewaris 2018. Dêr sei deputearre Kielstra dat Nederlân fan de Kohesyfûnsen (tink oan Interreg, EFRO, Sosjale fûnsen) ôf wol en dan in legere ôfdracht oan Brussel. Omdat dy fûnsen foar de regionale ekonomy hiel belangryk binne, wol Fryslân se krekt hâlde!

Fierder is op dyselde gearkomste in dokumint útrikt mei in oersjoch fan de Europeeske middels fan de EU dy't alle jierren yn Fryslân delstrike. It giet dan meielkoar om € 105,3 miljoen per jier. Dat bedrach rjochtfeardicht mear as genôch dat der in selsstannige fertsjintwurdiging fan Fryslân is yn Brussel dy't dêr foar ús belangen opkomt. Wylst Nederlân in netto-beteller is fan Europeeske subsydzjes, is Fryslân in netto-ûntfanger. As der fan útgongen wurde mei dat de ynwenners fan Fryslân itselde bedrach oan de EU betelje as de oare ynwenners fan Nederlân, soenen se € 147 per jier betelje[152]. Dat is byelkoar € 95 miljoen. Under de streep ûntfangt Fryslân dus 10 miljoen op jierbasis!

[151] *Begroting 2017 inclusief meerjarige doorkijk, Wetterskip Fryslân, 2016*
[152] *Nederland deze eeuw grootste nettobetaler van de EU, Centraal bureau voor de statistiek, 16-12-2016*

Oersjoch Europeeske middels yn Fryslân	Op jierbasis (yn mln euro's):
1. Gemeenschappelijk Landbouwbeleid (inkomenssteun) ca. € 80 mln. per jaar	**80,00**
2. POP ca. € 40 mln. in 6 jaar (wordt verdubbeld met provinciaal geld)	**6,67**
3. ESF (Europees Sociaal Fonds) € 15,7 mln. (2013-2018)	**3,14**
4. EFRO: ondernemersregelingen (via SNN)	
a) MIT (MKB Innovatiestimulering Topsectoren) € 2,58 mln. (2016-2018)	**0,86**
b) KEI (Kennis en Innovatie) € 0,11 mln. (2016-2018)	**0,04**
c) VIA (Versneller Innovatieve Ambities) € 4,99 mln. (2016-2018)	**1,66**
5. EFRO(EFRO = Europees Fonds voor Regionale Ontwikkeling): projecten € 3,89 mln. (2016-2017)	**1,95**
6. Interreg A € 10,26 mln. (2016-2017)	**5,13**
7. Interreg B € 2,85 mln. (2017)	**2,85**
8. Interreg Europe € 1,21 mln. (2016-2017)	**0,61**
9. Horizon 2020 € 6,29 mln. (2015-2017)	**2,10**
10. Creative Europe € 0,09 mln. (2016)	**0,09**
11. Erasmus Plus € 0,13 mln. (2015-2017)	**0,04**
12. Overige Europese fondsen € 0,39 mln. (2016-2017)	**0,13**
	105,26

8. FINANSJEEL

Yn dit haadstik sille wy op in rychje sette wat de budzjetten binne fan de ferskate Ministearjes en wat dêrfan oerdroegen wurde kin. Dêrneist sille ek de opbringsten fan gaswinning, belestingen en premys dy't troch de Friezen betelle wurde en de eksport oan de oarder komme.

Hjirûnder in oersjoch fan de ferskate Ministearjes fan Nederlân en harren budzjetten (Boarne: Miljoenenota 2018):

Namme Ministearje	Budzjet yn €
Algemiene saken	€ 58,3 miljoen
Ynlânske saken, relaasjes yn it Keninkryk **Gemeente- en provinsjefûns** **Wenjen en Rykstsjinst**	€ 0,8 miljard € 24,4 miljard € 3,9 miljard
Ekonomyske saken	€ 4,8 miljard
Finânsjes	€ 1,6 miljard
Ynfrastruktuer en miljeu	€ 8,4 miljard
Underwiis, kultuer en wittenskippen	€ 35,4 miljard
Sosjale saken en wurkgelegenheid	€ 79,0 miljard
Feiligens en justysje	€ 10,3 miljard
Folkssûnens, wolwêzen en sport	€ 80,4 miljard

Meielkoar giet it by de útjeften dus om in bedrach fan € 271 miljard foar de ferskate Ministearjes (eksklusyf de € 6 miljard kosten fan rinte op de Steatsskuld). It bedrach dêr't Fryslân syn rjochtfeardige part fan krijt giet oer € 228,62 miljard euro foar de ferskate Ministearjes. Dat is dan eksklusyf Algemiene saken (giet benammen oer it Keningshûs), Bûtenlânske saken (mar ynklusyf bûtenlânske hannel en ûntwikkelingsgearwurking), eksklusyf Definsje en eksklusyf it Gemeente- en provinsjefûns (dat giet foar in grut part nei oare gemeenten en provinsjes bûten Fryslân). Op grûn fan it persintaazje yn it BNP (2,9%) soe dat dan € 6,63 miljard wêze, op grûn fan it ynwennertal (3,8%) soe dat dan € 8,69 miljard wêze. Dat binne dan noch wol de bedraggen sûnder gemeentefûns foar Fryslân (€ 1102 miljoen), Wetterskip (€ 136 miljoen) en provinsjefûns (€ 202,1 miljoen ynklusyf desintralisaasje-útkearings) en sûnder de opbringsten út ierdgas (€ 175 miljoen). Yndikatyf soe it bedrach fan de oerheveling fan finânsjes fia in finansjeel statút tusken Ryk en Fryslân dus sa tusken de € 8,4 en € 10,4 miljard bewege. Dat komt oerien mei wat hjirûnder stiet oer de belestings en preemjes dy't de ynwenners, organisaasjes en bedriuwen yn Fryslân alle

jierren opbringe (€ 9,05 miljard). Yn in finansjeel statút soe bygelyks tocht wurde kinne oan it 'Deenske model' mei Grienlân en de Faeroer eilannen[153]. De twa regio's hawwe folsleine ferantwurdlikheid krigen oer har eigen belestingynkomsten en hoe't dat ynbard wurdt. Denemarken betellet wol foar de eigen útjeften op de twa eilannen.

Yn de eagen fan de FNP soe Fryslân boppedat in ôfkeapsom hawwe moatte foar de gasbaten út it ferline. Dy binne fierhinne foarbygongen oan Fryslân. Ut in yn 2006 holden 'quickscan' nei de ferdieling fan ryksmiddels, yn 2006 yn opdracht fan de provinsjes Fryslân, Grinslân en Drinte troch it Instituut voor Onderzoek van Overheidsuitgaven (IOO) makke, die bliken dat yn de perioade 1998-2004 mar 1% yn it Noarden bestege is. In bedrach fan € 12 miljard, 88% fan de opbringsten, is yn dy tiid ynvestearre yn de Rânestêd! Utgeand fan in persintaazje fan 4% fan alle gasopbringsten yn Nederlân dat yn Fryslân ut de grûn helle is, en útgeand fan in bedrach fan € 300 miljard oan gasbaten oant no ta foar hiel Nederlân en fan 0,33% dat wer yn Fryslân ynvestearre is, soe Fryslân yn rûge halen in ôfkeapsom hawwe moatte fan € 11 miljard foar de gasbaten. It krekte bedrach sil troch saakkundigen berekkene wurde moatte. It giet dus oer it bedrach dat wol út de Fryske grûn helle is, mar hjir nea wer weromkommen is. Dat is dan eksklusyf de rinte op dy opbringsten. It útstel is om dat bedrach yn jierlikse terminen fan € 1 miljard werombetelje te litten.

8.1. Ynkomsten, belêstings en premys

In soad delfstoffen sitte yn de Fryske grûn. Op ynternet[154] is út te finen dat jierliks (lêste gegevens 2016) sa'n 35.000 miljoen Nm3 gas út de grûn yn Nederlân helle wurdt. It Frysk oandiel dêrfan (NB: fêstewâls-fergunnings) is 3.060,4 miljoen Nm3. Finansjeel smite de gasopbringsten Nederlân op dit stuit sa'n € 2,0 miljard op. De gasopbringsten út fjilden yn Fryslân (Akkrum, Donkerbroek, De Gordyk, Ljouwert, Noard-Fryslân, Tytsjerksteradiel, de Súdwâl) smite de Nederlânske steat op jierbasis 175 miljoen euro op. Dêrby wurdt der fan útgongen dat 8,7% fan de winning yn Fryslân is (2015; yn 2011 noch 6,9%). Dy ynkomsten fluktuearje fansels wol, ôfhinklik fan de enerzjyprizen. De FNP wol dat alle ynkomsten út Fryske fjilden ek yn Fryslân bliuwe.

Wat belêstings oangiet, dêr hat de FNP fia it Coelo fan de Ryksuniversiteit fan Grins ûndersyk nei dien. De opbringsten oan direkte en yndirekte belestings en premys wurknimmers- en folksfersekerings binne respektivelik 83,1 + 87,2 + 47,1 + 65,1 miljard = meielkoar 283 miljard[155]. It part fan de direkte belestings dat Fryslân opbringt is sawat 3,25% fan it folsleine bedrach foar hiel Nederlân. Dat komt del op € 2,7 miljard. Wat de yndirekte belestings oangiet, dêr betellet Fryslân omrekkene sawat € 2,32 miljard oan mei. Dat is 2,7% fan it folsleine bedrach. De FNP tinkt trouwens dat dat bedrach yn de praktyk fiks heger wêze sil, om't in soad BTW en ynfierrjochten betelle wurde by haadfêstigings bûten Fryslân.

[153] *The emergence of a democratic right to self-determination, Centre Maurits Coppieters, 2016.*
[154] *Delfstoffen en Aardwarmte in Nederland, jaarverslag 2016, Ministerie van Economische Zaken, 2017*
[155] *https://www.rijksoverheid.nl/documenten/begrotingen/2017/09/19/miljoenennota-2018*

As it giet om de premys foar de wurknimmersfersekeringen (WW, WAO, WIA en ZW) dan betellet Fryslân dêr (yn 2014) per persoan € 3484 oan mei (oandiel Fryslân 3,46%). Dat komt del op € 2,25 miljard. Foar de folksfersekerings betelle Fryslân yn 2014 dêr €2433 de persoan oan mei (3,34% fan it folsleine bedrach), totaal € 1,60 miljard. Meielkoar betellet Fryslân sa oan belestings en premys sawat € 8,87 miljard oan it Ryk. Mei de € 175 miljoen oan gasbaten giet der sa alle jierren € 9,05 miljard fan Fryslân nei it Ryk.

Wat it Bruto Nasjonaal produkt oangiet, in berekkening oer 2014 jout oan dat Fryslân yn dat jier sawat 2,9% opbringt fan it Nederlânske BNP: it BNP fan Fryslân wie € 18.903 miljoen en dat fan Nederlân as totaal € 662.770 miljoen. Dat betsjut dat fan it BNP fan Fryslân alle jierren 47,9% (ommers, € 9,05 miljard oan belestings, premys en gasopbringsten) nei de skatkiste ta giet.

De jierlikse eksport fan Fryslân nei bûten Nederlân wie yn 2016 € 4,4 miljard en de ymport € 3,5 miljard (Friesch Dagblad, 22 july 2017, sifers: CBS). Dêrmei is it jierlikse hannelsoerskot € 0,9 miljard.

De yndruk bestiet faak dat de provinsje Fryslân (as organisaasje) sawat alle ynkomsten fan it Ryk krijt. Lykwols, dat is sa net. Fryslân hat sa't dat hjit in 'iepen húshâlding'. Yn 2018 krijt Fryslân fia de opsinten (opslach wegebelesting auto's) € 54 miljoen, en út dividind, rinte ensfh. ek nochris € 41 miljoen. It ynbarren fan dy eigen belestingynkomsten ferrint oer it algemien hiel soepel. Yn tsjinstelling ta de Nederlânske Steat (it Ryk) hat Fryslân gjin tekoarten mar in goed opboude reserve fan € 588 miljoen[156]. It Ryk hat in steatsskuld fan € 423 miljard.

[156] https://provinciale-begroting.frl/2017/planning-control/jaarstukken/paragrafen/paragraaf-2-weerstandsvermogen-en-risicobeheersing/frl/

9. HOE FAN A NEI B

9.1. Hoe mear foech krije:

It FNP ferkiezingsprogram 2015-2019 stelt dat de FNP fan betinken is dat Fryslân dêroer mei it ryk yn petear moat om te besjen hoe't Fryslân boppeneamde taken oernimme kin. Soks betsjut in dialooch en faaks ûnderhannelings tusken bestjoerders (it Kolleezje fan DS fan Fryslân) mei regearingsfertsjintwurdigers fan Nederlân. Tink yn it foarste plak oan de minister fan Ynlânske Saken mar om't it giet om in breed skala oan taken sil it nei alle gedachten fan beide kanten in bredere fertsjintwurdiging wêze. Ien en oar wurdt fansels amtlik taret en ôfstimd.

It is in hiel wichtich ûnderwerp dat de hiele befolking rekket, dêrom wol de FNP de befolking belûke by de feroarings. It FNP-ferkiezingsprogram seit ek dat de ynwenners fan Fryslân belutsen wurde moatte by de oerdracht fan taken: 'Sa mooglik sil, yn neifolging fan de ynstek mei soarch en folkshúsfesting, hjiroer de miening fan de ynwenners fan Fryslân fernaam wurde moatte'. Hoe't dat krekt dien wurde moat, kin yn in letter stadium besjoen wurde. It soe yn de foarm fan in folksrieplachting dien wurde kinne. Wol soe it belûken fan de ynwenners spesifyk yn Fryslân holden wurde moatte, om't it de befolking fan ús eigen regio oangiet. Foar de FNP is ynspraak hiel wichtich.

It rieplachtsjen fan de befolking is ferlykber mei wat de Faeroer eilannen yn 2018 dogge en de Antilliaanske eilannen earder dien hawwe. Of in kombinaasje dêrfan.

Fryslân sil in oare posysje yn it Keninkryk krije moatte, neffens de FNP-fisy. It advys is dan ek om ús te spegeljen oan oare gebieten yn it Keninkryk dy't al sa'n spesjale status krigen hawwe: bygelyks Aruba en Kurasao (Nederlânske Antillen).

By it oergean fan taken fan it Ryk nei Fryslân wurdt begûn mei de útgongssituaasje en de wetten en regels dy't der dan binne. Dat ek om in ûndúdlike situaasje foar de befolking en in 'gat' yn regeljouwing foar te kommen. Wat de transysje sels oangiet, kin ferwiisd wurde nei tal fan súksesfolle foarbylden fan desintralisaasje fan taken fan it Ryk nei gemeenten en provinsjes mar ek nei it foarbyld fan it selsstannich wurden fan 3 nije lannen yn it Keninkryk (Aruba, Curacao en Sint Maarten) én fansels nei de dielsteaten yn Dútslân/België of oare regio's mei in soad eigen foech yn Europa. Boppedat is it sa dat desintrale oerheden kenlik goedkeaper wurkje kinne as de sintrale en burokratyske Ryksoerheid. Faak is ommers sprake fan in desintralisaasjekoarting fan 5 of 10%. Earder hawwe wy al sjen litten dat Fryslân as oerheidsorgaan (folle) goedkeaper wurket as in protte oare oerheidsorganen.

Mei oansluting op it Nederlânske systeem wurdt ek bedoeld de 'hurde ynfrastruktuer': Rykswegen, spoar, kanalen ensfh. Mar tink ek oan de belêstingen en sosjale regelingen en ûnderwiis. Oanslute by wat der al is. Wêrby't Fryslân dan yn de nije situaasje oare regels en wetten fêststelle kin ('maatwurk'), mar wêrby't it ek sinfol is om ynearsten safolle mooglik de systematyk gelyk te hâlden oan de Nederlânske. Uniformearring fan systematiken is ek yn Europeesk ferbân ommers faak oan te rieden!

Oer saken dy't mienskiplik dien wurde moatte cq oer de grinzen hinne gean fan Fryslân soe ferplichte, op oerienstimming rjochte oerlis komme moatte.

Oangeande de takomstige situaasje binne der rûchwei 2 mooglikheden:

- Fryslân opnimme yn it statút as ekstra lân yn it Keninkryk
- yn de grûnwet fan Nederlân opnimme litte dat Fryslân in gebiet is mei grutte autonomy yn it lân Nederlân en dat der in apart statút is om dat te regeljen.

De lêste opsje wurdt oanret. Ek omdat Fryslân oan alle einen sawol fysyk as ek mei regelingen fêst sit oan Nederlân. Yn Dútslân bygelyks is de ferhâlding tusken 'Bund' en 'Länder' en de ferantwurdlikheden fan beide oerheden ek regele yn de grûnwet.

By de ûnderhannelings moat fêstlein wurde dat Fryslân finansjele autonomy mei in iepen finansjele húshâlding hawwe moat en beskikke kin oer tarikkende middels om de eigen taken en foegen út te oefenjen. Dêrta moatte der besteande Nederlânske wetten feroare wurde en is in finansjeel statuut foar Fryslân nedich. As útgongspunt nimme wy dat der foar de minsken gjin ekstra 'Fryske' belesting komt mar dat besteande jildstreamen oars organisearre wurde. Fiskaal moat de operaasje fan herferdieling tusken Den Haag en Ljouwert netto neutraal foar de boarger ferrinne. Fansels wurdt ek sjoen nei de gasbaten dy't Fryslân desennialang misrûn is. Dêrom wurdt der in ôfkeapsom fan de gasbaten berekkene en meinommen yn it finansjeel statút. Oant no ta hawwe dy gasbaten sawat € 300 miljard west foar hiel Nederlân (skjinne winst)[157][158]. Utgeand fan in persintaazje fan 4% fan de gaswinning yn Fryslân (NB yn 2011 6,9%, yn 2015 10,59% en yn 2016 8,9%[159]) soe yn Fryslân € 12 miljard út de grûn pompt wêze. Yn Dútslân is it, yn tsjinstelling ta Nederlân, wol sa dat de opbringsten út ierdgas- en –oaljewinning ten goede komme oan de ferskate regio's. In hiel lyts part fan de skea yn Fryslân, nammentlik mar € 11,1 miljoen, is fergoede. Fansels sil alle skea dy't yn Fryslân west hat of noch komme sil, betelle wurde moatte.

Om't bliken dien hat dat der wolris skeel is oer de mjitte fan autonomy fan de 3 lannen Aruba, Kurasao en Sint Maarten, is in wichtich advys om by in 'autonomystatút' mei Fryslân daliks ek in geskilleregeling op te nimmen.

It hat by de foarming fan de lannen Aruba, Kurasao en Sint Maarten bliken dien[160] dat de meiwurking fan de kant fan Nederlân net altyd fan herte gong. Sa kamen der hieltyd mear betingsten op tafel, moast earst alle wetjouwing der wêze en kaam Nederlân pas echt goed yn beweging doe't by referinda in mearderheid foar de foarming fan it lân Kurasao wie. Doe koe men net mear werom.

In oar foarbyld dat it Ryk huverich is by de oerdracht fan taken wie yn de perioade dat der sprake wie fan opskaling fan de provinsjes. Dat spile yn 2014 benammen mei de saneamde

---

[157] *Aardgasbaten op laagste niveau in ruim 40 jaar, Centraal Bureau voor de Statistiek, 26-04-2017*
[158] *Regeren is vooruitzien, maar wat levert het op? NRC.nl, 09-10-2017*
[159] *Delfstoffen en Aardwarmte in Nederland, jaarverslag 2016, ministerie van Economische Zaken, 2017 en http://nlog.nl/cmis/browser?id=0622f8b3-d4f2-4cf1-a6a6-749a564b6907*
[160] *Ynterview FNP mei Gevolmachtigd minister fan Curacao yn Nederlân, frou Philipps, op 12 maart 2017*

‘Noordvleugelprovincie’. De provinsjes Noard-Hollân, Utert en Flevolân woenen in hiel pakket oan ekstra taken en foech om te kommen ta dy nije provinsje[161]. Bygelyks de oerdracht fan rykswegen, farwegen, it spoar en it byhearrende budzjet. Mar doe’t de kniper op ‘e skine kaam skrille it kabinet werom en die gjin bûter by de fisk.

[161] *Noordvleugelprovincie wil meer macht, De Telegraaf, 03-02-2014*

10. KONKLÚZJES

Oan de ein fan dizze útwurking fan it FNP-fisystik folgje in oantal konklúzjes.

1. Erkend rjocht op selsbeskikking: Yn it foarste plak kin konkludearre wurde dat de Friezen net allinnich troch Nederlân as folk erkend binne, mar dat Nederlân mei it ûndertekenjen fan ferskillende ferdraggen ek it rjocht fan de Friezen op selsbeskikking erkend hat en dat de Friezen dêrmei yn alle frijheid harren politike status en harren ekonomyske, sosjale en kulturele ûntjouwing neistribje kinne. Oan ferskate oare gebieten yn it Keninkryk hawwe wy sjen kinnen dat dat rjocht yn de praktyk ek op in demokratyske wize útoefene wurde kin.
2. Steaten fan Fryslân wolle mear sizzenskip: Yn it twadde plak kin konkludearre wurde dat it stribjen fan de FNP om mear sizzenskip foar Fryslân te krijen perfoarst net op himsels stiet. Yn de Steaten fan Fryslân is mear as ienkear by grutte mearderheid de winsk útsprutsen dat Fryslân op beskate mêden mear foech hawwe moat, ôfwike moatte kin fan de regels of wetten fan Nederlân of ôfwike kin fan belêstingregels en mear ynkomsten hawwe moat út de ierdgaswinning.
3. Autonome regio's normaal yn Europa: In tredde konklúzje is dat al yn sawat de helte fan de regio's fan de EU sprake is fan wetjaand foech mei de byhearrende taken en de finânsjes dy't dêrfoar fanneden binne. Yn guon lidsteaten hawwe alle regio's dat wetjaand foech, yn oaren ien of in pear regio's. Ek yn it Keninkryk is dat sa: de eilannen Aruba, Curacao en Sint Maarten hawwe fiergeand wetjaand foech. Jo kinne stelle dat yn ferliking mei de lannen om ús hinne (Dútslân, België, it Feriene Keninkryk) it lân Nederlân noch tige sintralistysk bestjoerd wurdt. De measte fan dy regio's hawwe boppedat, yn tsjinstelling ta Fryslân, in eigen fertsjintwurdiging cq lobby-kantoar yn Brussel om harren belangen goed te tsjinjen. Mei it ekstra foech hawwe dy regio's ek folle mear budzjet: yn ferliking mei Fryslân faak wol 9 of 10 kear safolle per ynwenner. Dêrmei kinne dy regio's ek mear foar de eigen ynwenners betsjutte.
4. Mear sizzenskip jout in soad foardielen. Dy binne yn dit rapport ferwurde. De foardielen fan mear sizzenskip binne benammen dat jo sawat alles dat de befolking rekket sels bepale kinne en dêrtroch maatwurk foar Fryslân leverje kinne. De FNP wol dêrmei foar de minsken hjir yn Fryslân in takomst biede. Mear sizzenskip (wetjaand foech én finansjele ferantwurdlikheden) smyt in hegere ekonomyske groei op (0,5% op jierbasis), dat Fryslân jong talint behâlde kin (ûnder oare mei in eigen folweardige universiteit), mear ynnovaasje yn it bedriuwslibben, dat de sprieding fan foarsjennings oer Fryslân op oarder is, dat Fryslân ferskate organisaasjes behâlde of werom krije kin (tink oan it kadaster, Keamer fan Keaphannel, rjochtbank, plysje ensfh.) of sels oprjochtsje kin en dat Fryslân sels beslute kin hoe't in duorsume enerzjy-takomst der út sjocht, oft hjir gas wûn wurdt, hoefolle én hoe't de skearegeling der út sjocht. De wittenskiplik oantoande foardielen fan mear sizzenskip foar de regio steane ek yn dizze notysje. Guon neidielen fan de ienheidssteat dy't foar Fryslân tige negatyf útpakt binne, lykas de (skea troch) gaswinning, de braindrain,

ynkommensferskillen, ferskil yn wurkgelegenheid en it heare-akkoart, binne fermeld yn in saneamd ‘swartboek’ dat taheakke is.

5. Oerdracht fan taken dy’t wichtich binne foar de ynwenners nei Fryslân: De taken dy’t Fryslân yn de fisy fan de FNP oerkrijt binne lykas folget: Ekonomy, lânbou, ûnderwiis, kultuer en wittenskippen, ynlânske saken, ynfrastruktuer en miljeu, finânsjes, sosjale saken en wurkgelegenheid, feiligens en justysje, folkssûnens, wolwêzen en sport. Dêr moatte dan ministearjes foar ynrjochte wurde. De FNP wiist der yn dizze útwurking op dat yn de helte fan de regio’s yn de EU dy taken al oergongen binne fan de lidsteat nei de regio’s of provinsjes. En dat ek yn it Keninkryk fan de Nederlannen al sprake is fan fan autonome lannen dy’t dy taken hawwe: Aruba, Curacao en Sint Maarten. Faak binne dat ek regio’s dy’t yn oerflak of ynwennertal (folle) lytser binne as Fryslân.
6. Fryslân beslút yn takomst sels oer ferbetterings eigen oerheden en kontakten mei Europa: Yn de takomst, as foech en ferantwurdlikheden yn Fryslân sels lizze, meitsje de Steaten en de oare bestjoersorganen yn Fryslân dan sels út hokker winsklike feroarings nedich binne. It mei wol dúdlik wêze dat Fryslân dan in eigen gemeentefûns hat dêr’t de gemeenten jild út krije, dat rint net mear fia De Haach. As it giet om de wetterfeiligens, wetterbehear (‘foldwaande wetter’) en wetterkwaliteit is it al sa dat Wetterskip Fryslân no suver alle taken yn Fryslân útfiert of beheart. Wat de kontakten mei de EU oangiet, dat regelet Fryslân yn de takomst sels. Dan giet it sawol om de lobby as it ynheljen en ôfhanneljen fan subsydzjes. Dat giet no fia in omwei fia oare organisaasjes. It hat bliken dien dat Nederlân net goed foar de belangen fan Fryslân yn Europa opkomt, sawol ynhâldlik as finansjeel.
7. Oerdracht fan finânsjes tusken Ryk en Fryslân: Yndikatyf soe it bedrach fan de oerheveling fan finânsjes fia in finansjeel statút tusken Ryk en Fryslân dus sa tusken de € 8,4 en € 10,4 miljard bewege. Dat komt oerien mei de belestings en preemjes dy’t de ynwenners, organisaasjes en bedriuwen yn Fryslân alle jierren opbringe (€ 9,05 miljard). Yn de eagen fan de FNP soe Fryslân fierder in ôfkeapsom hawwe moatte foar de gasbaten út it ferline. By it opstellen fan in ‘wytboek’ oer de oerdracht fan foech, taken en finânsjes, sille de ferskillende saken neiere útwurke en berekkene wurde moatte fansels.
8. Oerdracht: dialooch, ûnderhannelings en befolking belûke: It is in hiel wichtich ûnderwerp dat de hiele befolking rekket, dêrom wol de FNP de befolking belûke by de feroarings. Hoe’t dat krekt dien wurde moat, kin yn in letter stadium besjoen wurde. It soe yn de foarm fan in folksrieplachting dien wurde kinne. De FNP is fan betinken dat Fryslân oer de oerdracht fan taken, foech en finânsjes yn petear mei it ryk moat om te besjen hoe’t Fryslân boppeneamde taken oernimme kin. Soks betsjut in dialooch en faaks ûnderhannelings tusken bestjoerders.
9. Fryslân as gebiet mei grutte autonomy yn grûnwet opnimme: Oangeande de takomstige situaasje binne der rûchwei 2 mooglikheden:

- Fryslân opnimme yn it statút as ekstra lân yn it Keninkryk
- yn de grûnwet fan Nederlân opnimme litte dat Fryslân in gebiet is mei grutte autonomy yn it lân Nederlân en dat der in apart statút is om dat te regeljen.

De lêste opsje wurdt oanret. Ek omdat Fryslân oan alle einen sawol fysyk as ek mei regelingen fêst sit oan Nederlân. Yn Dútslân bygelyks is de ferhâlding tusken ‘Bund’ en ‘Länder’ en de ferantwurdlikheden fan beide oerheden ek regele yn de grûnwet.

10. Tarikkende middels en Finansjeel statút: By de ûnderhannelings moat fêstlein wurde dat Fryslân finansjele autonomy mei in iepen finansjele húshâlding hawwe moat en beskikke kin oer tarikkende middels om de eigen taken en foegen út te oefenjen. Dêrta moatte der besteande Nederlânske wetten feroare wurde en is in finansjeel statuut foar Fryslân nedich.

TAHEAKKE 1.

‘Swartboek’ oer de ferhâldings tusken it Ryk en Fryslân

Yn dit ‘swartboek’ jouwe wy in oantal foarbylden dy’t bewiis binne fan de fersteurde ferhâlding tusken it Ryk en Fryslân.

Wy behannelje hjir de neikommende saken:

- Gasbaten en skea as gefolch fan delfstofwinning
- Heare-akkoart
- Ynkommensferskillen
- Wurkgelegenheid
- Braindrain
- Financiële verhoudingenwet en gemeentefûns

10.1. Gasbaten en skea as gefolch fan delfstofwinning

Wylst fan alle gasbaten oant en mei 2005 fan hast € 14 miljard 88% yn de Rânestêd (47% befolking) delstrutsen is, is mar 1% fan it jild yn Fryslân, Grinslân en Drinte delstrutsen (wylst dêr 10% fan de ynwenners wennet). Dat stiet yn in quick-scan[162] dy’t yn opdracht fan Fryslân, Grinslân en Drinte makke is. Wylst yn ús regio (benammen Grinslân en Fryslân) wol de measte skea is troch boaiemdelgong, oan gebouwen, wegen en wetterskipswurken. Sa waard yn 2005 in claim[163] fan € 6 miljoen troch 25 boeren dellein yn de omkriten fan Winaam fanwegen de skea troch sâltwinning. Yn in mienskiplik manifest[164] fan Fryske oerheden is oantrune op omkearing fan de bewiislêst, nulmjittings en herhellingsmjittings, mear ynfloed foar de desintrale oerheden en in balâns yn de lusten en de lêsten fan de delfstofwinning. Wy kinne konstatearje dat dêr foar Fryslân suver neat fan op de hispel kommen is. De NAM jout yn eigen rapporten[165] ta dat der, benammen yn Dongeradiel (omjouwing Ie-Eanjum) en Tytsjerksteradiel, sprake is fan boaiemdelgong fan resp. 18 en 24 sentimeter yn 2050. Oant 2018 ta hat, nettsjinsteande skea op in soad plakken, noch net ien partikulier in bedrach fergoede krigen foar skea troch gaswinning[166]. Ferskate oerheden hawwe it lykwols wol goed oantoane kinnen en hawwe € 11,9 miljoen fergoede krigen. It is foar de yndividuele partikuliere huzebesitter fansels hiel dreech om oan te toanen dat de skea troch gas- of sâltwinning komt. Yn Fryslân binne ek tal fan belange- en aksjegroepen dy’t pleitsje foar in ein oan de gas- en sâltwinning en omkearing fan de bewiislêst. De ‘Stichting Oud Harlingen’

[162] *Quick scan regionale verdeling FES-toezeggingen, Instituut voor Onderzoek van Overheidsuitgaven, 2006*
[163] *Boeren claimen 6 miljoen door schade zoutwinning, de Volkskrant, 11-02-2005*
[164] *Manifest van Friese overheden over gas- en zoutwinning, Vereniging Friese Gemeenten & Provinsje Fryslân, 2016*
[165] *Bodemdaling door Aardgaswinning, NAM-gasvelden in Groningen, Friesland en het noorden van Drenthe, NAM, 2015*
[166] *http://www.bodemdalingfryslan.nl/wp-content/uploads/2018/04/Jaarverslag-2017-def.pdf*

hat der bygelyks yn augustus 2017 by de foarming fan it nije kabinet foar pleite om de Wet omkeringsbewijslast út te wreidzjen nei alle mynbou-aktiviteiten en net allinnich foar it gaswinningsgebiet '*Groningenveld*'. Fierder binne ûnder oare de stifting Tsjingas, de wurkgroep 'Laat Fryslân niet zakken' en 'Ternaard foar de wyn' yn Fryslân yn aksje kommen.

Boppedat waarden yn 1987 de ynkomsten út gaswinning troch 'De Haach' net mear, lykas wenst, trochrekkene en tarekkene oan it Bruto Nasjonaal Produkt, mar oan it Bruto Regionaal Produkt. Dêrtroch waarden de gasynkomsten net mear oer it hiele lân spraat, mar benammen tarekkene oan Grinslân en Fryslân. Mei de nije rekkenwize rekken Fryslân en Grinslân de Europeeske stipe kwyt[167]. Hjirûnder stiet in oersjoch wêr't de saneamde 'FES-jilden' (Fonds Economische Structuurversterking, 1995-2011[168]) hinne gongen binne[169]. It oersjoch fan hjirûnder hannelt om € 18,492 miljard. Mear ynformaasje stiet yn in oersjoch fan de Rekkenkeamer[170].

Afzonderlijke investeringsprojecten met gasbaten (in euro's):

- Betuweroute: 4,7 miljard
- Bereikbaarheidsoffensief Randstad: 444,8 miljoen
- Beelden voor de Toekomst: 132 miljoen
- A2-tunnel Maastricht: 70 miljoen
- Ontwikkeling Zuidas Amsterdam: 406 miljoen
- Kenniswijk Eindhoven: 45,4 miljoen
- Vier HSL-stations: 5,3 miljard
- Hubertustunnel: 27,4 miljoen
- Oosterscheldekering: 3,5 miljard
- Topinstituut Farma: 137 miljoen
- Ontsluiting Colmschate-Noord, Deventer: 11,3 miljoen
- Gigaport: 64 miljoen
- ICT in het onderwijs: 487 miljoen
- Milieukwaliteit Elektriciteitsproductie: 993 miljoen
- Vernieuwingsprogramma vmbo: 283 miljoen
- Sleutelprojecten HS: 1 miljard
- Kennis voor Klimaat: 50 miljoen
- Versterking Kennisinfrastructuur (Bsik): 802 miljoen
- Holst Centre: 40 miljoen

[167] *Leeuwarder Courant, 11 maart 1987*
[168] *https://nl.wikipedia.org/wiki/Fonds_Economische_Structuurversterking*
[169] *Hier ging het geld van de gaswinning naar toe, rtvnoord.nl, 02-03-2017*
[170] *https://www.rekenkamer.nl/publicaties/rapporten/2014/10/07/besteding-van-aardgasbaten-feiten-cijfers-en-scenarios*



Neffens ynformaasje fan it CBS is yn Nederlân sûnt 1959 foar 3.637 miljard m^3 ierdgas wûn. Dat levere de skatkiste sawat 280 miljard euro oan ynkomsten op (sjoch grafyk hjirboppe). Op 1 jannewaris 2016 wie de restearjende ierdgasreserve noch 940 miljard m^3, dat komt oerien mei wat totaal yn de foargeande trettjin jier wûn is. Dêrmei is noch goed 20 prosint oer fan de oarspronklike gasreserve dy't der yn it grûngebiet fan Nederlân wie[171]. Yn it jierferslach fan 2016[172] fan de mynbouwinning yn Nederlân stiet op side 162 hoefolle de totale ierdgasbaten per jier west hawwe en wat de kommende jierren noch ferwachte wurdt (yn miljarden €). De prinsipiële fraach soe steld wurde kinne: is it gas ûnder Fryslân eigendom fan de oaljemaatskippijen (sizzen fan minister Wiebes), fan de Nederlânske steat (Mynwet) of fan it folk dat der boppe wennet, yn dit gefal it Fryske? Sûnt beslútfoarming yn de Twadde Keamer yn 1962[173] hat it bedriuwslibben in hiele grutte finger yn de brij…

[171] *Aardgasbaten op laagste niveau in ruim 40 jaar, Centraal Bureau voor de Statistiek, 26-04-2017*
[172] *Delfstoffen en Aardwarmte in Nederland, jaarverslag 2016, ministerie van Economische Zaken, 2017*
[173] *Nederlands aardgas geen nationaal eigendom door toedoen van Joop den Uyl, Co2ntramine, 1-12-2014*

10.2. Heare-akkoart

It saneamde 'Heare-akkoart' wie in oerienkomst, oer en sûnder de minsken yn Fryslân en Grinslân sletten troch de kommissarissen Wiegel en Vonhoff en de ministers Deetman en Brinkman. Dat kaam yn rûge halen del op in ferdieling fan funksjes: kultuer nei Grins, ûnderwiis nei Fryslân. Fryslân krige in hegere lânbouskoalle (Van Hall), mar rekke de keunstakademy, it Frysk orkest (dat troch Brinkman opheven waard) en it konservatoarium kwyt. Dat wylst Fryslân altyd in regio west hat dêr't de hafabra (harmony, fanfare en brassbands) och sa florearren. Sûnt it fuortgean nei Grins hawwe de muzykorkesten yn de doarpen en stêden yn de rin fan de tiid hieltyd mear muoite om oerein te bliuwen, mei troch it ferlies fan jong talint nei de stêd Grins. In protte dielnimmers oan it Frysk orkest wienen diriginten foar hafabra-groepen yn Fryslân of wienen dosint op de muzykskoallen. Oant hjoed-de-dei ta merkbite wy de kwealike gefolgen fan de pommerante-ôfspraken. Dy gefolgen steane ûnder oare beskreaun yn it dokumint '*No is de tiid*'[174]: 'Talenten op het terrein van klassieke muziek vertrekken uit Fryslân om zich elders verder te scholen'. Yn dat dokumint wurdt dêrom ambysje útsprutsen om te wurkjen oan de profesjonalisearring fan jonge muzikanten yn Fryslân sels. 'Niet alleen om amateurs enthousiast te maken en rolmodellen te bieden, ook om de professionele orkesten te blijven voeden met nieuwe aanwas die niet naar de Randstad vertrekt'.

10.3. Ynkommensferskillen

Wy begjinne mei in kaartsje[175] fan de ynkommens fan 2014. Jo kinne sinjalearje dat der in hiele grutte kleau is tusken benammen Fryslân en Grinslân en de Rânestêd en Midden-Brabân. Yn guon gemeenten yn de Rânestêd wurdt twa kear safolle fertsjinne as yn ús kontreien. It trochsnee ynkommen is yn Nederlân neffens it CBS[176] (2015) €24.300 en yn Fryslân € 23.000.

[174] *'No is de tiid', in ferslach fan petearen mei it kultureel en maatskiplik fjild' oer de neilittenskip fan LF2018; https://www.fryslan.frl/home/nieuws_3166/item/verder-met-culturele-hoofdstad-na-2018_14008.html. Siden 6 en 7.*

[175] *https://www.volksgezondheidenzorg.info/onderwerp/sociaaleconomische-status/regionaal-internationaal/regionaal#node-gemiddeld-gestandaardiseerd-inkomen-gemeente*

[176] *https://opendata.cbs.nl/statline/#/CBS/nl/dataset/83919NED/table?ts=1527950851544*


Euro
20.100 - 24.700
24.700 - 26.200
26.200 - 27.800
27.800 - 44.000
geen gegevens
provincies


Aandeel huishoudens met laag inkomen, 2016
Minder dan 5 (%)
5 tot 7 (%)
7 tot 9 (%)
9 tot 11 (%)
11 of meer (%)

Yn boppesteand kaartsje[177] ('Aantal huishoudens met laag inkomen, 2016') is it persintaazje húshâldens mei in leech ynkommen per gemeente werjûn. It docht bliken dat yn Fryslân in soad earmoed is as sjoen wurdt nei de offisjele ynkommensdefinysje. Dat hinget fansels ek gear mei de legere ynkommens en it feit dat der relatyf in protte útkearingsgerjochtigden binne yn Fryslân. Yn in aktueel kranteberjocht[178] stiet boppedat dat nerges yn Nederlân de langduorjende earmoed sa bot tanommen is as yn de gemeente Ljouwert. Yn 2016 moast dêr 5,8% prosint fan de húshâldens minstens 4 jier rûnkomme fan in leech ynkommen. Dat is folle mear as it lanlike trochsnee fan 3,3%. Opfallend is dat de top-4 wiken mei de heechste earmoedskoares wiken yn Ljouwert binne[179]. Dêrby is it sa dat yn Ljouwert yn 2016 12,6% in leech ynkommen hat, rom 6.000 húshâldens. Yn it artikel wurdt troch de wethâlder (Van Hall) fan Ljouwert ek oanjûn dat it troch Ryksbelied de lêste jierren boppedat hieltyd lêstiger wurdt om earmoed tsjin te gean: de Wajong is bygelyks ôfskaft en de sosjale wurkfoarsjennings binne ôfboud. Yn hiel Fryslân hiene yn 2016 rom 23.000 húshâldens in leech ynkommen. Nettsjinsteande de opgeande ekonomy noch altyd 5.000 mear as yn 2011. Mei as gefolch dêrfan wienen yn 2016 3.038 minsken[180] foar har deistich brea ôfhinklik fan de ferskate 'voedselbanken' yn Fryslân. Dat tal sil yntusken noch wol mear omheech gongen wêze, want april 2018 wienen al 2200 húshâldens 'klant' by de 'Voedselbanken'[181]. In oare yndikator is dat yn Fryslân foar hast 7.000 bern in berop dien is op jild foar bygelyks skoalreiskes of sportklean by de Stichting Leergeld[182]. It giet dêrby om bern út húshâldens mei in leech ynkommen.

It is, nettsjinsteande guon ferûnderstellingen, ek net sa dat it yn Fryslân wol wat tafalle soe, om't de kosten fan libbensûnderhâld hjir safolle goedkeaper wêze soenen. Neffens ferskate boarnen kinne de kosten fan libbensûnderhâld ferdield wurde neffens it neikommende: wenlêsten 37% (ynklusyf ûnderhâld, fersekerings, enerzjy[183]); iten 11%[184]; oare húshâldlike útjeften 14%[185]; reservearringsútjeften (klean, ynvintaris ensfh) 18%; útgean, sosjale partisipaasje, ferfier en fakânsje 20%. De trochsnee ferkeappriis fan in wente yn Fryslân[186] is € 201.000 en foar hiel Nederlân[187] € 263.000. Op moannebasis binne de kosten yn Fryslân foar wenjen dêrtroch (op basis fan in keapwenning, hypteek- en ôflossingskosten) netto € 747,- en yn Nederlân yn trochsnee € 978. Op basis fan de trochsnee útjeften is men yn Fryslân dan € 231 goedkeaper út op moannebasis, op jierbasis dus € 2772,-. Foar de oare

[177] https://www.volksgezondheidenzorg.info/onderwerp/sociaaleconomische-status/regionaal-internationaal/regionaal#node-huishoudens-met-laag-inkomen-gemeente
[178] *Steeds meer Leeuwarders langdurig arm, Friesch Dagblad, 18 jannewaris 2018*
[179] *'Meer kinderen in armoede, grotere kloof arm en rijk', Friesch Dagblad, 14/2/2017.*
[180] *Jaarverslag 2016 van Stichting Samenwerkende Voedselbanken Fryslân, Side 2*
[181] *Opgewaardeerde voedselbank heeft vrijwilligers nodig, Leeuwarder Courant, 28-04-2018*
[182] *Stichting Leergeld stipet 1800 mear bern, Omrop Fryslân, 19-06-2018 en Friesch Dagblad, 20/6/2018*
[183] *Huishoudens zijn 37 procent van inkomen kwijt aan woonlasten, nrc.nl, 16-10-2016*
[184] *Rijk en arm Nederland besteden gelijk deel inkomen aan voeding, Foodlog, 17-12-2015*
[185] *Traditioneel kostwinnersgezin met modaal inkomen heeft het financieel gezien zwaar, NIBUD, 11-03-2015*
[186] *Huizenprijzen in Friesland omhoog (maar niet op alle eilanden), Leeuwarder Courant, 08-02-2018*
[187] *Regionale verschillen huizenprijzen, Centraal Bureau voor Statistiek, 02-02-2018*

útjeftekategoryen mei men oannimme dat de ferskillen net substansjeel binne, mei't it faak grutte winkelketens (of tsjintwurdich ynternetwinkels) binne dy't prizen hantearje dy't foar it hiele lân jilde.

It trochsnee besteedber ynkommen foar hiel Nederlân is € 38.600 (2017). Yn de Rânestêd leit it ynkommen sa'n 11% heger[188] as yn Fryslân (Fryslân yn trochsnee 7,5% ûnder NL gemiddelde, Rânestêd 2,3% dêrboppe). Dat betsjut in ynkommen yn de Rânestêd (€39.500) dat dochs € 3.800 heger leit as yn Fryslân (€ 35.700). Mei oare wurden, alhoewol't de kosten fan libbensûnderhâld yn Fryslân op jierbasis goed € 2700 goedkeaper binne , is it ynkommensnivo sadanich leger (€ 3800 op jierbasis) dat dochs sprutsen wurde kin fan in grut ferskil yn netto te besteegjen ynkommen. It nivo fan wolfeart of wolwêzen en de hichte fan it ynkommen binne fansels net itselde. Lykwols it ferskil yn netto te besteegjen ynkommen is sadanich grut dat jo mei rjocht en reden prate kinne fan in ûnrjochtfeardige ferdieling oer it lân dêr't in soad op oan te merken is.

It is yn Nederlân ek nochris sa dat foar itselde wurk yn ûnderskate regio's ferskillende salarissen jilde (sjoch ek it kaartsje hjirûnder)[189]. As it giet om regionale ferskillen yn leannivo's dan fertsjinje wurknimmers mei in baan yn de fjouwer grutte stêden Amsterdam, De Haach, Utert en Rotterdam yn trochsnee it measte, folge troch wurknimmers ut stedsgewesten yn de omkriten fan dy stêden en dêrnei wurknimmers út stedsgewesten bûten de Rânestêd. Yn Ljouwert, Enskedee en Heerlen fertsjinje wurknimmers sels minder as in ferlykbere wurknimmer dy't bûten de stedsgewesten wurket. Dat komt nei alle gedachten om't in part fan de net-stêdlike gemeenten yn de Rânestêd leit en dêr de leanen wol heger wêze sille om't de grutte stêden tichtby binne.

Morretti et al. (2004)[190] nimt oan dat der in saneamd trickle down effekt wêze kin: at der in soad banen binne mei in heech opliedingsnivo, dan hat dat ek syn wjerslach op de banen mei in leech opliedingsnivo. Mei oare wurden: as der in soad banen oan de boppekant bykomme, dan komme dy der ek oan de onderkant by omdat der mear fraach is nei konsumpsjetsjinsten (bygelyks hoareka). Moretti stelt sels dat as der in soad fraach is fan heechbetelle wurknimmers, him dat ek útbetellet mei in heger lean foar wurknimmers mei in baan yn de lokale tsjinsten.

[188] https://opendata.cbs.nl/statline/#/CBS/nl/dataset/83919NED/map?dl=9A6B
[189] *De Verdeelde Triomf, verkenning van stedelijk-economische ongelijkheid en opties voor beleid, ruimtelijke verkenningen 2016, Planbureau voor de leefomgeving, 2016*
[190] *Moretti, E. (2004a). Estimating the social return to higher education: evidence from longitudinal and repeated cross-sectional data. Journal of Econometrics, 121(1–2), 175–212.*



Fryslân skoart, benammen mei Grinslân, folle leger op saken as ynkommen, sosjaalekonomyske status en tal útkearingen per húshâlden[191]. Dat hinget gear mei in kompleks oan oarsaken lykas oantoanber minder ynvestearrings fan it Ryk yn wittenskiplik ûnderwiis yn Fryslân, minder útjeften oan kultuer, folle minder útjeften fan de gasbaten, it ferlitten fan Fryslân troch jong talint ensfh.

[191] https://www.volksgezondheidenzorg.info/onderwerp/sociaaleconomische-status/regionaal-internationaal/regionaal#node-sociale-regelingen-gemeente

10.4. Wurkgelegenheid

Sûnt de Twadde wrâldkriich hat de wurkleazens[192] yn Fryslân altyd heger west as it trochsnee fan Nederlân. Dat is yn ûndersteande grafyk te sjen, hjir fan fan 1981 ôf.



Der is in grut, signifikant ferbân tusken de mjitte fan ekonomyske groei (BBP) en de wurkleazens. Yn de measte jierren is it sa dat de groei fan it BBP yn Fryslân efterbliuwt by it lanlik gemiddelde. Dat ferklearret dan foar in grut part de hegere wurkleazens yn Fryslân.

De hegere wurkleazens yn Fryslân is gjin 'natuerferskynsel'. De oerheid hat dêr, troch ynvestearrings en ferdieling fan wurk, wol deeglik ynfloed op. Ut in Keamerbrief fan 19 jannewaris 2016[193] docht bliken dat Fryslân yn ferliking mei it oandiel fan de befolking (3,78%) in relatyf lyts oantal Ryksamtners hat. Op 1 jannewaris soenen der yn Fryslân meielkoar 6906 ryksamtners wêze, dat wol sizze by de 'Brede Rijksdienst', de plysje en justysje. Yn hiel Nederlân wienen der op dy datum 246.110 ryksamtners. Dat betsjut dat mar 2,8% fan de Ryksamtners yn Fryslân oan de slach is. As jo útgean soenen fan in lykwichtich persintaazje ryksamtners, soe Fryslân 'rjocht' hawwe moatte op 9352 amtners. Dat is in ferskil fan 2446 banen mei de realiteit.

Tsjintwurdich wurdt faak wiist nei de 'mainport' fan de Rânestêd, dy't ferantwurdlik wêze soe foar de grutte banegroei yn Nederlân. Lykwols, ek de bysûnder goede posysje fan de havens fan Amsterdam en Rotterdam is in gefolch fan bewust belied en net in gefolch fan in

[192] *Boarne: https://opendata.cbs.nl/statline/#/CBS/nl/dataset/80068ned/table?ts=1516535212313*
[193] *Kamerbrief Actualisering masterplannen en regionale effecten taakstellingen Rijksoverheid, ministerie van Binnenlandse Zaken en Koninkrijksrelaties, 19-01-2016*

‘autonome ûntwikkeling’. Neffens it Friesch Dagblad[194] wienen Rotterdam en Amsterdam troch ryksynvestearrings nei 1870 better te befarren fan de Noardsee ôf. Mei in fraksje fan dat jild hienen Vlissingen, Harns en letter ek Delfsyl (nei 1900) folle better as Amsterdam ta better rindearjende seehavens te meitsjen west. ‘Maar de druk van de elite uit Holland en hun vertegenwoordigers in parlement en regering was enorm en uiteindelijk kregen Rotterdam en Amsterdam wat ze wilden. Dat de functie van Harlingen als zeehaven ten aanzien van het achterland verloren is gegaan, is daarom vooral veroorzaakt door rijksbeleid en niet door de geografische ligging of het ontbreken van kansen, zo hebben verschillende auteurs aangetoond’.

Yn it boek ‘De spoorlijn Harlingen-Leeuwarden 150 jaar: een chronologisch overzicht[195] wurdt dêrneist oantoand dat it Nederlânsk regear fan 1845 ôf in hiel soad fersiken fan it bedriuwslibben, de Keamer fan Keaphannel yn Harns, regionale spoarweimaatskippijen en de Gouverneur fan Fryslân yn de wyn slein hat as it giet om it ferbetterjen fan it spoar nei de havenstêd Harns. It antwurd fan it regear wie kear op kear teloarstellend. Benammen yn de perioade tusken 1870 en 1900 is it spoarnetwurk yn Nederlân folslein makke en dat is stjerfoarmich om Utert hinne makke. Yn it boek wurdt ek beskreaun dat it kabinet-Colijn (1936-1940) wegere om mei te wurkjen oan de oanlis fan in spoarline oer de Ofslútdyk. “De prioriteiten liggen in Holland [...]”. Folle letter, fan 1969 ôf, wurdt der taryfsdifferinsjaasje ynsteld. Dat betsjutte in sterke taryfsferheging fan it ferfier fan guod nei de havens fan Harns en Delfsyl. De havens fan Rotterdam en Amsterdam profitearje opnij fan de maatregel.

In foarbyld fan de geografyske ûnbalâns yn Ryksamtners is de Belestingtsjinst. De apparaatskosten fan de belestingtsjinst hawwe yn 2016 sawat € 2,5 miljard west. Der wurken sawat 29.975 meiwurkers. Ut de lest bekende ynformaasje is ús bekend dat yn Fryslân sawat 200 meiwurkers binne fan de belestingtsjinst[196]. 200 op 29.975 is 0,67%. Der fan útgeand dat de leanen yn Ljouwert like heech wêze sille as yn trochsnee (wat yn de praktyk grif leger wêze sil), strykt sawat mar € 16,4 miljoen fan de € 2,5 miljard oan apparaatskosten yn Fryslân del.

Dat der foar de Fryske befolking net in soad banen binne op relatyf koarte ôfstân, docht ek bliken út neikommend kaartsje[197], dêr’t yn werjûn wurdt wat it tal banen is op maksimaal 45 minuten reizgjen. Wat reader, wat mear banen. Wat blauwer, wat minder banen.

---

[194] *Friesch dagblad, 8 augustus 2015*
[195] *De spoorlijn Harlingen-Leeuwarden 150 jaar: een chronologisch overzicht, Harns, 2013, Loek van der Heide.*
[196] *Hoe de fiscus uit Friesland verdwijnt, Fryslan1.frl, Bert de Jong, 2015*
[197] *Boarne: http://www.pbl.nl/sites/default/files/cms/publicaties/PBL_2014_Trends-in-de-regionale-economie_1374.pdf*



10.5. Braindrain

Der is in grut ferlies fan jong talint út Fryslân en te min ynnovaasje. In soad jonge, talintfolle minsken ferlitte Fryslân foar stúdzje en wurk. Dat docht bliken út in ûndersyk[198] fan it Frysk sosjaal planburo op basis fan gegevens fan it CBS. Alle jierren gean tusken de 1500 oant 2200 mear jonge minsken fuort út Fryslân as dat har hjir fêstigje. It giet benammen om minsken tusken 15 en 30 jier.

[198] *Vooral jongeren verlaten Fryslân, Fries Sociaal Planbureau, 05-09-2017*



Vertrek van jongeren uit Fryslân naar leeftijdscategorieën, 2012-2016. Boarne: FSP/CBS

As fierder sjoen wurdt nei de jongerein dy't yn oanmerking komt foar wittenskiplik ûnderwiis, is it byld sa mooglik noch dramatysker. Yn 1995 kaam yn hiel Fryslân tusken de 10-14% fan de jonge minsken dy't doe 16 wie, yn oanmerking as WO-diplomearre (dat jo ôfstudearje foar wittenskiplik ûnderwiis). 19 jier letter sjogge wy dat fan de leeftydsgroep yn Fryslân dy't dan 35 is, minder as 6% in WO diploma hat (sjoch kaart op de folgjende side). Dat betsjut dat fan de meast talintearre minsken út Fryslân, de helte of mear foargoed Fryslân ferlit. Of dat se net in WO-oplieding dien hawwe, wylst se wol de potinsje hienen. Dat jout oan dat it hiel hurd nedich is dat der in brede, folsleine, klassike universiteit yn Fryslân komme moat. As Fryslân sels oer it (heger) ûnderwiis giet, kinne de Steaten ek sels in eigen universiteit yn it libben roppe. Dat giet dus folle fierder as it 'University college' as filiaal fan de RUG yn Grins, dêr't mar sa'n 1.000 minsken studearje kinne. Dat Fryslân te lyts wêze soe foar sa'n universiteit moat ûntstriden wurde: Korsika, mei 300.000 ynwenners twa kear sa lyts as Fryslân, hat ek in universiteit.

Fansels is der neat mis mei dat minsken foar koarte of lange tiid om utens gean om har dêr fierder te ûntjaan, mar de sifers jouwe oan dat der yn Fryslân kenlik foar in soad jonge minsken gjin takomstperspektyf is. Dat docht ek bliken ut de RCI (Europeeske *Regional Competitive Index*) en ynnovaasjeskoares.



10.6. Financiële verhoudingenwet en gemeentefûns

Hiel lang (fan 1962 ôf) hat it sa west, dat Fryslân troch allegearre ministeriële oanpassings oan de wet, folle ûngeunstiger behannele waard as oare provinsjes. Dat wylst Fryslân wol hegere kosten hie foar de seediken en om it saneamde ‘wolwêzenstekoart’ op te heffen. De Financiële Verhoudingenwet hie benammen foar tin befolke gebieten hiel neidielige konsekwinsjes wat de algemiene útkearing oan de gemeenten oanbelanget en de útkearingen foar it ûnderwiis. Mar it wie net allinnich de FNP dy’t dat fan betinken wie, ek de gemeentebestjoeren fan Drylts en Hinnaarderadiel en prof. Dr. Goedhart wienen dat fan betinken. De lêste hie in pre-advys skreaun foar in kongres oer gemeentlike finânsjes op 10 maaie 1967 mei as wichtichste konklúzje dat de hiele grutte stêden (mei mear as 150.000 ynwenners) relatyf gâns mear jild krije. De fjouwer grutte stêden yn de Rânestêd krigen de heechste bedraggen per ynwenner en benammen de post salarissen wie yn Amsterdam

ekstreem heech. De *Friese Koerier* skreau op 22 febrewaris 1969 dat in troch de FNP opsteld memorandum oer de finansjele wantastannen net it omtinken krigen hie dat it fertsjinne. In grutte gemeente krige yn 1970 84 persint mear foar it ûnderhâld fan de skoalgebouwen en foar gymnastyklokalen 100 persint mear! En yn it begjin fan de santiger jierren naam it regear de tekoarten yn it iepenbier ferfier fan de grutte stêden oer, fan leafst 583 miljoen gûne! Yn 1974 krigen de measte Fryske gemeenten minder as 200 gûne de ynwenner, mar de stêden mei 400.000 oant 800.000 ynwenners krigen sawat 400 gûne[199].

Mar it is net sa dat dit allinnich wat wie fan de sechstiger en santiger jierren: ek yn 2017 krigen Amsterdam, Rotterdam, De Haach en Utert respektivelik 150 miljoen, 92 miljoen, 73 miljoen en 43 miljoen euro ekstra boppe op de regulier berekkene útkearing fan it gemeentefûns!

As ‘doekje foar it blieden’ kriget Noardeast-Fryslân alle jierren wol € 326.000 fan it Ryk foar krimpjilden[200]. Jilden om de negative gefolgen fan de sintralistyske polityk foar in hiel lyts part op te heinen.

[199] *Frijbûtser FNP, febrewaris 1974*
[200] *Noordoost Fryslân krijgt jaarlijks € 326.571,- krimpgeld, dwaande.nl, 14-09-2015*